



# Taal yn Fryslân

In nije koers

Undersyk finansiere  
troch de Provinsjale  
Steaten fan Fryslân



Wittenskiplik ûndersyksynstitút  
foar de Fryske kasus

Yn gearwurking mei:



PLANBUREAU FRYSLÂN



# Kolofon

## Titel:

Taal yn Fryslân: In nije koers

## Útjefte:

Fryske Akademy

Doelestrjitte 8

8911 DX Ljouwert

[www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)

[fa@fryske-akademy.nl](mailto:fa@fryske-akademy.nl)

## Undersyk útfierd troch:

Suzanne Dekker

Nika Stefan

Femke van Seijen

Jelske Dijkstra

Chaïm la Roi

Wilbert Heeringa

Ruth Kircher

## Undersyk finansiere troch:

Provinsje Fryslân

## Mei tank oan:

Durk Gorter, Reitze Jonkman, Nynke-Anna

Varkevisser en Albert Walsweer

## Oanbefelle boarnefermelding:

Dekker, S.V., Stefan, M.H., Van Seijen, F., Dijkstra, J.E., Heeringa, W.J., La Roï, C., & Kircher, R. (2025).

Taal yn Fryslân: In nije koers. Fryske Akademy.

## Layout:

GPN0, De Jouwer

## Fotografy:

Hindrik Sijens, Lydia Annema (Visit Fryslân),

Shutterstock



# Ynhâldsopjefte

<b>Kolofon</b>	<b>2</b>	<b>4. Taalbehearsking</b>	<b>30</b>	<b>7. Gearfetting, konklúzjes, en oanbefellingen</b>	<b>88</b>
<b>Ynhâldsopjefte</b>	<b>3</b>	4.1 Behearsking fan it Frysk 1969 - 2024	31	7.1 Taalbehearsking	88
<b>1. Ynlieding</b>	<b>4</b>	4.2 Ferstean	32	7.2 Attitudes	89
1.1 Fitaliteit fan it Frysk	4	4.3 Praten	35	7.3 Taalgedrach	90
1.2 Frysk yn in meartalige provinsje	8	4.4 Lêzen	38	7.4 Beliedsoanbefellingen	91
1.3 Ynstitúsjonele stipe	9	4.5 Skriuwen	42	<b>8. De takomst</b>	<b>93</b>
<b>2. Fraachstelling en ûndersyksopset</b>	<b>12</b>	4.6 Konklúzje	45	8.1 Monitoaren Planbureau Fryslân	93
2.1 Ynlieding	12	<b>5. Taalhâlding</b>	<b>47</b>	8.2 Taalmonitor	93
2.2 Undersyksopset	12	5.2 Solidariteit	50	8.3 Grutskalige taalsurvey fia Panel Fryslân	93
2.2.1 Undersyksmetoade (en beheiningen)	14	5.3 Status	55		
2.2.2 Stekproef, weaging en represintativiteit	14	5.4 Konklúzje	58		
2.2.3 Ynnovative oanpak	16	<b>6. Taalgedrach</b>	<b>60</b>		
2.3 Data-analyses	17	6.1 Taal thús	61		
2.4 Opslach, behear en bewurking	19	6.1.1 Frysk mei partner	62		
<b>3. Talige achtergrûnen</b>	<b>20</b>	6.1.2 Frysk mei bern	66		
3.1 Earste Talen	20	6.2 Taal yn it deistich libben	69		
3.2 Selskeazen Taalgroep	24	6.2.1 Frysk mei buorlju	70		
3.3 Skoalle en ûnderwiis yn it Frysk	26	6.2.2 Frysk mei freonen/kunde	73		
3.4 Ferzje fragelist	28	6.2.3 Frysk as easte taalkar	78		
		6.3 Taal op it wurk	79		
		6.3.1 Frysk op it wurk	79		
		6.4 Frysk op tradisjonele en sosjale media	83		
		6.5 Konklúzje	86		

# 1. Ynlieding

Fryslân hat in lange tradysje fan periodyk ûndersyk nei de Fryske taal yn 'e foarm fan taalsurveys en taalatlussen. It is nammentlik essinsjeel om taalbehearsking, taalgedrach en hâlding foar de Fryske taal oer te monitoaren, sadat sichtber wurdt wêr't dy sterk of kwetsber is. Op grûn fan dy ynsichten kin taalbelied adekwater bydrage oan it garandearjen en fersterkjen fan de posysje fan it Frysk. De earste taalsurvey waard útfierd yn 1967, yn opdracht fan de Fryske Akademy. De resultaten dêrfan waarden publisearre yn *De Friezen en hun taal* (Pietersen, 1969) as it earste wiidweidige oersjoch fan de posysje fan it Frysk. Dêrnei kamen ferfolchstudzjes *Taal yn Fryslân* (Gorter e.o., 1984), *Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen* (Gorter & Jonkman, 1995) en de meast resinte *Taal yn Fryslân, de folgjende generaasje* (Klinkenberg e.o., 2018). Taalsurveys bringe benammen de sosjale en demografyske achtergrûnen fan taalfeardigens, taalgedrach en attitudes yn kaart om de hjoeddeistige stân fan saken wer te jaan en dêrmei hânfetten te bieden om efektyf taalbelied te ûntwikkeljen. De Taalatlas, dêrfoaroer, is in fluchhifking dy't in minder djipgeand periodyk oersjoch

fan de behearsking fan de Fryske taal jout. Dêrneist wurde der beliedsûntwikkelingen op provinsjenivo byholden om de effektiviteit fan beliedsferoaringen te hifkjen. Sa rjochtsje beide ûndersiken har op taalfeardigens en taalgedrach, mar dogge se dat op in ûnderskate wize. De studzjes folje inoar dus oan om mei-inoar in komplete byld te jaan fan hoe't it Frysk brûkt wurdt, wurdearre en oerdroegen yn de maatskippij.

It foarlizzende rapport represintearret de nijste edysje fan de Fryske taalsurvey en buorket fuort op de eardere ûndersiken, mei in fokus op de aktuele ûntwikkelingen yn Fryslân. Tagelyk liedt dizze edysje in nije koers yn troch in strukturele taalmonitor te yntrodusearjen yn gearwurking mei it Planbureau Fryslân. It hâldt ûnder oaren yn dat der mear mjitmominten komme sille om (de feroaringen yn) de taalsituaasje yn Fryslân en de taalitaliteit fan it Frysk yn 'e rekken te hâlden. De nije taalmonitor, dêr't dit rapport it earste part fan is, wurdt neier presintearre yn haadstik 8. It projekt is útfierd mei tank oan de Provinsje Fryslân, yn it ramt fan de saneamde ympulsbydrage mei as doel om it netwurk om

de Fryske Akademy hinne op in heger nivo te bringen en om romte te meitsjen foar nij talint.

Yn dit rapport sille we earst de kontekst werjaan dêr't dit ûndersyk yn ta stân kommen is. Dat dogge we yn dit earste haadstik, dêr't we de fitaliteit fan it Frysk (1.1) en (de posysje fan) it Frysk yn in meartalige provinsje (1.2) yn besprekke, en dêr't we in skiednis fan de ynstitúsjonele stipe foar it Frysk yn jouwe (1.3). Dêrnei beskriuwe we ús ûndersyksopset en de fraachstelling (haadstik 2) en de achtergrûn fan de dielnimmers (haadstik 3). Oanfolgjend sille we de resultaten fan ús survey besprekke oan 'e hân fan trije aspekten fan taalitaliteit: Taalbehearsking (haadstik 4), Taalhâlding (haadstik 5) en Taalgedrach (haadstik 6). Ta beslút diele we ús konklúzjes en oanbefellingen oangeande it taalbelied (haadstik 7) en ús plannen om yn de takomst op reguliere basis de taalsituaasje yn Fryslân te hifkjen oan de hân fan de Taalmonitor (haadstik 8).

## 1.1 Fitaliteit fan it Frysk

Minderheidstalen foarmje in essinsjeel ûnderdiel fan it wrâldwide taalkundige ferskaat. Dochs is



harren fuortbestean lang net fanselssprekkend. Minderheidstalen ferkeare nammentlik seldom yn in posysje dy't (folsein) lykweardich is oan dominante talen. Dat betsjut ek dat it behâld fan minderheidstalen oanhâldend ynset op ferskate nivo's freget: fan húshâldingen oant lokale, regionale en nasjonale oerheden. Dy ynset is net allinnich nedich om in taal te behâlden, mar ek krúsjaal foar it yn stân hâlden fan kulturele

diversiteit en foar it garandearjen fan de rjochten fan de sprekkers. In taal is nammentlik folle mear as allinnich in kommunikaasjemiddel. It is in wichtich ûnderdiel fan kultureel erfgoed en fan identiteit. Dat is yn it gefal fan it Frysk net oars.


It fuortbestean fan in minderheidstaal hinget ôf fan it tal sprekkers. Hoewol't ûndersyk sjen lit dat it persintaaasje sprekkers fan it Frysk reedlik stabyl bliuwt troch de jierren hinne (Buurke, 2025; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018), wurdt de taal noch altyd bedrige (Kuipers-Zandberg & Kircher, 2020; UNESCO, 2010). Om derfoar te soargjen dat de taal beholden wurdt, is der ynstitúsjonele stipe nedich, mar ek draachflak yn de maatskippij om de minderheidstaal te brûken en troch te jaan. In minderheidstaal kin oars ûnder druk komme te stean. Der hat

nammentlik faak in ferskowing plak rjochting it gebrûk fan sosjaal, polityk en ekonomysk sterkere, dominante talen yn stee fan de minderheidstalen (Austin & Sallabank, 2013). Lykas yn de foargeande taalsurveys (Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018) sjogge we dêrom nei de taalfitaliteit fan it Frysk. In hegere taalfitaliteit foar in minderheidstaal wurdt nammentlik keppele oan it frekwinter brûken fan dy taal (Dragojevic e.o., 2017).

It yn kaart bringen fan de fitaliteit fan in taal kin neffens ferskate teoretyske modellen. Ien fan 'e earste modellen (Giles e.o., 1977) biedt in breed ramtwurk fia de diminsjes status, demografy en ynstitúsjonele stipe. Neffens etnolinguistyske modellen wurdt taalfitaliteit fierder beskaat troch persepsjes fan taalgroepen oer harren etnyske grinzen, kollektyf selsbyld, de waarnommen fitaliteit en yntergroepsrelaasje (Ehala 2010, 2015). In tredde model rjochtet him wer op taalbehearsking, taalkar, taaldominânsje en talige foarkar (Extra & Yagmur, 2011). Yn dit rapport is keazen foar kontinuïteit mei eardere mjittingen. Dêrom slute we oan by it model fan Giles e.o. (1977), dat ek yn eardere stúdzjes nei de Fryske taal brûkt is (e.g. Klinkenberg e.o., 2018). Troch te kiezen foar dat model kinne de befiningen út dit rapport sa folle mooglik



ferlike wurde mei de foargeande ûndersiken binnen de eardere taalsurveys. Fan dat model is in fersimpele ferzje útlein yn Klinkenberg e.o. (2018), dêr't yn sjoen wurdt nei trije wichtige makro-sosjale faktoaren fan objektive taalfataliteit, nammentlik de status fan in taal, de demografy en de ynstitúsjonele stipe. Dy fersimpele ferzje is werjûn yn Figuer 1.



Figuer 1:  
Kearn fan it fitaliteitsmodel fan Giles e.o. (1977)

De kategoryen yn it fitaliteitsmodel fan Giles e.o. (1977) binne net ien op ien oer te setten nei de ûnderdielen fan ús taalsurvey. Dochs slute dy ûnderdielen goed oan by it model en kinne

se ûnder de ferskate modelkategoryen yndield wurde. De trije kategoryen – status, demografy en ynstitúsjonele stipe – steane net folslein los faninoar, mar foarmje earder in netwurk fan ûnderling gearhingjende aspekten. Sa wurdt de status fan in taal mei beynfloede troch taalgebrûk (wat ûnder demografyske faktoaren falt) én troch de ynstitúsjonele posysje fan de taal, dy't wer fuortkomt út de mjitte fan ynstitúsjonele stipe.

De kategory status bestiet út twa ûnderdielen: taalstatus en taalhâlding. Under taalstatus ferstean we de offisjele posysje fan in taal en it ekonomyske en sosjale prestizje derfan. Hoewol't it Nederlânsk noch altyd de dominante taal

is, benammen yn formele domeinen, lykas it ûnderwiis, kin de status fan it Frysk as relatyf heech beskôge wurde. It Frysk is in offisjeel erkende taal njonken it Nederlânsk en mei binnen Fryslân yn alle domeinen brûkt wurde. Dy offisjele status is op 'e nij bekrêftige troch de nasjonale *Wet Gebruik Friese Taal* (Rijksoverheid,

2014). Wat it brûken fan it Frysk yn offisjele konteksten oanbelanget: yn guon gefallen wurdt it sels bûten de provinsjegrinzen tastien, bygelyks yn de rjochtbank, wannear't ien him net goed yn it Nederlânsk útdrukke kin. Yn de regio Noard-Nederlân (Fryslân, Grinslân en Drinte) en by it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (dat in grut part fan it easten, midden en noarden fan Nederlân betsjinnet) is it sûnt 2014 standert tastien om yn it Frysk te prosedearjen. Yn Fryslân sels hawwe allegeduerigen ûntwikkelingen plak op it mêd fan ynstitúsjonele stipe, dêr't we fierder op yngean yn seksje 1.3. Mei troch dy ûntwikkelingen is it gebrûk fan it Frysk eins hiel gewoan wurden. Sa hoecht de fraach oft it Frysk in "echte" taal is tsjintwurdich net mear steld te wurden. De auteurs fan de foarige edysje fan de taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018) joegen oan dat dy fraach mooglik achterhelle wie en besleaten om dy net op te nimmen yn harren online-fragelist. Harren fermoeden waard letter befêstige yn de ynterviews: mar leafst 99% fan de respondinten joech oan it Frysk as in echte taal te beskôgjen. Hoewol't yn de praktyk faker Frysk praat wurdt mei minsken mei in legere beropsstatus en faker Nederlânsk mei minsken mei in hegere status – mooglik om't lêstneamden faker fan bûten Fryslân komme (Klinkenberg e.o., 2018: 95-96) – kin it Frysk yn alle konteksten en sûnder hokker formele

beheining dan ek yn Fryslân brûkt wurde, en yn guon gefallen sels dêrbûten (sjoch hjirboppe). Dat de taalstatus fan it Frysk as heech beskôge wurde kin, betsjut oars net dat ynstitúsjonele stipe oerstallich is – krekt oarsom. Yn dit rapport sille we dúdlik meitsje dat bliuwende ynset needsaaklik is.

Yn it model fan Giles e.o. (1977) wurdt, neist taalstatus, taalhâlding – dy't we fierder yn it rapport ek taalattitudes neame – beskôge as ûnderdiel fan de kategory status. Yn de foargeande edysje fan de taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018) is derfoar keazen om attitudes te ûndersykjen fia items dy't rjochte wiene op trije diminsjes, te witten solidariteit, prestiizje en taalgedrachshâlding. Solidariteit waard metten troch 6 items dy't antwurd jaan moasten op de fraach yn hoefier't respondinten harsels mei de taal en de sprekkers fan dy taal identifisearje kinne. Prestiizje waard ûndersocht troch 2 items dy't rjochte wiene op de maatskiplike wearde fan de taal, wylst taalgedrachshâlding befregde waard mei 5 items dy't rjochte wiene op it gebrûk fan it Frysk yn ferskate situaasjes en de ynskate wearde dêrfan. Taalhâlding (haadstik 5) is ek yn de foarlizzende taalsurvey in krúsjaal ûnderdiel, oftewol ien fan de trije kearnûnderdielen, neist taalbehearsking (haadstik 4) en taalgedrach

(haadstik 6). Wy hawwe der lykwols foar keazen om de diminsjes justjes oan te passen, basearre op faak foarkommend ûndersyk nei attitudes foar minderheidstalen oer (sjoch seksje 2.1 Undersyksopset). Sa sjogge we yn dit rapport nei twa diminsjes: solidariteit en status. Foar elke diminsje hawwe we fjouwer stellingen ûntwurpen (sjoch seksje 5.1).

By de demografy giet it om de befolkingsgearstalling fan it taalgebiet. Der wurdt sjoen nei de talen dy't yn de ferskate regio's sprutsen wurde en nei de oantallen sprekkers, mar ek nei it taalgebrûk mei de partner en it trochjaan fan de taal oan de folgjende generaasje. Fierder is ek it taalgedrach yn ferskate sosjale konteksten fan belang.



Twa fan ús trije kearnûnderdielen – taalbehearsking (haadstik 4) en taalgedrach (haadstik 6) – passe útsoarte binnen it model. Yn haadstik 3 sjogge we ek wiidweidich nei taalachtergrûn fan ús respondinten.

Gebiet foarmet dêrby in wichtige fariabele dy't yn de analyze meinommen wurdt, sawol yn de foarm fan ôfsûnderlike regio's as yn it ûnderskied tusken stêd en plattelân (stedskens; sjoch ek seksje 2.4). Taalgedrach is justjes oars ûndersocht as yn de foargeande edysje fan de taalsurvey. Yn eardere surveys waard sjoen nei it taalgebrûk yn in soad ferskate situaasjes, bygelyks mei de húsdokter of yn de winkel. Wy hawwe derfoar keazen om de klam te lizzen op de earste taal dy't respondinten brûke yn deistige en spontane situaasjes, sa as thús, mei freonen en buorlju en op it wurk, omdat it in goed ynsjoch biedt yn natuerlike taalfoarkarren sûnder ynfloed fan sosjale of profesjonele druk. Boppedat binne dy situaasjes foar frijwol elkenien relevant, wylst konkrete situaasjes as in besite oan de húsdokter of in winkel per yndividu ferskille kinne.

It lêste ûnderdiel fan it fitaliteitsmodel is ynstitúsjonele stipe. Hoewol't we dêr gjin direkt ûndersyk nei dogge, is ús stúdzje dêr wol deeglik op fan tapassing. Us befiningen op it mêd fan

taalbehearsking, taalgebrûk en taalhâlding kinne ferlike wurde mei de resultaten fan eardere edysjes fan de taalsurvey. Op basis dêrfan kinne konklúzjes lutsen wurde oer de effektiviteit fan it fierde taalbelied. Dat wurket ek oarsom: de útkomsten fan dizze survey biede oanknooppunten foar beliedsoanbefellingen en dy formulearje we dan ek (sjoch seksje 7.4). Dêrneist sjogge we konkreet nei it brûken fan it Frysk op skoalle én ûnderwiis foarmet in wichtich aspekt fan de ynstitúsjonele stipe sa't dy yn it fitaliteitsmodel omskreaun wurdt. Frysk op skoalle wurdt meinommen as ien fan de fariabelen yn de data-analyse. Dat jildt foar alle trije kearnûnderdielen fan ús ûndersyk: taalbehearsking (haadstik 4), taalhâlding (haadstik 5) en taalgedrach (haadstik 6). Yn seksje 1.3 jouwe we fierder in oersjoch fan in tal wichtige ûntwikkelingen yn Fryslân op it mêd fan ynstitúsjonele stipe.

## 1.2 Frysk yn in meartalige provinsje

Fryslân is in meartalige provinsje, mei it Nederlânsk en it Frysk as offisjeel erkende talen, en dêrneist inkelde streektalen lykas it Biltsk, it Stellingwerfsk en it Stedfrysk. It Nederlânsk, as rykstaal, is dominant yn hast alle maatskiplike domeinen, benammen yn formele en offisjele konteksten. Net alle ynwenners fan Fryslân binne (memmetaal)sprekkers fan it Frysk, wylst hast elkenien it Nederlânsk goed behearsket. Frysktaligen groeie nammentlik op mei twa talen: Frysk en Nederlânsk (Dijkstra, 2013). It komt hjoed-de-dei amper noch foar dat ien allinnich Frysk praat sûnder Nederlânsk te behearskjen. Oarsom – dus wol Nederlânsk prate, mar gjin Frysk – komt dêrfoaroer geregeld foar. De trochsneed taalfeardigens yn it Nederlânsk is dus heger as yn it Frysk. Sels memmetaalsprekkers fan it Frysk behearskje it Nederlânsk faak better, foaral op it mêd fan lêzen en skriuwen. Dat binne allegearre redenen wêrom't it Frysk, nettsjinsteande de formeel sterke taalstatus (sjoch ek seksje 1.1), noch altyd as kwetsber beskôge wurde kin. Undersyk sa as dit is dêrom needsaaklik om de situaasje yn 'e rekken te hâlden en bystjoere te kinnen.

It Frysk en it Nederlânsk wurde al lang neistinoar brûkt. Yn de foargeande taalsurvey wurdt in oersjoch jûn fan de sosjale en demografyske

feroarigen tusken 1901 en 2014 (Klinkenberg e.o., 2018: 7-8):

- **1901:** Ynfiering learplicht;
- **1917:** Algemien kiesrjocht foar manlju;
- **1919:** Algemien kiesrjocht foar froulju;
- **1932:** Oanlis Ofslútdyk;
- **1945:** Lânboumeganisaasje;
- **1958:** Nederlânske telefyzje;
- **1973:** Earste útstjoering Sesamstraat;
- **1977:** Selsstannige Frysktalige omrop: Radio Fryslân;
- **1980:** Digitale revolúsje;
- **1988:** Radio Fryslân wurdt Omrop Fryslân;
- **1993:** Start Fryske deitelefyzje;
- **2000:** Untstean sosjale media;
- **2010:** Yntroduksje 'tûke telefoan'.

Koart gearfette wie it Frysk foar 1932 relatyf isolearre en de noarm op it plattelân. Yn harren deistich libben kamen de Friezen benammen yn formele, skriftlike foarm (kranten, boeken, ensfh.) yn oanrekking mei it Nederlânsk. It lettere ferlies fan de relative isolaasje hat gefolgen hân foar it brûken fan it Frysk dat hieltyd mear konkurrinsje fan it Nederlânsk krige. Dat is, ûnder oare, it gefolch fan ynteraksje tusken minsken bûten en binnen de provinsje, de oanwêzigens fan it Nederlânsk yn de media

(fysyk en digitaal) en it gebrûk fan it Nederlânsk yn formele sfereen. It jildt bygelyks foar ferskate media, mar ek foar pjutteboartersplakken en de berne-opfang, dêr't bern yn kontakt komme mei it Nederlânsk en Nederlânsktalige leeftydsgenoaten. Dat betsjut lykwols net dat it Frysk noch mar amper brûkt wurdt. Der wurdt, troch provinsjale, mar ek nasjonale ynstituten, wurke oan it behâlden en refitalisearjen fan de taal. Hoewol't it gebrûk fan it Nederlânsk yn formele en publike konteksten gebrûklik is, bliuwt it Frysk yn ynformele situaasjes in taal dy't in soad brûkt wurdt. Dat lit sjen dat de taal noch altyd in sterke sosjale funksje hat en ûnderdiel útmakket fan de kulturele identiteit fan de regio. Troch nei te gean yn hokker konteksten it Frysk brûkt wurdt – thús, op it wurk, yn de media en yn sosjale ynteraksjes – ûndersykje we dus in wichtich aspekt fan de taalfitaliteit en sjogge we op hokker mêden dy fierder fuortsterke wurde kin.

### 1.3 Ynstitúsjonele stipe

Neist status en demografy is de ynstitúsjonele stipe dy't in taal krijt ek essinsjeel foar de fitaliteit. In wichtige foarm fan ynstitúsjonele stipe foar it Frysk is it ferplichte ûnderwiis fan de taal op basisskoallen. Sûnt 1980 is it Frysk in ferplichte fak yn it primêr ûnderwiis en dat betsjut dat alle learlingen yn Fryslân dêrmei

yn oanrekking komme. De mjitte dêr't it Frysk yn ûnderwiisd wurdt, en dêrmei it saneamde taalprofyl dat in skoalle hat op it gebiet fan it Frysk, ferskilt lykwols per skoalle en hinget ôf fan faktoaren as de taalachtergrûn fan de dosinten en de learlingen (Varkevisser & Walsweer, 2018). It Frysk is ek in ferplichte fak yn 'e ûnderbou (earste twa jier) fan it fuortset ûnderwiis sûnt 1993. Boppedat mei (as it net ferplichte is) it Frysk op alle ûnderwiisnivo's as fak jûn en as ynstruksjetaal brûkt wurde.

Neist it formele ûnderwiis spilet ek it kulturele en mediabelied in wichtige rol yn de stipe fan it Frysk. De provinsje Fryslân subsidiearret Frysktalige media en stimulearret it gebrûk fan it Frysk yn literatuer, muzyk en digitale platfoarms. Dat helpt net allinnich om de sichtberens fan de taal te fergrutsjen, mar draacht ek by oan de sosjale akseptaasje en it prestiizje fan it Frysk. Ynstitúsjonele stipe bliuwt lykwols needsaaklik om foar te kommen dat it gebrûk fan it Frysk fierder ôfnimt, benammen yn domeinen dêr't it Nederlânsk dominant is.

Sûnt de lêste taalsurvey fan Klinkenberg e.o. (2018) is der in soad bard oangeande de stipe dy't it Frysk krijt. Dy feroaringen hiene, neist op provinsjaal, ek op nasjonaal nivo plak. Sa hawwe de Provinsje Fryslân en it Ryk nije

bestjoersôfspraken makke, mar dêrneist binne der oare, net-gûvernemintele organisaasjes dy't meiholpen hawwe oan it stimulearjen fan it Frysk. Hjirby in oersjoch, dat oernommen is út Klinkenberg e.o. (2018: 10-11) en fan 2014 ôf oanfolle is:

- **1879:** Earste offisjele Fryske stavering troch Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse;
- **1907:** Fryske les nei skoaltiid, finansjeel stipe troch Provinsjale Steaten;
- **1928:** Oprjochting Provinsjale Underwiisried;
- **1928:** Oprjochting Algemiene Fryske Underrjochtkommisje (Afûk);
- **1937:** Frysk as 'streektaal in levend gebruik' op de legere skoalle;
- **1938:** Oprjochting Fryske Akademy;
- **1943:** Bibel folslein yn it Frysk;
- **1955:** Frysk tastien as ynstruksjetaal yn de earste trije klassen fan de legere skoalle/begjin fan de twatalige skoallen;
- **1955/1956:** Offisjele erkenning fan it Frysk foar it brûken yn it ûnderwiis en de rjochtbank;
- **1959:** Fryske (radio)útstjoering fan de RONO;
- **1970:** Commissie Friese Taalpolitiek (Kommisje Van Ommen): Frysk offisjeel erkend as twadde rykstaal;
- **1980:** Frysk ferplichte yn it primêr ûnderwiis;
- **1985:** Rapport 'Fan Geunst nei Rjocht' oer

lykberjochting en lykwaardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk troch Provinsjale Steaten oannommen;

- **1993:** Frysk ferplichte yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis;
- **1995:** Frysk akseptearre as offisjele bestjoerstaal njonken it Nederlânsk;
- **2014:** Wet Gebruik Friese Taal - Befêstiging fan Frysk as offisjele rjochts- en bestjoerstaal;
- **2014:** Desintraalisaasje ûntheffingsbelied Frysk yn it ûnderwiis nei Provinsjale Steaten;
- **2018:** Fernijing Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK; Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties & Provinsje Fryslân, 2018), ôfspraken tusken it Ryk en de Provinsje Fryslân (2019-2023, eardere BFTK jilde yn perioade 2013-2018);
- **2018:** Yngong Taalplan Frysk 2030 (nije keardoelen foar primêr ûnderwiis en earste jierren fuortset ûnderwiis, en konseptetermen (eineksamens));
- **2022:** Sichtberensakkoart Fryske taal ôfsletten tusken Ryk en Provinsje;
- **2023:** Rûnetafelpetear yn Twadde Keamer oer BFTK yn it Frysk (Tweede Kamer der Staten-Generaal, 2023);
- **2024:** Fernijing BFTK (2024-2028; Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties & Provinsje Fryslân, 2024)

Sa as wol blykt út dit oersjoch, hat de ynstitúsjonele stipe foar it Frysk net stilstien sûnt de lêste taalsurvey. Foaral mei de fernijingen fan de BFTK wurde dúdlike ôfspraken fêststeld tusken de Provinsje Fryslân en it Ryk om de taal te befoarderjen. It projekt Taalplan Frysk 2030 heakket dêrop oan, troch te wurkjen oan in struktureel plak foar it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Der wurde periodyk mjittingen dien oer de stân fan saken, sadat sjoen wurde kin wat it ferskil is tusken de mjittingen en dus oft it projekt in (posityf) effekt hat (Varkevisser & Walsweer, 2018).

Dêrneist is der yn 2022 in Sichtberensakkoart sletten tusken it Ryk en de Provinsje Fryslân, om it gebrûk fan it Frysk yn de iepenbiere romte te stimulearjen. Dat wurdt beskôge as in oanfolling op de BFTK. Dêrby sette it Ryk en de Provinsje har yn om it Frysk sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte. Ek wurde subsydzjes beskikber steld oan gemeenten, ûndernimmers, ferieningen, stiftingen en desintrale oerheidsorganisaasjes om it Frysk in prominenter plak te jaan yn it iepenbiere libben.

Nettsjinsteande de stipe, bliuwt it ûnderwiis yn it Frysk in punt fan oandacht. Net allinnich binne der grutte ferskillen tusken de skoallen, mar ek stiet de universitêre frisistyk ûnder druk en



is it tal plakken dêr't jo Frysk studearje kinne yn de rin fan de jierren aardich tebekrûn.

Yn de haadstikken hjirnei sille we ús ûndersyksopset en de fraachstelling (haadstik 2) taljochtsje en djipper yngean op de achtergrûn fan de respondinten (haadstik 3). Oanfolgjend besprekke we de resultaten op it mêd fan taalbehearsking (haadstik 4), taalhâlding (haadstik 5) en taalgedrach (haadstik 6). It rapport wurdt ôfsletten troch konklúzjes en oanbefellingen oangeande it taalbelied (haadstik 7) en troch ús plannen foar in Taalmonitor (haadstik 8).



## 2. Fraachstelling en ûndersyksopset

### 2.1 Ynliding

Lykas yn de eardere surveys oer de Fryske taal (Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018) en de fluchhifkingen fan de Provinsje Fryslân (2007; 2011; 2015; 2020), wurdt yn de foarlizzende survey de hjoeddeistige steat fan it Frysk ûndersocht op it mêd fan taalachtergrûn, taalbehearsking, taalhâlding en taalgedrach. Dy ûnderdielen slute ek goed oan by it fitaliteitsmodel fan Giles e.o. (1977; sjoch seksje 1.1). De fraachstellingen, dy't foar in grut part mei dy fan de foargeande edysjes oerienkomme, binne:

1. Hokfoar (selsrapportearre) behearsking fan it Frysk hawwe ynwenners fan Fryslân op it mêd fan praten, ferstean, lêzen en skriuwen?
2. Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen korrelearje mei dy selsrapportearre behearsking?
3. Hokfoar attitudes hawwe ynwenners fan Fryslân foar it Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?
4. Hokfoar demografyske fariabelen (ynklusyf behearsking) korrelearje mei attitudes foar it

Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?

5. Wat binne de selsrapportearre taalgedrachspatroanen fan de ynwenners fan Fryslân wat domeinen en sprekkers oangiet?
6. Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen (ynkl. behearsking) en kognitive fariabelen (te witten attitudes) korrelearje mei it selsrapportearre gebrûk fan it Frysk?

Om dy fragen te beäntwurdzjen, hawwe we in fragelist útset yn gearwurking mei it Planbureau Fryslân (PF) ûnder 3684 respondinten. Op de antwurden fan de fragelist wurde statistyske analyzes útfierd om patroanen en ferbannen yn de data te identifisearjen. Troch Generalized Additive Models (GAMs) wurde de wichtichste foarspellende faktoaren foar taalfeardigens, taalhâlding en taalgebrûk en -gedrach yn kaart brocht. Dêrtroch kin net allinnich in beskriuwend oersjoch fan de hjoeddeistige situaasje fan it Frysk presintearre wurde, mar wurde ek de ûnderlizzende meganismen dy't taalgebrûk en -behâld beynfloedzje better begrepen. Dat stelt ús by steat om doelfêste oanbefellingen

te dwaan foar taalbelied en takomstige taalplanning.

Yn dit haadstik sille we earst it ûntwerp fan de fragelist besprekke yn de seksje Undersyksopset (2.2), dêr't we yngean op de ûndersyksmetoade (2.2.2), stekproef, weaging en represintativiteit (2.2.3), en de ynnovative oanpak fan de hjoeddeistige taalsurvey (2.2.4). Dêrnei besprekke we de stappen foar de data-analyse en lizze we út hokker achtergrûnfariabelen yn 'e analyzes meinommen binne (2.3). As lêste besprekke we koart it protokol foar Opslach, behear en bewurking (2.3.4).

### 2.2 Undersyksopset

Om de hjoeddeiske Fryske taalbehearsking fan ynwenners fan Fryslân te mjitten, de hâlding op it mêd fan status en solidariteit, de selsrapportearre taalbrûkerspatroanen fan de ynwenners fan Fryslân en de sosjaal-demografyske foarsizzers foar alle trije, makket de hjoeddeiske stúdzje gebrûk fan in fragelistûntwerp. Dy fragelist is basearre op of ynspirearre troch de eardere taalsurveys (Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter &

Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018), oar earder ûndersyk yn Fryslân (Kircher e.o., 2022) en ferlykbere meartalige en minderheidstalige konteksten (Baker, 1992; Bier & Lasagabaster, 2022; Impe & Speelman, 2007; Kircher, 2022; Kircher & Fox, 2019; Lasagabaster & Huguët, 2007; Moriarty, 2010; O'Rourke, 2011; Speelman e.o., 2013). De fragelist bestiet út fjouwer ûnderdielen: (1) sosjolingwistyske achtergrûn, (2) selsrapportearre Fryske taalbehearsking, (3) taalhâlding en (4) taalgebrûk en taalgedrach. De ûnderdielen fan de fragelist wurde hjirûnder bepraat. De folsleine fragelist is taheakke yn Appendix I en befettet ek in tal fragen dy't hjir fierder net oan bar komme. Yn dit rapport wurde nammentlik allinnich fragen meinommen dy't nedich binne om ús ûndersyksfragen te beäntwurdzjen. De oare fragen sille ferwurke wurde yn takomstige wittenskiplike publikaasjes.

Underdiel ien, sosjolingwistyske achtergrûn, befettet 15 mearkarfragen dy't rjochte binne op leeftiid, húshâlding, geslacht, stedskens, regio, opliedingsnivo, arbeidssituaasje, ynkommen, talige achtergrûn en selskeazen taalgroep fan de dielnimmers. Sa binne der fragen oer de earste taal of talen dy't in partisipant leard hat, hoe't se it Nederlânsk en (eventueel) Frysk leard hawwe, hoe faak oft se Fryske les krigen op de basisskoalle en ta hokker groep sprekkers se

harsels rekkenje (Frysk, Nederlânsk, beide of oars).

Underdiel twa, behearsking, brûkt 4 fragen om de selsrapportearre taalfeardigens fan dielnimmers te mjitten. Dy fragen geane direkt oer de taalfeardigens yn it praten, ferstean, lêzen en skriuwen yn it Frysk. Dy fragen sjogge der itselde út as yn Klinkenberg e.o. (2018). Minsken koene per aspekt harren nivo oanjaan op in 5-punts Likertskaal fan "hiel min" oant "hiel goed", mei as ekstra opsje "wit ik net". Dêrneist is ek frege oft dielnimmers dialekten of streektalen brûke, lykas it Stellingwerfsk, Stedfrysk of Biltsk. De rest fan de fragelist is sa ynrychte, dat minsken dy't oanjûn hawwe hiel min Frysk te behearskjen, gjin fierdere fragen oer it gebrûk fan dy taal krije. Itselde jildt foar de dialekten en streektalen.

It tredde ûnderdiel giet oer hâldingen en bestiet út twa kategoryen: status en solidariteit. Elke kategory befettet fjouwer 5-punts Likert-items om de hâlding foar it Frysk oer te mjitten (8 fragen yn totaal). Alle items binne basearre op eardere ûndersiken nei attitudes foar minderheidstalen oer (Kircher, 2022; Baker, 1992; Bier & Lasagabaster, 2022; Impe & Speelman, 2007; Kircher, 2022; Lasagabaster & Huet, 2005; Moriarty, 2010; O'Rourke, 2011;

Speelman e.o., 2013). Attitudes op de statusdiminsje litte sjen yn hoefier't it Frysk assosjearre wurdt mei macht, ekonomyske kânsen en it omheech klimmen op de sosjale ljedder (Kircher & Vellinga, 2023). Solidariteit-stellingen freegje nei de assosjaasje fan it Frysk mei emosjonele hechting en it gefoel dat hja by in mienskip hearre (Kircher & Vellinga, 2023).

It lêste ûnderdiel, taalgebrûk en -gedrach, befettet yn totaal 41 fragen. Dêrfan binne 22 (opsjonele) opfolchfragen basearre op it gedrach fan de dielnimmers. By it taalgedrach sjogge we nei de talen dy't sprutsen wurde yn it húshâlden (mei partner, bern), mar ek nei de talen dy't praat wurde mei buorlju, freonen, kunde of op de wurkflier en nei taalgebrûk by ferskate media, sawol tradisjonele (bgl. telefyzje) as sosjale media. Dêrneist hawwe we noch in tal oare fragen oer taalgebrûk opnommen, lykas watfoar taal de respondinten brûke as se de telefoan opnimme.

Fragen oer taalgebrûk en -gedrach geane net allinnich oer it Frysk, mar oer alle talen dy't de respondinten mooglik brûke yn it deistich libben. Standert steane by al dy fragen it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk as opsje, mei opsjoneel dialekten en streektalen as earder oanjûn is dat se dy brûke, en in opsje "Oars", wêrby't it

ek mooglik is yn te folgen om hokker oare taal of talen it giet. Yn stee fan te freegjen watfoar taal de respondinten yn 'e regel brûke soene yn ferskate situaasjes, hawwe we derfoar keazen om nei frekwinsje te freegjen. De reden dêrfoar is dat de realiteit frij kompleks is en der yn 'e praktyk mear as ien taal brûkt wurde kin yn ferskate situaasjes, ôfhinklik fan de kontekst. Troch nei de frekwinsje te freegjen, krije we in better byld fan taalgebrûk yn it deistich libben. De respondinten hoege har nammentlik net te beheinen ta ien taal, mar kinne kreker oanjaan hoe faak oft se beskate talen brûke.

### 2.2.1 Undersyksmetoade (en beheiningen)

Yn dizze stúdzje brûke we in online fragelist om data oer taalbehearsking, taalattitudes en taalgebrûk en -gedrach fan ynwenners fan Fryslân te sammeljen. It konkrete ûndersyksynstrumint bestiet út items oangeande de sosjo-demografyske achtergrûn fan dielnimmers, harren selsrapportearre taalfeardigens yn it Frysk, harren attitudes foar it Frysk oer op it mêd fan status en solidariteit en harren selsrapportearre taalgebrûk en -gedrach yn ferskate konteksten. De ynhâld fan dy items wurdt beskreaun yn seksje 2.2 (Undersyksopset) en in folslein oersjoch fan alle fragen is taheakke yn Appendiks I. De fragelist waard

online ferspraat troch it Planbureau Fryslân (PF). Dêrtroch koe in grutte groep respondinten fluch benadere wurde en koene ûndersyksdata effisjint sammele wurde.

Nettsjinsteande alle foardielen fan in simpele fraachstelling en maklike datasamling, hat ús metoade ek in tal beheiningen. Sa kin de selsseleksje fan surveypanels de ûndersyksresultaten beynfloedzje. Minsken dy't oan sokke panels dielnimme, binne nammentlik faak mear ynteressearre yn de ûnderwerpen dy't ûndersocht wurde of yn de beleanningen foar dielname, ferlike mei minsken dy't har net ynskriuwe foar in boargerpanel. In oar potinsjeel neidiel hat te krijen mei technyske beheiningen dy't in part fan de befolking útslute kinne. Dielname oan in online boargerpanel fereasket dat dielnimmers tagong ta ynternet hawwe en in basisnivo oan digitale feardigens sjen litte. Dat kin liede ta útsluting fan âlderen, húshâldens mei in leech ynkommen en minsken dy't yn in gebiet mei beheinde tagong ta ynternet wenje. Om de potinsjele gefaren te beheinen is it boargerpanel sa gearstald dat it foar in grut part represintatyf is foar de befolking fan Fryslân wat geslacht, leeftiid en regio oanbelanget. Fansels is in stekproef om meardere redenen noait hielendal represintatyf (tink oan non-respons of oerrepresintativiteit fan respondinten mei in

bepaalde achtergrûn of ynteresse) en dêrom wurdt ek yn ús ûndersyk weaging tapast op de data (sjoch seksje 2.2.3 Stekproef, weaging en represintativiteit). Wat noch wol neamd wurde moat, is dat de aard fan online surveys de djipgong fan de antwurden beheine kin. Hoewol't Likert-skalen effektyf binne foar it yn kaart bringen fan algemiene attitudes, biede se gjin romte foar nuânse of detaillearre útlis. Troch it brûken fan de 5-puntsstellingen kinne we dus wol ûndersykje wat de hjoeddeistige attitudes binne, mar hawwe we minder sicht op de kontekst of de redenen achter de mieningen fan dielnimmers. Dêrom riede we ek in ferfolchûndersyk oan dat gebrûk makket fan djipgeande kwalitative ynterviews, om in pear antwurden ekstra ta te ljochtsjen.

### 2.2.2 Stekproef, weaging en represintativiteit

Undersyksmetoaden feroarje yn 'e rin fan de tiid, mar ien ding bliuwt gelyk. Foar watfoar metoade oft we ek kieze, wy moatte derfoar soargje dat de stekproef represintatyf is foar de beëage populaasje. Oars kinne we der gjin útspraken oer dwaan. Yn it gefal fan taalsosjologyske surveys yn Fryslân binne ynwenners fan de provinsje Fryslân de beëage populaasje. It is wichtich dat de befregte persoanen in goede wjerspegeling fan de mienskip foarmje. Geslacht,

leeftiid, wenkrite en oplieding binne dêrby de meast gongbere fariabelen.

Yn de foargeande edysjes fan de ûndersyksrige *Taal yn Fryslân* is represintativiteit op ferskate manieren garandearre en dat hat mei ferskate ûndersyksmetoaden te krijen. De earste twa surveys wiene mûnlinge hûs-oan-hûs ynterviews mei in folle hegere respons, dy't de kâns op non-represintativiteit folle lytser makke. Boppedat wie der kontrôle op de non-respons. Der hoegde gjin weaging achterôf te kommen. Yn it ûndersyk fan 1984 (Gorter et al) en 1995 (Gorter & Jonkman) is stekproefrepresintativiteit garandearre troch in direkte seleksje fan proefpersoanen mei help fan de gemeentlike basisadministraasjes. Sa waard in represintatyf tal respondinten nei gemeente, leeftiid en geslacht útkeazen en benadere foar dielname oan in ynterview. Dy direkte metoade hat letter (Klinkenberg e.o., 2018) plakmakke foar in digitale datasamling yn 'e foarm fan in online fragelist en in skriftlike oprop om dy yn te foljen. De opropbrieven waarden ferspraat oer de hiele provinsje, sûnder dat konkrete easken oan de respondinten steld waarden. Elkenien wie wolkom om mei te dwaan (mei sechstjin jier as ûndergrins). Oars as by de foargeande taalsurveys wie der dus gjin direkte stjoering en dat betsjut dat der achterôf weaging

fereaske wie om foar bettere represintativiteit te soargjen. Benammen weaging nei leeftiid wie needsaaklik, omdat jongere respondinten ûnderrepresintearre wiene. De gemiddelde leeftiid fan de stekproef wie dêrtroch oan 'e hege kant en dat moast troch de weaging kompensearre wurde.

Der waard foar in weagingsmetoade keazen dy't earder yn de saneamde fluchhifkingen (*De Fryske Taalatlas*) tapast wie en noch altyd tapast wurdt (Provinsje Fryslân, 2007; 2011; 2015; 2020), nammentlik weaging nei leeftiid en wenkrite, mei CBS-sifers as útgongspunt foar de populaasje. Foar de taalsurvey spesifyk waard leeftiid opdield yn 4 kategoryen en wenkrite yn 9 gebieten, nammentlik 3 gebieten op it Frysktalige plattelân (Greidhoeke, Bouhoeke, de Wâlden), nije stêden (Drachten, It Hearrenfean), âlde stêden (Boalsert, Dokkum, Frjentsjer, Harns, Snits), Ljouwert en 3 gebieten op it net-Frysktalige plattelân (It Bilt, de Stellingwerven, it easten fan Kollumerlân). Om foar represintativiteit te soargjen waarden saneamde gewichten takend oan de groepen fan respondinten (mei 0-3 as meast gongbere gewicht). Sa telden dielnimmers dy't neffens de populaasjepersintaazjes ûnderfertsjintwurdige wienen yn de stekproef (bygelyks respondinten ûnder de 30 jier yn de lytsere wenkrite),

swierder as oare respondinten yn de data-analyze. Lykwols, de weaging kin net echt de oerfertsjintwurdiging fan Frysktalige dielnimmers ferhelpe.

De nije taalsurvey liedt in nij tiidrek foar taalsosjologysk ûndersyk by de Fryske Akademy (FA) yn. It ûndersyk wurdt nammentlik foar de earste kear útfierd yn gearwurking mei it Planbureau Fryslân (PF) dat in lange tradysje mei ferskate foarmen fan panelûndersyk hat. De stekproef, it sammeljen en opskjinjen fan de data en de weaging lizze yn hannen fan it PF, wylst de FA foar it ûndersyksûntwerp en de analyse ferantwurdlik is. Om de represintativiteit fan de panelleden te garandearjen wurdt de stekproef ferlike mei doelpopulaasje neffens trije fariabelen: geslacht, leeftiid en regio (COROP: Noard-Fryslân, Súdwest-Fryslân, Súdeast-Fryslân (CBS, 2023); sjoch ek Tabel 1 en Planbureau Fryslân, 2023). By de weaging wurdt ek korreksje tapast foar non-respons. Groepen dy't ûnderfertsjintwurdige binne, krije dêrby in gewicht grutter as 1 en groepen dy't oerfertsjintwurdige binne lytser as 1.

**Tabel 1.** Ferdieling geslacht, regio en leeftiid fan panelleden en de doelpopulaasje

Kategory	Panel (%)	Doelpopulaasje (%)
<b>Geslacht</b>		
Man	56,1	49,9
Frou	43,5	50,1
Oars	0,4	
<b>Regio (COROP)</b>		
Noard-Fryslân	52,3	49,6
Súdwest-Fryslân	20,4	21,6
Súdeast-Fryslân	26,9	28,8
<b>Leeftiidskategoryen</b>		
18-40	27,0	31,1
40-50	12,1	14,0
50-60	14,5	18,5
60-70	20,0	16,5
> 70	26,4	20,1

Bron: Planbureau Fryslân (2023)

De weaging is bedoeld om de stekproef represintatyf foar de populaasje fan Fryslân te meitsjen, op grûn fan trije demografyske skaaimerken, te witten geslacht, leeftiid en regio. Foar de data-analyze sels hawwe we gebrûk makke fan oare, mear detaillearre kategoryen dy't relevant binne foar de spesifike ûndersyksfragen (sjoch seksje 2.2).

Yn it hjoeddeistige ûndersyk nei de Fryske taal wurdt derfoar keazen en nim de Waadeilannen mei. Foargeande edysjes fan de taalsurvey ferskilden wat dat oanbelanget yn harren oanpak: by Klinkenberg e.o. (2018) binne de Waadeilannen bûten beskôging litten, wylst se by Gorter e.o. (1984) en Gorter & Jonkman (1995) wol meinommen wienen yn it ûndersyk.

Yn ús ûndersyk wurde de Waadeilannen ek meinommen, benammen mei it each op de dataweaging. Dy wurdt nammentlik sa útfierd dat de resultaten represintatyf foar de hiele befolking fan Fryslân binne, ynklusyf ynwenners fan de Waadeilannen. Dat jout ek in folsleiner byld fan it taalgebrûk. By de yndieling fan COROP falle de Waadeilanden ûnder de regio Noard-Fryslân. Binnen ús ûndersyk beskôgje we de eilannen as in aparte regio.

### 2.2.3 Ynnovative oanpak

It is wichtich om ta te ljochtsjen dat dizze edysje fan de taalsurvey op inkelde mêden ferskilt fan de foargeande ferzje(s). Alderearst is dat yn de boppeneamde gearwurking mei Planbureau Fryslân (PF). Wêr't de eardere fragelist ôfnommen waard troch in útnûging dy't mei de post ferstjoerd waard op basis fan selektarre adressen (fia in gearwurking mei de Provinsje Fryslân), is dizze fragelist online ferspraat ûnder de dielimmers fan it boargerpanel fan PF. It boargerpanel, Panel Fryslân, bestiet sûnt 2017 út ynwenners fan de provinsje Fryslân dy't har frijwillich opjûn hawwe om mei te dwaan oan de fragelisten dy't it PF seis kear jiers tastjoert. Dat panel bestiet út sa'n 7000 minsken (Planbureau Fryslân, 2023). De panelleden binne selektarre om represintatyf te wêzen foar de befolking fan Fryslân op it mêd fan geslacht, wenplak (regio



yn Fryslân) en leeftiid (sjoch seksje 2.1.3. foar mear ynformaasje). Yn eardere ferzjes fan 'e taalsurvey waarden de dielnimmers persoanlik benadere: oan de doar (Pietersen 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995) of fia de post/mail (Klinkenberg e.o., 2018). Yn it gefal fan de foarige taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018) moasten de opropbrieven twa kear ferstjoerd wurde, omdat de respons hiel leech wie. Ek by in panel lykas it boargerpanel moat der rekken holden wurde mei non-respons, mar dy is folle lytser om reden dat de dielnimmers earder ynstimd hawwe mei de dielname oan dat panel en dus yn prinsipe ree binne om mei te dwaan oan ferskate stúdzjes. Troch it feit dat de minsken yn it Panel Fryslân har al frijwillich opjûn hawwe om mei te dwaan, is te ferwachtsjen dat de motivaasje om fragelisten yn te foljen heech wêze sil.

As twadde wichtige ferskil hawwe we ek keazen foar in oare analyze fan de data. Yn de foargeande edysje fan de taalsurvey is keazen om gjin statistyk te brûken. De reden dy't dêrfoar jûn waard, is dat troch it grutte tal dielnimmers de resultaten al gau signifikant wêze soene. Yn 'e statistyske analyze wurde lykwols in soad ferskate faktoaren meinommen dy't ynfloed hawwe kinne op taalbehearsking, attitudes en taalgebrûk. Der wurdt tagelyk nei

al dy faktoaren sjoen om te bepalen hokker dêrfan signifikant binne foar taalbehearsking, taalhâlding en taalgedrach. Sa kinne ferskillen dy't op it each grut lykje feitlik net signifikant wêze, omdat se troch oare faktoaren ferklearre wurde kinne. Dat kin ek oarsom: ferskillen dy't op it each hiel lyts lykje, kinne wol signifikant wêze. Alle signifikante ferskillen wurde neamd yn it rapport. De auteurs fan it hjoeddeistige rapport binne dêrom fan betinken dat statistyske signifikânsje in essinsjeel ûnderdiel fan hypotezehifking yn kwantitatyf ûndersyk is. Troch statistyske analyzes te brûken, kinne we fêststelle oft waarnommen ferskillen yn de data net op tafal berêste. Dêrtroch kinne we net allinnich beskriuwende trends presintearje, mar ek better begripe hokker faktoaren in rol spylje by taalgedrach en -behâld. Yn de kontekst fan de taalsurvey kin dat helpe om robúste konklúzjes te lûken oer de taalbehearsking, de attitudes en it taalgebrûk en -gedrach. Dat is net allinnich foar wittenskippers wichtich, mar ek foar beliedsmakkers.

### 2.3 Data-analyses

Foar it ferwurkjen fan de data is gebrûk makke fan ferskate statistyske metoaden. Achtergrûndata binne analysearre en presintearre mei gebrûk fan beskriuwende statistyk. Dêrnei binne potinsjele foarsizzende

faktoaren transformearre ta brûkbere fariabelen foar djipgeande analyze. Dy foarsizzende faktoaren binne basearre op fragen út de survey sels. De achtergrûnynformaasje oer de dielnimmers is sammele troch it PF. It giet dêrby om faktoaren wêrfan't op basis fan earder ûndersyk bekend is dat se fan ynfloed wêze kinne op taalfeardigens, taahâlding en taalgedrach: regio, stedskens fan de wenkrite, leeftiid, selskeazen taalgroep, opliedingsnivo en Frysk op skoalle. Hoewol't dit rapport fuortbuorket op de taalsurvey fan 2018 (Klinkenberg e.o.), binne der dochs inkelde wichtige ferskillen yn de fariabelen en hoe't se operasjonalisearre wurde. Hjirûnder folget in útlis fan de achtergrûnfariabelen yn dit rapport:

**Earste taal (T1).** De respondinten hawwe oanjûn oft se wol of net opgroeid binne mei Frysk, Nederlânsk, Stedfrysk/Biltsk/ Stellingwerfsk, Ingelsk of in oare taal as ien fan harren earste talen. Yn dit rapport fokusje we ús benammen op de dielnimmers dy't oanjûn hawwe it Frysk as earste taal te hawwen. Der wurdt gjin ûnderskied makke tusken dielnimmers dy't opgroeid binne allinnich mei it Frysk as T1 of yn kombinaasje mei it Nederlânsk (of in oare taal).

**Selskeazen taalgroep.** Los fan de talen dêr't dielnimmers mei opgroeiden, is yn dizze survey ek wer frege nei de selskeazen taalgroep dêr't dielnimmers har mei identifisearje: Frysktaligen, Nederlânsktaligen, beide of in oare taalgroep. De taalgroep dêr't ien him/har ta rekkenet is nammentlik in ekspresje fan de eigen taalidentiteit. Yn dit ûndersyk wurdt de klam lein op taalhâlding en dêrmei ek op de taalidentiteit. Dy fariabele sil dus yn de statistyske analyzes meinommen wurde yn plak fan de earste talen.

**Regio.** Yn dizze edysje fan de taalsurvey bringe we de situaasje fan it Frysk yn kaart foar de spesifike regio's yn Fryslân: Ljouwert, Noardeast-Fryslân, Noardwest-Fryslân, Waadeilannen, Súdeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân. Dêrby moat neamd wurde dat de yndieling fan de regio's ferskilt fan de yndieling yn de foargeande survey. Yn plak fan te sjen nei Frysktalich plattelân, nije stêden, âlde stêden, Ljouwert en net-Frysktalich plattelân, sjogge we yn dizze survey nei de boppeneamde regio's. De reden dêrfoar is dat de data sammele waarden fia de gearwurking mei it Planbureau Fryslân (PF). Fanwegen de privacyoerienkomst mei PF koene we net alle achtergrûngegevens fan de respondinten befreesje en it wenplak wie dêr ien fan. In wichtich gefolch dêrfan is dat we de Stellingwerven net apart as regio yn de analyze

opnimme koene. Dat hat ek konsekwinsjes foar de data-analyse omdat de Stellingwerven in gebiet is mei in eigen taalstatus en -dynamyk binnen Fryslân. Sa kinne bepaalde regionale ferskillen minder goed yn it rapport sichtber wurde. Dêrtroch moatte de resultaten yn dit ferbân foarsichtich besjoen en ynterpretearre wurde. In twadde ferskil mei de regio's fan Klinkenberg e.o. (2018) is dat yn dizze edysje fan de taalsurvey de Waadeilannen wol meinommen binne yn it ûndersyk. Wy keazen dêrfoar omdat de Waadeilannen ek lid binne fan it boargerpanel fan PF en de weage data represintatyf genôch wêze moatte soene (sjoch seksje 2.2.3 Stekproef, weaging en represintativiteit).

**Stedskens.** De wenomjouwing fan respondinten is opnommen as fariabele omdat út earder ûndersyk bliken docht dat dy in wichtige foarsizzer is fan taalgedrach en taalhâlding foar it Frysk oer (Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter e.o., 1988; Kircher e.o., 2025). Stedske gebieten, mei mear talige diversiteit, kontrastearje mei it Fryske plattelân, dêr't it Frysk sterker ynbêde is yn it deistich libben. Yn de foargeande survey waard apart sjoen nei Ljouwert, nije stêden, âlde stêden, Frysktalich plattelân en net-Frysktalich plattelân (sjoch ek seksje 2.2.3.). Ek dêr hawwe we oanpassingen

makke fanwegen privacy-gefoelichheid. De data oangeande stedskens waarden foar ús kodearre as stedsk of plattelânsk, basearre op de gegevens oer it wenplak dy't bekend binne by PF. Stedskens waard dêrby basearre op it oantal ynwenners fan in plak (Kircher 2022). Hoewol't Kircher (2022) keas foar in grins fan 5.000 ynwenners, klassifisearren we in wenplak as stedsk wannear't dat mear as 10.000 ynwenners telt, om derfoar te soargjen dat se safolle mooglik oerlappen mei de wenplakken dy't klassifisearre wiene as stêden yn de foargeande taalsurvey. Mei dy grins falle der 11 wenplakken ûnder stedsgbiet: Ljouwert, Drachten, Snits, It Hearrenfean, Harns, Wolvegea, De Jouwer, Dokkum, Frjentsjer, De Lemmer en Boalsert.

**Leeftiid.** Yn de analyzes is leeftiid opnommen as achtergrûnfariabele omdat it in wichtich byld jout fan hoe't it brûken fan it Frysk ferskilt tusken generaasjes. Troch leeftiidskategoryen mei-inoar te ferlykjen, krije we ynsjoch yn feroaringen yn taalfeardigens en taalgedrach troch de tiid hinne. Yn dizze survey is de leeftiid, krekt as yn eardere edysjes, yndield yn fjouwer kategoryen (basearre op de foargeande taalsurvey; Klinkenberg e.o., 2018): ≤ 29, 30-49, 50-64, en 65+ jier.



**Opliedingsnivo.** Lykas yn it foarige rapport spilet opliedingsnivo in rol yn de analyze fan de taalsituaasje, omdat it Frysk eartiids mear in taal wie foar legere sosjale befolkingsgroepen (Klinkenberg e.o., 2018). Dêrby meitsje we deselde kanttekening as yn it foarige rapport dien is: de situaasje yn 2025 sil oars wêze as yn 1967. Foar dit ûndersyk wurdt de ferdieling fan it CBS oanholden: leech (basisûnderwiis en vmbo, mbo 1, de earste 3 learjierren fan havo/vwo en de yntreeoplieding, en de eardere assistinte-oplieding (mbo 1), midden (havo, vwo, mbo), en heech (hbo, wo bachelor en wo master, doktor).

**Frysk op skoalle.** Hoefolle Frysk oft ien op skoalle krijt, kin fan ynfloed wêze op hoe goed ien de taal behearsket en hoe frekwint ien de taal brûkt. Underwiis yn it Frysk kin in rol spylje yn it behâld en de transmisje fan de taal. Troch dat aspekt mei te nimmen yn it ûndersyk, wolle we sicht krije op de relaasje tusken Frysk op skoalle en taalfeardigens en taalhâlding fan ferskate generaasjes. De respondinten waard frege hoe faak oft se ûnderwiis yn it Frysk hân hawwe. Dêrby is it wol wichtich om te neamen dat Frysk op skoalle allinnich beoardiele is foar dielnimmers dy't yn Fryslân op skoalle sitten hawwe. De analyze lit de taalfeardigens fan minsken dy't har jeugd bûten Fryslân trochbrocht hawwe dus bûten beskôging. De

mooglike antwurden wiene: noait, in pear kear jiers, elke moanne, elke wike, elke dei, of de opsje “wit ik net”.

Om te sjen hokfoar sosjo-de mografyske achtergrûnfaktoaren de resultaten beynfloedzje kinne, is gebrûk makke fan Generalized Additive Models (GAMs). Troch GAMs te brûken koene we net-lineêre relaasjes tusken de prediktoaren en de ôfhinklike fariabelen modellearje en sawol fêste as tafallige effekten yntegrearje. Omdat guon fan de boppeneamde fariabelen út meardere diminsjes bestean (bygelyks regio of opliedingsnivo), binne der oanfoljende *post-hoc* kontrastanalyses brûkt om de nivo's fan dy faktoaren mei-inoar te ferlykjen. Dêrby is gebrûk makke fan *estimated marginal means* (emmeans): in technyk dêr't we de ynfloed fan de ûnderskate nivo's fan elke fariabele mei-inoar mei ferlykje kinne, wylst der rekken holden wurdt mei oare fariabelen yn it model.

Foar de analyzes fan taalhâldingsdata is earst in faktoranalyse brûkt om te bepalen oft der wier twa diminsjes (status en solidariteit) nei foarren komme soene. Dêrnei binne de reaksjes op de stellingen dy't by de diminsjes hearre, kombinearre ta twa ûnderskate skoares en der binne GAM-analyses en *post-hoc* kontrastanalyses útfierd mei deselde

achtergrûnfariabelen as foar sprekfeardigens. Yn de GAMs binne (wêr mooglik) ek de ûnderskate diminsjes Fryske taalfeardigens opnommen (ferstean, praten, lêzen, skriuwen). Yn de analyzes fan taalgedrach binne ek de attitudes as achtergrûnfariabele tafoege.

## 2.4 Opslach, behear en bewurking

De ûndersyksdata wurde opslein, beheard en ferwurke yn oerienstimming mei de Algemene Verordening Gegevensbescherming (AVG) en de rjochtlinen fan de Fryske Akademy (FA) en it Planbureau Fryslân (PF). Alle persoansgegevens binne sekuer anonimisearre om de privacy fan 'e dielnimmers te garandearjen. De data wurde feilich bewarre op fersleutele servers fan it PF en bliuwe ek eigendom fan it PF. De data binne allinnich tagonklik makke foar befoege ûndersikers. Alle dielnimmers oan it boargerpanel fan it PF wurde by de ynskriuwing ynformearre oer harren rjochten en jouwe tagelyk tastimming om harren gegevens te brûken binnen alle stúdzjes fan it PF, dêr't de taalsurvey ek ûnder falt.

# 3. Talige achtergrûnen

De earste talen dêr't ien mei opgroeit, foarmje in fûneminteel ûnderdiel fan syn persoanlike en kulturele identiteit. Se bepale hoe't ien himsels sjocht en hoe't minsken har ferhâlde ta oaren binnen harren mienskip. De earste talen dy't in persoan leart, wurde faak assosjearre mei thús, famylje en de earste oantinkens, wat soarget foar in sterke emosjonele bining mei de taal. Minsken identifisearje har ek faak mei de taal dêr't se har it meast komfortabel yn fiele en dy't ferbûn is mei harren sosjale omjouwing. Lykas de foargeande taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018) sjogge we dêrom nei de talige achtergrûnen fan de dielnimmers troch net allinnich te freegjen nei de earste taal (T1) of talen fan dielnimmers, mar ek nei de selskeazen taalgroep. Troch sawol de earste taal as de selskeazen taalgroep te ûndersykjen, krije we in better ynsicht yn hokker talen de dielnimmers har mei ferbûn fiele.

Yn dit haadstik jouwe we dêrom in oersjoch fan de talige achtergrûnen fan de dielnimmers oan de enkête. Dy ynformaasje is fan essinsjeel belang om de taalfeardigens, de taalhâlding, en it taalgebrûk en -gedrach yn it Frysk goed

ynterpretearje te kinnen yn lettere haadstikken. Omdat it hjir om in oersjoch giet en net om in analyse, binne de data werjûn yn (weage) persintaazjes. Ofrûningen binne útfierd op ien desimaal. Dêrtroch binne guon wearden justjes ferhege of ferlege. De totale som fan de ôfrûne wearden kin dêrom somtiden krekt ûnder of boppe 100% útkomme, bygelyks 99,9% of 100,1%, wylst de werklike som (sûnder ôfrûning) eksakt 100% is. Dat is in normaal gefolch fan it ôfrûningsproses.

As earste jouwe we in koart oersjoch fan hokker talen minsken fan hûs út meikrigen hawwe (seksje Earste talen: 3.1), mei hokker taalgroep se har identifisearje (Selskeazen Taalgroep: 3.2) en yn hokker mjitte se Frysk ûnderwiis folge hawwe (Skoalle en Underwiis yn it Frysk: 3.3). Per seksje sjogge we nei de ferskillen per regio en stedskens, leeftiidskategory en

opliedingsnivo. Ek jouwe we oan 'e ein fan dit haadstik in oersjoch fan de fragelistferzje (Frysktalich of Nederlânsktalich) dy't keazen is troch de dielnimmers (seksje 3.5). De gegevens út dit haadstik binne boppedat fisueel tagonklik fia de digitale monitor fan Planbureau Fryslân, dêr't ûnder oaren kaarten en grafiken te finen binne oer memmetaal en foarkarstaal. Sjoch: [Taalfeardigens yn it Frysk ûnder de ynwenners fan Fryslân \(2024c\)](#).

## 3.1 Earste talen

We begjinne mei in oersjoch fan de earste taal of talen, dy't dielnimmers thús leard hawwe. Dat jout ynsjoch yn de taalomjouwing dêr't se yn opgroeid binne. Wy meitsje dêrby ûnderskied tusken regio, stedskens, leeftiid en opliedingsnivo, om patroanen sichtber te meitsjen yn de sprieding fan it Frysk as memmetaal.

**Tabel 2.** Earste talen totaal (yn %)

Frysk	Nederlânsk	Stedfrysk	Biltsk	Stellingwerfsk	Ingelsk	Oars
53,2	48,1	4,9	1,7	2,0	2,3	4,7



Tabel 2 lit de de earste taal fan de respondinten sjen. Omdat de respondinten mear as ien taal selektarje koene, is it totale persintaazje heger as 100%. Sa hat 16,1% fan de respondinten dy't it Frysk as earste taal leard hawwe, ek it Nederlânsk selektarre. Under de kategory 'Oars' falle ferkate dialekten fan it Frysk (bgl. Hylpersk) of it Nederlânsk (bgl. Grinslânsk), of in oare taal (bgl. Dútsk) dy't de respondinten sels spesifisearje koene. Dêrby moat wol sein wurde dat der respondinten binne dy't 'Oars' oanklikten, wylst se eins foar Stedfrysk kieze moatten hiene (harren spesifikaasje wie bgl. 'Liwwadders' of 'Stavers', dy't farianten fan it Stedfrysk binne). It Stedfrysk (12,6% ûnder 'Oars') falt yn feite, neist Grinslânsk (17,2%) en Dútsk (12,3%), yn de top trije faakst foarkommende taalfarianten yn de kategory 'Oars'.

Fierder sjogge we nei de earste talen per regio en stedsken, werjûn yn Tabel 3. Yn dy tabel binne de nammen fan de talen ôfkoarte om romte te besparjen: Frysk (FR), Nederlânsk (NL), Stedfrysk (SF), Biltsk (B), Stellingwerfsk (SW), Ingelsk (I), en Oars (O). Der is foar keazen om in persintaazje fan it totale oantal ynwenners fan de regio wer te jaan en net fan it oantal earste talen. De reden dêrfoar is dat de dielnimmers mear as ien opsje selektarje koene. Sa binne der bygelyks 886 earste talen keazen troch de

763 ynwenners fan Ljouwert. De persintaazjes komme dus ek yn dit gefal kumulatyf boppe 100% út. Dat jildt ek foar de tabellen talen per

leeftiidskategory (Tabel 4) en opliedingsnivo (Tabel 5).



**Tabel 3.** Earste talen per regio en stedskens (yn %)

Kategory	FR	NL	SF	B	SW	I	O
<b>Regio</b>							
Ljouwert	33,9	62,8	8,0	0,8	0,2	3,2	9,5
Noardeast-Fryslân	70,6	33,3	3,6	0,7	0,5	1,6	6,3
Noardwest-Fryslân	54,8	39,4	7,5	10,4	0,4	1,6	4,0
Waadeilannen	9,7	80,5	3,1	-	-	-	16,7
Súdeast-Fryslân	53,1	52,2	2,1	0,8	4,7	3,5	7,1
Súdwest-Fryslân	55,1	46,2	6,3	0,9	2,1	0,9	5,3
<b>Stedskens</b>							
Stêd	42,5	56,8	6,7	0,6	2,1	2,7	7,9
Plattelân	60,2	42,4	3,6	2,4	1,9	2,0	6,2

Frysk as earste taal komt it faakst foar yn Noardeast-Fryslân (70,6%), mar it is ek yn de mearderheid yn de regio's Noardwest- (54,8%) en Súdwest-Fryslân (55,1%). Dêrfoaroer hawwe fierwei de measte ynwenners fan de Waadeilannen it Nederlânsk as earste taal (80,5%). Ek yn Ljouwert is Nederlânsk as earste taal dominant (62,8%). Yn Súdeast-Fryslân (mei ynbegryp fan de Stellingwerven) rinne Frysk en Nederlânsk as earste taal aardich lykop (53,1% en 52,2%, respektyflik). It Stellingwerfsk, de karakteristike taal foar de Stellingwerven, is de earste taal fan 4,7% fan 'e ynwenners fan dat gebiet. Stedfrysk komt it meast foar yn Noardwest-Fryslân (mei ynbegryp fan Harns en Frjentsjer) en yn Ljouwert (respektyflik 7,5% en

8,0%). It Biltsk komt as earste taal it meast foar yn Noardwest-Fryslân (10%, mei ynbegryp fan de eardere gemeente It Bilt). It is frij opmerklik dat in heech persintaazje dielnimmers (16,7%) fan de Waadeilannen in oare taal as earste taal hat. Dat persintaazje komt del op 9 dielnimmers, dêr't 5 fan oanjoegen it Amelânsk of it "dialekt fan it eilân" te praten. Yn de persintaazjes fan de earste talen per stedske en plattelânske regio's kinne we sjen dat it Frysk as earste taal faker foarkomt op it plattelân as yn de stêden (60,2% tsjinoer 42,5%).

Lykas beskreaun yn seksje 2.2 hawwe we ús data analysearre troch te sjen nei de ûnderskate regio's binnen Fryslân (Ljouwert, Noardeast-

Fryslân, Noardwest-Fryslân, Waadeilannen, Súdeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân). Omdat dy ferdieling net brûkt is yn de foargeande taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018), is gjin ferliking mooglik om feroaring dêryn waar te nimmen. Ek hawwe we oare metoaden hantearre om te sjen nei it ferskil tusken stêd en plattelân. Wêr't Klinkenberg en kollega's (2018) in ferskil oantoanden tusken Frysktalich plattelân, nije stêden, âlde stêden, Ljouwert en net-Frysktalich plattelân, keazen we derfoar om dizze ferdieling te basearjen op it talige karakter fan stêden of plattelân yn it algemien (sjoch seksje 2.3, Data-analyses). In fierdere ferliking soe allinnich mooglik wêze troch it op 'e nij analysearjen fan de data út beide ûndersiken mei deselde kategoryen.

Hjirnei sjogge we nei de earste talen per leeftiidskategory (Tabel 4). Dêrby falt op dat it persintaazje foar it Frysk as earste taal it leechst is foar de jongste groep ( $\leq 29$  jier, 46,7%) en it heechst foar de âldste groep respondenten (65+, 56,2%). Ek Stedfrysk en Biltsk komme wat faker foar yn âldere leeftiidskategoryen. Benammen yn de groepen 30-49 en 65+ jout in opfallend heech persintaazje dielnimmers in oare taal as earste taal op (respektyflik 7,9% en 8,0%). Ingelsk as earste taal wurdt mar troch in leech persintaazje fan de respondenten keazen. De groep 30-49 skoart dêr mei 4,7% it heechst.



**Tabel 4.** Earste talen per leeftiidskategory (yn %)

	<b>Frysk</b>	<b>NL</b>	<b>SF</b>	<b>B</b>	<b>SW</b>	<b>I</b>	<b>O</b>
≤ 29	46,7	62,1	1,2	0,5	1,7	1,2	5,4
30-49	53,9	54,4	3,2	1,6	1,2	4,7	7,9
50-64	52,8	45,7	6,8	3,3	2,6	1,6	5,2
65+	56,2	35,7	7,0	0,9	2,3	0,7	8,0

Yn ferliking mei de foarige survey lykje de persintaazjes oangeande it Frysk as earste taal justjes leger, benammen by de jongste leeftiidsgroep. Wêr't de foarige edysje stabile persintaazjes fan om de 60% hinne oanjoech foar alle leeftiidskategoryen (Klinkenberg e.o., 2018), leit dat persintaazje in stik leger foar de groep ≤ 29 jier (46,7%). Foar de oare leeftiidsgroepen leit it persintaazje boppe de 50%. Wol observearje we deselde (hast) ferdûbeling fan it oantal sprekkers fan it Nederlânsk (as earste of twadde taal) fan de âldste generaasjes (35,7%) nei de jongste (62,1%). De ferklearring fan Klinkenberg e.o. (2018) jildt hjir noch altyd: trochdat eardere Nederlânsktalige migranten wer fuortferhúzje nei bûten Fryslân wurdt de taalhomogeniteit ûnder âldere leeftiidsgroepen heger.

As tredde rjochtsje we ús op de earste talen per opliedingsnivo. Yn Tabel 5 sjogge we dat it Frysk faker oanjûn wurdt as earste taal by in leech (57,2%) of midden (54,2%) opliedingsnivo as by in heech nivo (46,6%). Dat wylst it Nederlânsk minder as earste taal oanjûn wurdt by in leech (41,6%) of midden (48,4%) nivo, mar mear as de helte (55,1%) fan de respondinten mei in heech opliedingsnivo it Nederlânsk as earste taal hat.

**Tabel 5.** Earste talen per opliedingsnivo (yn %)

	<b>Frysk</b>	<b>NL</b>	<b>SF</b>	<b>B</b>	<b>SW</b>	<b>I</b>	<b>O</b>
Leech	57,2	41,6	3,5	2,5	2,5	3,0	9,3
Midden	54,2	48,4	6,4	1,5	2,0	2,0	5,8
Heech	46,6	55,1	1,5	1,3	1,2	1,8	5,8

Hoewol't de persintaazjes foar it Frysk yn elk opliedingsnivo leger lizze as yn de foargeande survey (72%, 67% en 56% yn Klinkenberg e.o. (2018)) en dy foar it Nederlânsk folle heger (29%, 42%, 51%), is de trend ferlykber. Yn beide gefallen is it Frysk it meast fertsjintwurdige yn it lege opliedingsnivo en it Nederlânsk it meast fertsjintwurdige yn it hege nivo.

### 3.2 Selskeazen taalgroep

Yn dizze seksje sjogge we nei de selskeazen taalgroepen. Yn Tabel 6 jouwe we de (weage) persintaazjes dielnimmers wer dy't har mei ûnderskate groepen identifisearje. Lykas yn dy tabel te sjen is, kiest it grutste part fan de respondinten om him te identifisearjen mei Nederlânsktaligen (34%). De ien nei grutste groep bestiet út minsken dy't harsels sawol as Frysk- as Nederlânsktalich beskôgje (beide). Hast 24% beskôget him as Frysk en in lyts part (hast 3%) as oarstalich

**Tabel 6.** Selskeazen taalgroep totaal (yn %)

Frysk	Nederlânsk	Beide	Oars
23,9	34,0	31,1	2,9

Krekt as yn it gefal fan de earste talen ferlykje we hjir de data per regio, leeftiidskategory en oplieding.

Tabel 7 jout de keazen taalgroep neffens regio en stedskens wer:

**Tabel 7.** Selskeazen taalgroepen per regio en stedskens (yn %)

Kategory	Frysk	Nederlânsk	Beide	Oars
<b>Regio</b>				
Ljouwert	12,2	51,5	34,8	1,4
Noardeast-Fryslân	36,9	19,6	40,6	2,9
Noardwest-Fryslân	30,3	21,4	40,2	8,1
Waadeilannen	0,5	89,2	8,3	2,0
Súdeast-Fryslân	17,9	37,8	40,9	3,3
Súdwest-Fryslân	28,0	30,3	40,3	1,4
<b>Stedskens</b>				
Stêd	14,8	45,7	37,3	2,1
Plattelân	29,9	26,4	40,2	3,5

Yn Ljouwert is it Nederlânsk dominant – 51,5% fan de dielnimmers rekkenet himsels ta de Nederlânske taalgroep - wylst de kar foar it Frysk beheind bliuwt. Tagelyk sjogge we dat respondinten út Noardeast-, Noardwest- en Súdwest-Fryslân har faker mei it Frysk of beide talen identifisearje, mei persintaazjes dy't oprinne oant 36,9% foar Frysk en 40,6% foar beide talen. Dat patroan is ek te sjen yn plattelânsgebieten, dêr't faker foar Frysk keazen wurdt (29,9%) ferlike mei stedске gebieten (14,8%). Dy resultaten wize op de ferskillen tusken stêd en plattelân yn relaasje ta de talige identiteit. It Frysk spilet dêrby in wichtiger rol, benammen yn minder ferstedске regio's.

De selskeazen taalgroepen binne werjûn per leeftiidsgroep yn Tabel 8. Yn it gefal dat de respondinten har ta mar ien taalgroep rekkenje, kieze jongere respondinten faker foar it Nederlânsk as foar it Frysk ferlike mei âldere respondinten. It liket derop dat der in ferskowing plakhat rjochting it Nederlânsk. Lykwols is dat allinnich sa as de respondinten har mei mar ien taal identifisearje. De persintaazjes respondinten dy't foar sawol Frysk as Nederlânsk kieze, bliuwe nammentlik stabyl (likernôch 40%).



**Tabel 8.** Selskeazen taalgroepen per leeftiidskategory

Leeftiid	Frysk	Nederlânsk	Beide	Oars
≤ 29	13,9	41,7	42,9	1,5
30-49	26,0	37,8	34,0	2,2
50-64	22,8	31,9	41,4	3,8
65+	28,0	27,7	40,7	3,6

Ut de resultaten blykt dat yn frijwol elke leeftiidskategory de grutste groep respondinten him identifisearret mei sawol it Frysk as it Nederlânsk. Inkeld yn de leeftiidskategory 30-49 is de groep dy't him mear mei it Nederlânsk identifisearret grutter. Dat patroan komt foar in grut part oerien mei de befiningen fan Klinkenberg e.o. (2018), dêr't yn fêststeld waard dat de kombinaasjegrup Frysk en Nederlânsk yn alle leeftiden it grutst wie. Opfallend is lykwols dat it persintaazje respondinten dat him benammen mei it Frysk identifisearret yn elke leeftiidskategory leger leit as yn de foarige survey. Sa identifisearret yn de jongste groep (≤ 29 jier) mar 13,9% him benammen mei it Frysk, ferlike mei 27% yn de eardere mjitting. Dat patroan set troch yn de oare leeftiidskategoryen: 30-49 jier (26% vs. 32%), 50-64 jier (22,8% vs. 33%) en 65+ (28% vs. 33%). Ek it persintaazje respondinten dat him mei beide talen identifisearret, is yn alle leeftiidskategoryen sakke yn ferliking mei de

foarige survey. Dat suggerearret dat der mooglik in ferskowing plakfynt yn taalidentifikaasje, wêrby't de eksklusive en kombinearre identifikaasje mei it Frysk ôfnimt, yn it foardiel fan in sterkere identifikaasje mei it Nederlânsk. Hjir falt lykwols op te merken dat it ferskil ek troch oerfertsjintwurdiging fan Frysktaligen yn de foarige taalsurvey ferklearre wurde kin. Oft it dus om in echte ferskowing giet, moat takomstich ûndersyk útwize.

As lêste jouwe we ek noch in koart oersjoch fan de selskeazen taalgroep per memmetaal. Omdat de respondinten mear as ien taal selektarje koene, binne de totale persintaazjes heger as 100%. Tabel 8 toant oan dat taalidentiteit net altyd ûndûbeldsinnich gearfalt mei de memmetaal. Sa identifisearret 42,2% fan de minsken dy't mei it Frysk opgroeid binne har- of himsels as Frysktalich, wylst in mearderheid (52,4%) him- of harsels as Frysktalich én Nederlânsktalich identifisearret. It twatalige karakter fan minsken is ek te sjen oan de groep dy't opgroeid is mei it Nederlânsk, wêrfan't 30,4% har- of himsels as Beide identifisearret.

**Tabel 9.** Selskeazen taalgroepen per memmetaal (yn %)

Memmetaal	Frysk	Nederlânsk	Beide	Oars
<b>Frysk</b>	42,2	4,0	52,4	1,4
Nederlânsk	3,9	63,1	30,4	2,7
Stedfrysk	9,2	33,8	53,0	4,1
Biltsk	13,9	2,3	52,9	30,8
Stellingwerfsk	12,1	43,8	17,9	26,1
Ingelsk	7,2	63,5	17,7	11,6
Oars	6,1	49,6	31,1	13,2

### 3.3 Skoalle en ûnderwiis yn it Frysk

Yn dizze seksje besprekke we hoe faak de respondinten dy't yn Fryslân op de basisskoalle sitten hawwe, Fryske les op de legere skoalle krigen. Yn Tabel 10 wurdt in oersjoch jûn fan de weage persintaazjes antwurden fan de respondinten per regio en stedskens. It falt op dat yn alle regio's de measte respondinten oanjouwe dat se noait Frysk op skoalle hân hawwe.

Yn Tabel 11 is te sjen dat it persintaazje respondinten dat oanjout dat se noait Frysk op skoalle hân hawwe, it heechst is foar âldere respondinten. Dat komt oerien mei it feit dat Frysk pas sûnt 1980 ferplichte is op de basisskoalle (by ôfname fan de survey 43 jier lyn). It is lykwols opfallend dat 28,2% fan de respondinten ûnder de 29 jier noait Frysk op skoalle hân hie.

Hoewol't der útsûnderingen op de ferplichtingen foar it Frysk mooglik binne en it foar in part ek troch migraasje feroarsake wêze kin, is dat dochs in heech persintaazje dielnimmers.

**Tabel 10.** Frysk op skoalle neffens regio & stedskens (yn %)

Kategory	Noait	In pear kear per jier	Elke moanne	Elke wike	Elke dei	Wit ik net
<b>Regio</b>						
Ljouwert	39,9	12,3	5,7	25,8	1,9	14,4
Noardeast-Fryslân	34,1	5,5	6,0	28,3	3,1	23,0
Noardwest-Fryslân	33,7	6,2	4,5	35,6	4,1	15,9
Waadeilannen	59,5	2,8	-	18,7	-	19,0
Súdeast-Fryslân	48,5	10,5	5,3	20,8	1,4	13,5
Súdwest-Fryslân	34,6	11,2	4,9	28,9	2,7	17,7
<b>Stedskens</b>						
Stêd	42,5	11,7	6,5	22,9	1,4	37,4
Plattelân	37,4	7,8	4,5	28,9	3,1	18,2

**Tabel 11.** Frysk op skoalle per leeftiidskategoryen

Kategory	Noait	In pear kear per jier	Elke moanne	Elke wike	Elke dei	Wit ik net
Leeftiid						
≤ 29	28,2	11,1	14,8	30,8	1,3	13,5
30-49	25,0	11,4	5,2	35,2	2,6	20,5
50-64	44,9	7,7	3,7	23,1	2,5	18,1
65+	59,4	7,0	1,4	16,3	2,9	13,0

Yn Tabel 12 zoome we fierder yn op de leeftiidskategoryen ≤ 29 en 30-49 om nei de ferskillen per regio en stedskens te sjen. Foar de measte sprekkers dy't by dy groepen hearre wie it Frysk ûnderwiis nammentlik ferplichte neffens de wetjouwing fan 1980 (sjoch seksje 1.3). De Waadeilannen binne hjir net yn meinommen, omdat we dêr te min data foar hawwe, en sy ek faak unthefing hawwe. Ut Tabel 12 falt op dat yn de leeftiidskategory tusken 18 en 49 jier noch altyd in soad regionale en stedske fariaasje is oangeande it ûnderwiis yn it Frysk. De grutste groep dy't oanjout noait Frysk ûnderwiis hân te hawwen, komt út Súdeast-Fryslân (34,5%, mei ynbegryp fan de Stellingwerven), wylst dat persintaazje foar Noardwest-Fryslân folle leger is (10,2%). It falt ek op dat 58,0% fan de respondinten út Noardwest-Fryslân oanjout alle wiken Frysk ûnderwiis hân te hawwen. Dat is in heech persintaazje ferlike mei oare regio's.

By de ferliking tusken stedske en plattelânsgebieten is te ferwachtsjen dat op it plattelân mear respondinten oanjouwe alle wiken (38,1%) of alle dagen (2,2%) Frysk ûnderwiis hân te hawwen, ferlike mei stedske gebieten (respektyflik 20,4% en 0,0%). It wiist op in dúdlik ferskil tusken stêd en plattelân oangeande kwantiteit fan Frysk ûnderwiis.

**Tabel 12.** Frysk op skoalle (18-49 jier) neffens regio (yn %)

Kategory	Noait	In pear kear per jier	Elke moanne	Elke wike	Elke dei	Wit ik net
<b>Regio</b>						
Ljouwert	36,8	22,2	10,4	24,2	0,7	5,7
Noardeast-Fryslân	24,6	3,5	24,9	25,7	3,0	18,2
Noardwest-Fryslân	10,2	14,4	-	58,0	4,8	12,7
Súdeast-Fryslân	34,5	10,8	10,3	29,2	-	15,2
Súdwest-Fryslân	25,1	10,7	18,3	32,5	-	13,4
<b>Stedskens</b>						
Stêd	38,8	15,2	12,8	20,4	-	12,8
Plattelân	21,3	8,3	16,1	38,1	2,2	14,0

### 3.4 Ferzje fragelist

Yn dizze taalsurvey hie de respondint ek de opsje om fuortendaliks oan it begjin te kiezen tusken in Frysktalige of in Nederlânsktalige ferzje fan de fragelist. Der is yn 30% fan de gefallen keazen om de fragelist yn it Frysk yn te foljen. Sawol leeftiid, regio as stedskens korrelearen mei de foarkar foar de Frysk- of de Nederlânsktalige ferzje fan de enkête. De ferdieling dêrfan is werjûn yn Tabel 13.

De regionale fariaasje lit sjen dat it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oare. Sa kiest yn Noardeast-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Frysktalige ferzje (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân jouwe faker de foarkar oan de Frysktalige ferzje fan de fragelist (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenje (20,6%). Dy befining ûnderstrekjet de gearhing tusken geografyske kontekst en taalkar. Dêrneist keazen âldere respondinten der faker foar om de fragelist yn it Frysk yn te foljen as jongere respondinten. Fan de respondinten boppe 65 jier keas 33,4% foar de Frysktalige ferzje, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

**Tabel 13.** Taalkar fragelist per regio, stedskens en leeftiid (yn %)

Kategory	Frysk	Nederlânsk
<b>Regio's</b>		
Ljouwert	20,2	79,8
Noardeast-Fryslân	41,2	58,8
Noardwest-Fryslân	36,0	64,0
Waadeilannen	1,0	99,0
Súdeast-Fryslân	24,6	75,4
Súdwest-Fryslân	32,8	67,2
<b>Stedskens</b>		
Stêd	20,6	79,4
Plattelân	35,8	64,2
<b>Leeftiid</b>		
≤ 29	21,7	78,3
30–49	28,6	71,4
50–64	31,7	68,3
65+	33,4	66,6

**Tabel 14.** Taalkar fragelist per earste taal (yn %)

Taalgroep	Frysk	Nederlânsk
<b>(Allinnich) Frysk</b>	<b>52,6</b>	<b>47,4</b>
(Allinnich) Nederlânsk	6,8	93,2
Beide	28,5	71,5
(Allinnich) Oars	16,2	83,8

Omdat de memmetalen yndividueel oanjûn wurde koene, wie der in soad oerlaap tusken de antwurden. Wy jouwe hjir dêrom de persintaazjes foar respondinten dy't allinnich Frysk as earste taal leard hawwe, allinnich Nederlânsk, Frysk en Nederlânsk tagelyk of allinnich in oare taal (dat wol sizze net yn kombinaasje mei it Frysk of Nederlânsk). Dat dogge we hjir lykwols suver om sjen te litten hoe't it opgroeien mei it Frysk, Nederlânsk of beide talen ien syn/har foarkar foar de taalferzje fan de fragelist beynfloedzje kin. Yn 'e analyze wurde alle antwurden meinommen, dus ek bygelyks fan de respondinten dy't mear as twa talen as harren earste taal opjûn hawwe, dy't in kompleks model foarmje. Dêrom wurdt fierder yn 'e tabellen gjin ûnderskied makke tusken ien- en twataligen. De resultaten litte sjen dat mear as de helte fan de respondinten dy't it Frysk as earste taal leard hawwe, derfoar keazen om de fragelist yn it Frysk yn te foljen. Dat is yn grut kontrast mei de fan hûs út Nederlânsktalige respondinten: 93,2% fan harren hat de fragelist yn it Nederlânsk ynfolle. Dat betsjut oars wol dat 6,8% fan de Nederlânsktaligen wol foar it Frysk keas. Foar de respondinten dy't beide talen as har earste taal beskôgje, leit dat persintaazje heger, nammentlik 28,5%. Foar de respondinten dy't in oare taal as Frysk of Nederlânsk as earste taal leard hawwe, is dat 16,2%: leger as yn it



gefal fan Frysk- en twataligen, mar heger as ûnder Nederlânsktaligen.

Ta ferliking mei de taalkar by it ynfoljen fan de fragelist per earste taal, jouwe we hjirûnder de persintaazjes foar de selskeazen taalgroep wer (Tabel 15). Hoewol't de persintaazjes ferlykber binne, falt hjir op dat selsidentifikaasje yn it foardiel fan it Frysk wurket, behalve as ien him/har allinnich mei it Nederlânsk identifisearret. Foar alle oare groepen binne de persintaazjes respondinten dy't de fragelist yn it Frysk ynfolle hawwe, heger yn it gefal fan selskeazen taalgroep as yn it gefal fan earste taal.

**Tabel 15.** Taalkar fragelist per selskeazen taalgroep (yn %)

Taalgroep	Frysk	Nederlânsk
Frysk	57,7	42,3
Nederlânsk	2,3	97,6
Beide	37,2	62,8
Oars	20,8	79,2

Ut de iepen fragen die bliken dat in soad respondinten it noflik fûnen dat de fragelist yn it Frysk ynfolle wurde koe. Se joegen ek oan dat se wol faker surveys yn it Frysk meitsje wolle soene.

Yn dit haadstik binne inkelde wichtige achtergrûnskaaimerken, oftewol achtergrûnfariabelen besprutsen dy't de basis foar fierdere analyzes foarmje. Yn haadstik 4 rjochtsje we ús op taalbehearsking en de achtergrûnskaaimerken dy't dêrmei gearhingje. Yn haadstik 5 wurdt de relaasje tusken achtergrûnskaaimerken en attitudes oangeande status en solidariteit behannele, wylst yn haadstik 6 op taalgedrach yngien wurdt. De konklúzjes en oanbefellingen folgje yn haadstik 7 en yn haadstik 8 wurdt de opset fan de oankommende Taalmonitor taljochte.



## 4. Taalbehearsking

Taalbehearsking is in krúsjale faktor yn it behâld en de fitaliteit fan in taal, benammen fan in regionale minderheidstaal lykas it Frysk. Earder ûndersyk hat ek geregeld sjen litten dat taalfeardigens yn it Frysk gearhinget mei de hâlding foar de taal oer. In hegere sprekfeardigens giet dêrby mank mei minder negative attitudes (Coret-Bergstra e.o., yn tarieding; Gunther-van der Meij, 2018; Hilton & Gooskens, 2013; Jongbloed-Faber, 2021; Kircher e.o., 2022). Yn dit haadstik geane we djipper yn op de taalbehearsking fan de ynwenners fan Fryslân en de ûnderskate achtergrûnfariabelen dy't dêrop fan ynfloed binne om antwurd te jaan op twa ûndersyksfragen:

- Hokfoar (selsrapportearre) behearsking fan it Frysk hawwe ynwenners fan Fryslân op it mêd fan praten, ferstean, lêzen en skriuwen?
- Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen korrelearje mei dy selsrapportearre behearsking?

Dit ûndersyk is útfierd yn gearwurking mei Planbureau Fryslân. Fisualisaasjes dy't hearre by de data fan dit haadstik (taalfeardigens), binne

te besjen fia de monitor fan Planbureau Fryslân: [Taalfeardigens yn it Frysk ûnder de ynwenners fan Fryslân \(2024c\)](#).

Krekt as yn de foargeande edysjes fan de taalsurvey meitsje we ûnderskied tusken de fjouwer diminsjes fan taalbehearsking: ferstean, praten, lêzen en skriuwen. Dy feardichheden, benammen ferstean en praten, spylje in wichtige rol yn hoe't de Fryske taal trochjûn en beholden wurdt yn it deistich libben. Yn Fryslân binne de algemiene ferwachtingen wat dat oanbelanget al lange tiid frij pessimistysk, stjoerd troch de oertsjûging dat it Frysk slim achterútbuorket (Klinkenberg e.o., 2018). Mei dêrom is it tige wichtich om te sjen hoe't dy feardichheden har hjoed-de-dei ûntwikkelje. Yn dit haadstik ûndersykje we de tsjintwurdige stân fan saken en de faktoaren dy't fan ynfloed binne op it fermogen fan minsken om it Frysk aktyf en passyf te behearskjen. Dêrmei wolle we ynsjoch krije yn de útdagingen dy't der binne, mar ek yn de mooglikheden om it Frysk fierder fuort te sterkjen.

Us resultaten binne basearre op selsrapportearre taalbehearsking. Wylst dêr gauris mei erchtinken nei sjoen wurdt (bgl. De Haan, 2010), wurdt ek wiisd op oerienkomsten tusken selsrapportaaazje en de werklikheid (sels al kinne wol wat ferskillen ferwachte wurde; bgl. Stefan, 2022). Dy metoade wurdt konsekwiint tapast yn survey-ûndersyk en dat makket in direkte ferliking mei eardere útkomsten mooglik.

Dit haadstik omfettet as earste in ferliking mei foargeande taalsurveys oangeande it behearskjen fan it Frysk tusken 1969 en 2025 (4.1). Om goed ynsjoch te krijen yn de Fryske taalfeardigens, wurde dêrnei de fjouwer ôfsûnderlike ûnderdielen – ferstean, praten, lêzen en skriuwen – elk apart besprutsen. Dy feardichheden foarmje it fûnemint fan taalbehearsking en binne ûnskiedber mei-inoar ferbûn. Sa makket in sterke lústerfeardigens it praten makliker, en wa't faak lêst, ûntwikkelet trochstrings ek in bettere skriuwfeardigens. Dy ûnderdielen ûntwikkelje har lykwols net altyd yn itselde tempo of ûnder deselde omstannichheden. Dêrom binne der per feardichheid ferdjippjende analyzes útfierd om

te achterheljen hokker achtergrûnfaktoaren – lykas leeftiid, regio of ûnderwiis – ynfloed útoefenje kinne op elk ôfsûnderlik aspekt fan de taalfeardigens. Sa kinne we in nuansarre ynsjoch biede yn de kânsen en útdagingen foar de takomst fan it Frysk. De diminsjes ferstean (4.2), praten (4.3), lêzen (4.4), en skriuwen (4.5) wurde om dy reden apart besprutsen.

#### 4.1 Beharsking fan it Frysk 1969 - 2025

Om in ferliking mei de útkomsten fan de eardere stúdzjes meitsje te kinnen, sille we hjir earst de persintaazjes werjaan fan de respondinten dy't oanjouwe it Frysk goed of hiel goed (de twa heechste nivo's) ferstean, prate, lêze en skriuwe te kinnen (Tabel 16).

**Tabel 16.** Beharsking fan it Frysk 1969 – 2025 (% goed – hiel goed)

	1969	1984	1995	2018	2025
<b>Ferstean</b>	90	85	85	89	90
<b>Prate</b>	77	62	61	69	64
<b>Lêze</b>	44	34	34	58	61
<b>Skriuwe</b>	12	2	4	18	19

Oer it algemien binne der ferskillen tusken de Fryske taalfeardigens op it mêd fan praten, ferstean, lêzen en skriuwen. Dat ien goed of hiel goed Frysk praat betsjut bygelyks net perfoarst dat hy/sy it ek (hiel) goed skriuwe kin. Yn Tabel 16 wurde de útkomsten fan de foarlizzende taalsurvey (2024) ferlike mei de foargeande edysjes. It earste dat opfalt is dat ús resultaten amper ferskille fan de resultaten fan de foarige taalsurvey (2018). De prosintuele ferskillen foar de fjouwer feardichheden binne nammentlik 1% oan en mei 5%. Dat wiist op 'e nij (sjoch ek Klinkenberg e.o., 2018) op in stabile situaasje en sprekt tsjin de ferwachting dat it Frysk achterútbuorket. It tal minsken dat it Frysk (hiel) goed ferstean kin, bliuwt al sûnt 1969 stabyl. It tal Frysk-praters like earst wat ôf te nimmen tusken 1969 en 1984, mar bleau nei 1984 ek stabyl. It is oars wichtich om te neamen dat ús resultaten befêstigje dat it tal minsken dat oanjout it Frysk (hiel) goed lêze en skriuwe te kinnen, tanommen is nei 1995.

Wat it lêzen oanbelanget is it ek neat gjin niget: troch de ûntwikkelingen op it mêd fan ferskate media krije minsken hjoed-de-dei hieltyd mear Frysk ûnder eagen. Foar de skriuwfeardigens (aktive taalbehearsking) leit it justjes oars. It tal minsken dat it Frysk (hiel) goed skriuwe kin bliuwt oan 'e lege kant, mar it nimt net wei dat it wol tanommen is.

Foar in part kin dat mei persepsje te krijen hawwe, sa as Klinkenberg-en-dy (2018) ek al suggerearje. Der wurdt hjoed-de-dei mear Frysk skreaun as yn it ferline, benammen yn de ynformele kommunikaasje. En wat faker oft jo wat dogge, wat makliker oft dat giet. Mar hokfoar regels wurde dêrby folge? It eardere ûndersyk hat oantoand dat Friezen gauris fonetyske stavering brûke, oftewol skriuwe sa as se prate (Jongbloed-Faber, 2021). It is dan ek mooglik dat it tal minsken dat it Frysk skriuwe kin neffens de offisjele staveringregels net of amper tanommen is. Oan 'e oare kant hawwe faktoaren as ûnderwiis op skoalle ynfloed op hoe't respondinten harren skriuwfeardigens ynskatte (sjoch seksje 4.2.4.). Der wurdt yn alle gefallen in soad Frysk op skrift brûkt (sjoch ek seksje 6.5), en dat kin as in positive ûntwikkeling sjoen wurde.

Yn de folgjende seksjes sille we de fjouwer diminsjes (ferstean, 4.2; praten, 4.3; lêzen, 4.4 en skriuwen, 4.5) apart besprekke. Wy sjogge dêrby nei de achtergrûnfariabelen dy't mei dy feardichheden korrelearje.



## 4.2 Ferstean

Oan te ûndersykjen hokker achtergrûnfariabelen gearhingje mei ferskillen yn de feardigens om it Frysk te ferstean (ûndersyksfraach 2), is in Generalized Addvende Model (GAM) brûkt mei ferstean as ôfhinklike fariabele. Meardere achtergrûnskaaimerken binne opnommen as foarsizzers yn it model, te witten Frysk T1, taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en Frysk op skoalle (sjoch seksje 2.3 foar in útlis fan de faktoaren). Variabelen dy't net bydroegen oan de ferklearjende krêft fan it model, binne fuorthelle (û.o. Streektaal T1, Oarstalich T1). De skattingen dy't by it model hearre, binne werjûn yn Tabel 17. De 'intercept' fertsjintwurdiget de trochsneed skoare fan de dielnimmers, wylst de oare koëffisjinten sjen litte oft spesifike achtergrûnfariabelen bydrage oan in hegere of legere skoare foar ferstean.

**Tabel 17.** Gearfetting fan it model foar taalfeardigens (ferstean)

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
(Intercept)	4.713600	0.161795	29.133	< .0001	***
Gjin Frysk T1	-0.404899	0.060538	-6.688	< .0001	***
Streektaal	-0.007176	0.071143	-0.101	.91965	
Oarstalich	0.161096	0.095101	1.694	.09027	.
Taalgroep: Frysk	1.070494	0.114509	9.349	< .0001	***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.049177	0.106005	-9.897	< .0001	***
Taalgroep: beide	0.404173	0.085610	4.721	< .0001	***
Geslacht: man	-0.253933	0.045850	-5.538	< .0001	***
Leeftiid: ≤ 29	-0.041257	0.095545	-0.432	.66588	
Leeftiid: 30-49	0.219322	0.077638	2.825	.00473	**
Leeftiid: 50-64	-0.018810	0.078596	-0.239	.81086	
Regio: Ljouwert	0.146023	0.118971	1.227	.21968	
Regio: NE-Fryslân	0.083218	0.120239	0.692	.48887	
Regio: NW-Fryslân	0.234278	0.144735	1.619	.10552	
Regio: Waadeilannen	-0.330581	0.337515	-0.979	.32735	
Regio: SE-Fryslân	-0.049113	0.105067	-0.467	.64018	
Stedskens: stêd	-0.203922	0.049330	-4.134	< .0001	***
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.315409	0.109313	-2.885	.00391	**
FSkoalle: pear kear per jier	0.049360	0.151760	0.325	.74499	
FSkoalle: elke moanne	-0.436228	0.170905	-2.552	.01070	*
FSkoalle: elke wike	0.184141	0.124287	1.482	.13845	
Oplieding: heech	0.397692	0.077901	5.105	< .0001	***
Oplieding: midden	-0.300371	0.071291	-4.213	< .0001	***

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

It docht bliken dat de taalfeardigens yn it ferstean fan it Frysk signifikant ferskilt foar in soad (foarsizzende) faktoaren: Frysk as earste taal (T1), taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, stedskens, Frysk op skoalle (FSkoalle) en oplieding. De faktoaren Frysk T1, stedskens en geslacht besteane út twa diminsjes (wol/gjin Frysk as earste taal, stêd/plattelân, frou/man). Yn de tabel is te sjen dat persoanen dy't mei it Frysk as earste taal (Frysk T1) opgroeid binne, harsels signifikant heger op it ferstean fan it Frysk ynskate yn ferliking mei de gemiddelde skoare. Dat betsjut dan ek dat se har heger ynskate as minsken dy't net mei it Frysk opgroeid binne (sûnder Frysk T1). Dêrneist kinne respondinten dy't yn in plattelânsgebiet wenje, yn trochsneed better Frysk ferstean as minsken út stedske gebieten en is de gemiddelde feardigens yn it ferstean fan it Frysk heger foar froulike as foar manlike respondinten.

Alle oare faktoaren besteane út mear as twa diminsjes (bygelyks taalgroep, dy't bestiet út de diminsjes Frysk, Nederlânsk, Beide en Oars). Yn Tabel 16 wurde dy diminsjes ferlike mei it gemiddelde fan alle skoares. Om de ferlikingen tusken de ferskate diminsjes (bygelyks Frysk - Nederlânsk) te besjen, binne *post-hoc pairwise* ferlikingen dien mei *Bonferroni* oanpassingen fia 'emmeans' package yn R (Lenth, 2025). Dy ferlikingen binne opnommen yn Tabel 18 oant en mei Tabel 21. De 'Estimate'-wearden

yn 'e tabellen jouwe it ferskil yn it gemiddelde sels-ynskate taalfeardigens tusken twa groepen oan. Allinnich statistysk signifikante ferskillen ( $p < .05$ ) binne opnommen yn de tabellen. As earste is yn Tabel 18 te sjen wat de ferskillen binne tusken de selskeazen taalgroepen. Dêr is te sjen dat dielnimmers dy't harsels as Frysktalich beskôgje, gemiddeld gâns better op Fryske taalfeardigens skoare as alle oare groepen. It ferskil mei de Nederlânsktalige groep is it grutst. Allyksa binne de ferskillen tusken de taalgroepen Frysk en Beide, en Frysk en Oars signifikant. Ek dielnimmers dy't harsels ta beide taalgroepen rekkenje, beoardielje harren taalfeardigens yn it ferstean fan it Frysk heger as de Nederlânsktalige groep. Dêrneist skoare dielnimmers dy't har mei sawol Frysk as Nederlânsk identifisearje ("Beide") signifikant heger as minsken dy't har inkeld as Nederlânsktalich beskôgje of minsken dy't har as "Oars" identifisearje.



**Tabel 18.** Ferlikingen foar Frysk ferstean per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	2.120	0.171	12.431 (2724)	< .0001
Frysk -	Beide	0.666	0.132	5.042 (2724)	< .0001
Frysk -	Oars	1.496	0.264	5.667 (2724)	< .0001
Beide -	Nederlânsk	1.453	0.128	11.353 (2724)	< .001
Beide -	Oars	0.830	0.243	3.408 (2724)	.0040

Yn Tabel 19 sjogge we ien signifikant kontrast foar de leeftidskategoryen. De groep dielnimmers tusken de 30 en 49 jier skat himsels

nammentlik heger yn wat it ferstean fan it Frysk oanbelanget, as de groep fan 65+.

**Tabel 19.** Ferlikingen foar Frysk ferstean per leeftiid

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
30-49	65+	0.3786	0.134	2.826 (2724)	.0285

Der binne ek signifikante ferskillen foar opliedingsnivo's. Sa skatte dielnimmers mei in heech opliedingsnivo harsels signifikant

heger yn wat it ferstean fan it Frysk oangiet as dielnimmers mei in leech opliedingsnivo of midden-opliedingsnivo.

**Tabel 20.** Ferlikingen foar Frysk ferstean per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	0.698	0.136	5.114 (2724)	< .0001
Heech -	Midden	0.495	0.122	4.065 (2724)	< .0001

**Tabel 21.** Ferlikingen foar Frysk ferstean per Frysk op skoalle

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Wykliks -	Noait / wit ik net	0.500	0.118	4.215 (2724)	< .001
Alle moannen -	Wykliks	-0.620	0.205	-3.029 (2724)	.0247

Wat it ûnderwiis yn it Frysk oanbelanget, binne der ek ferskillen te sjen. Dielnimmers dy't wykliks Frysk op skoalle krigen, skoarden signifikant better yn it ferstean fan Frysk as dejingen dy't

oanjoegen noait of net te witten oft se Frysk ûnderwiis hân hawwe. It die ek bliken dat dielnimmers dy't alle moannen Frysk ûnderwiis krigen, harsels leger ynskatte as dejingen dy't it

wykliks krigen. Der soe út soarte in signifikant ferskil ferwachte wurde net allinnich foar respondinten dy't wykliks Frysk ûndwiis krigen en dy't noait Frysk op skoalle hân hawwe (of dy't dat net witte), mar yn alle gefallen ek tusken de lêstneamde groep en de respondinten dy't alle dagen Frysk op skoalle hiene. Dat it net sa is, kin mooglik ferklearre wurde troch it lytse tal dielnimmers dat oanjûn hat dat se alle dagen Frysk op skoalle hiene (90 fan de 2747). Oer it generaal liket de frekwinsje fan Frysk ûnderwiis fan ynfloed te wêzen op de sels-ynskatte feardigens yn it ferstean fan de taal, benammen foar dejingen dy't it wykliks krigen.

Om gear te fetsjen kinne we sizze dat de feardigens yn it ferstean fan it Frysk signifikant gearhinget mei de taalachtergrûn, sawol objektyf (Frysk T1 skoart heger) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk it heechst skoart, folge troch Beide, Oars en ta beslút Nederlânsk, it geslacht (froulju skoare heger), de stedskens fan it wenplak (plattelân skoart heger), it opliedingsnivo (respondinten mei in hegere oplieding skoare heger) en mei de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (wykliks skoart heger as noait/wit ik net en as alle moannen). Yn de seksje hjirnei sjogge we nei deselde achtergrûnfariabelen foar de sprekfeardigens fan it Frysk.



### 4.3 Praten

Yn de foarige seksje seagen we dat de feardigens yn it ferstean fan it Frysk gearhinget mei meardere achtergrûnfariabelen: taalachtergrûn, geslacht, stedskens, Frysk op skoalle en opliedingsnivo. Om út te meitsjen hokker achtergrûnskaaimerken gearhingje mei ferskillen yn de sprekfeardigens fan it Frysk, is op 'e nij in Generalized Additive Model (GAM) brûkt, diskear mei praten as ôfhinklike variabele. Opnommen faktoaren binne Frysk as earste taal (Frysk T1), streektaal as T1, oare taal as (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (sjoch seksje 2.3 foar in taljochting op de variabelen). Variabelen dy't net bydroegen oan de ferklearjende krêft fan it model, binne fuorthelle. De resultaten fan it model binne te finen yn Tabel 22. Krekt as yn it foarige model fertsjintwurdiget de 'intercept' de trochsneed skoare foar de dielnimmers. De oare koëffisjinten jouwe oan yn hoefier't beskate achtergrûnskaaimerken ta hegere of legere skoares op sprekfeardigens liede.

**Tabel 22.** Gearffetting fan it model foar taalfeardigens (praten)

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	3.80335	0.13760	27.641	< .0001 ***
Gjin Frysk T1	-0.96402	0.05525	-17.448	< .0001 ***
Streektaal T1	-0.02272	0.06550	-0.347	.72873
Oars T1	0.03037	0.08817	0.344	.73053
Taalgroep: Frysk	1.89109	0.09922	19.060	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-2.39328	0.09906	-24.161	< .0001 ***
Taalgroep: Beide	1.21585	0.07959	15.276	< .0001 ***
Geslacht: man	-0.18738	0.03924	-4.775	< .0001 ***
Leeftiid: ≤ 29	-0.19595	0.08357	-2.345	.01904 *
Leeftiid: 30-49	0.07093	0.06500	1.091	.27514
Leeftiid: 50-64	0.17774	0.06878	2.584	.00976 **
Regio: Ljouwert	0.05079	0.10239	0.496	.61985
Regio: NE-Fryslân	0.24920	0.10221	2.438	.01476 *
Regio: NW-Fryslân	0.09288	0.12007	0.774	.43921
Regio: Waadeilannen	-0.65017	0.28949	-2.246	.02471 *
Regio: SE-Fryslân	0.13335	0.09090	1.467	.14239
Stedskens: stêd	-0.23854	0.04296	-5.553	< .0001 ***
Oplieding: heech	0.29832	0.06497	4.592	< .0001 ***
Oplieding: midden	-0.34147	0.06183	-5.523	< .0001 ***
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.23217	0.08443	-2.750	.00596 **
FSkoalle: Pear keer per jier	-0.16548	0.12074	-1.371	.17049
FSkoalle: Elke moanne	0.02605	0.14837	0.176	.86064
FSkoalle: Elke wike	0.16136	0.09622	1.677	.09353 .

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

Krekt as by de skoares foar de feardigens Frysk ferstean binne der yn it gefal fan sprekfeardigens signifikante ferskillen foar ferskate faktoaren: Frysk as earste taal (T1), taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, oplieding en Frysk op skoalle (FSkoalle). De faktoaren komme foar it grutste part oerien mei de ferskillen yn it Frysk ferstean, útsein dat yn it gefal fan praten ek in effekt fan regio te sjen is. De faktoaren Frysk T1, stedskens en geslacht besteane wer út twa diminsjes (sjoch foargeande seksje: 4.2). Yn de tabel kinne we ôflêze dat dielnimmers mei Frysk as earste taal (T1) harsels in hegere sprekfeardigens taskriuwe as dejingen sûnder Frysk T1. Dêrneist wurdt ek de sprekfeardigens heger ynskat op it plattelân en kinne froulike respondinten (nei eigen sizzen) better Frysk prate as manlju.

Foar de faktoaren dy't út mear as twa diminsjes besteane, besprekke we in ferliking tusken alle diminsjes. De faktor regio is hjir net yn opnommen – hoewol't Tabel 22 oanjoech dat Noardeast-Fryslân en de Waadeilannen signifikant ferskilden fan de gemiddelde skoare, binne der gjin signifikante ferskillen tusken de regio's. Dat skynbere kontrast komt fuort út it ferskil tusken it type ferliking dat makke wurdt. Yn it GAM-model mei *sum coding* wurdt elke regio ferlike mei it algemiene gemiddelde fan alle regio's. Sa kin in regio dus signifikant heger of leger skoare as it gemiddelde fan alle regio's, sûnder dat sprake is fan in signifikant ferskil tusken spesifike regio's ûnderinoar. In regio kin dus yndividueel ôfwike fan it gemiddelde (sa as yn it model yn Tabel 22), wylst de ferskillen tusken regio's ûnderinoar te lyts of te ynkonsistint binne om as signifikant beskôge te wurden yn *post-hoc* ferlikingen.

Yn de Tabel 23 oant en mei Tabel 26 binne de *post-hoc pairwise* ferlikingen mei *Bonferroni* oanpassingen te sjen. It giet allinnich om de faktoaren dêr't wol signifikante ferskillen foar fûn wiene. De 'Estimate'-wearden yn 'e tabellen jouwe it ferskil tusken de twa groepen wer. In positive wearde betsjut dêrby dat de earste groep better skoart as de twadde. Sa jout de positive skoare by de ferliking tusken de taalgroepen Frysk en Nederlânsk oan dat de earste groep – Frysk – heger skoart (sjoch Tabel 23).

Wat de taalgroepen oanbelanget binne der op 'e nij grutte ferskillen te sjen: Frysktaligen skoarden signifikant heger as alle oare taalgroepen. De Nederlânsktaligen prate it Frysk wer signifikant minder goed as de twatalige groep (Frysktalich en Nederlânsktalich) en as de respondinten dy't har ta in oare taalgroep rekkenje. Respondinten dy't har mei beide taalgroepen identifisearje, prate better Frysk as de oarstaligen.

De resultaten yn Tabel 24 litte ien ferskil yn sprekfeardigens fan it Frysk sjen tusken de jongste groep ( $\leq 29$  jier) en de groep fan 50-64 jier. Hjir is te sjen dat de lêste groep himsels in hegere skoare tadielt as de jongste groep respondinten.

**Tabel 23.** Ferlikingen foar Frysk praten per taalgroep

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk - Nederlânsk	4.284	0.148	28.893 (2774)	< .0001
Frysk - Beide	0.675	0.105	6.409 (2774)	< .0001
Frysk - Oars	2.605	0.251	10.386 (2774)	<.0001
Nederlânsk - Beide	-3.609	0.119	-30.217 (2774)	< .0001
Nederlânsk - Oars	-1.680	0.244	-6.880 (2774)	< .0001
Beide - Oars	1.930	0.238	8.111 (2774)	<.0001



**Tabel 24.** Ferlikingen foar Frysk praten per leeftiidskategory

Leeftiid		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
≤ 29 -	50-64	-0.374	0.128	-2.909 (2724)	.0219

Wat oplieding oanbelanget is te sjen dat heechoplate respondinten harren sprekfeardigens heger ynskatte as leechoplate en as middelber oplate respondinten.

Dêrfoaroer skoarden middelber oplate respondinten signifikant leger as leechoplate respondinten.

**Tabel 25.** Ferlikingen foar Frysk praten per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	0.640	0.115	5.568 (2724)	< .0001
Heech -	Midden	0.255	0.102	2.504 (2724)	.0370
Midden -	Leech	-0.385	0.096	-4.012 (2724)	.0002

Wat it Frysk ûnderwiis op skoalle oanbelanget, sjogge we allinnich in signifikant ferskil tusken

minsken dy't noait Frysk op skoalle hiene en minsken dy't wykliks Frysk ûnderwiis krigen.

**Tabel 26.** Ferlikingen foar Frysk praten per Frysk op skoalle

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Noait -	Wykliks	-0.3935	0.099	-3.974 (2724)	.0007

Koartsein, de Fryske sprekfeardigens hinget (lykas de feardigens ferstean) mei **taalachtergrûn** gear, sawol objektyf (Frysk T1 skoart heger) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk it heechst skoart, folge troch Beide, Oars en ta beslút Nederlânsk), mei it **geslacht** (froulju skoare heger), de **leeftiidskategory** fan respondinten (50-64 skoart heger as ≤ 29), de **stedskens** fan it wenplak (plattelân skoart heger), it **opliedingsnivo** (heger oplate skoart heger, dêrnei midden) en de frekwinsje fan it **Frysk op skoalle** (wykliks skoart heger as noait). Dat komt oerien mei de befiningen foar Frysk ferstean (seksje 4.3). Hoewol't der ferskillen wiene ferlike mei de gemiddelden op it mêd fan regio, ferdwûnen dy ferskillen yn de *post-hoc* ferlikingen. Yn de seksje hjirnei sjogge we nei deselde achtergrûnfaktoaren foar de lêsefeardigens yn it Frysk.

#### 4.4 Lêzen

Oant no ta hawwe we foar de selsrapportearre feardigens yn it ferstean (4.2) en praten (4.3) fan it Frysk besprutsen hokker achtergrûnfariabelen gearhingje mei ferskillen yn de skoares. Wy passe no op 'e nij Generalized Additive Model (GAM) ta, diskear mei de skoare foar lêzen as ôfhinklike fariabele. De achtergrûnfariabelen opnommen yn it model binne wer: Frysk as earste taal (Frysk T1), oare taal as earste taal (Oars T1), (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (sjoch seksje 2.3 foar in taljochting op de fariabelen). Fariabelen dy't net bydrage oan it model binne fuorthelle. De resultaten binne te finen yn Tabel 27, dêr't de 'intercept' de trochsneed skoare foar de dielnimmers fertsjintwurdiget en de oare koëffisjinten oanjouwe yn hoefier't beskate achtergrûnskaaimerken ta hegere of legere skoares foar lêsefeardigens liede.

**Tabel 27.** Gearfetting fan it model foar taalfeardigens (lêzen)

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	308.987	0.13065	23.650	< .0001 ***
Gjin Frysk T1	-0.25406	0.05127	-4.956	< .0001 ***
Streektaal	0.06282	0.06202	1.013	.31109
Oarstalich	0.10756	0.08545	1.259	.20809
Taalgroep: Frysk	0.77326	0.08821	8.766	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-0.95254	0.09513	-10.013	< .0001 ***
Taalgroep: beide	0.40363	0.07353	5.489	< .0001 ***
Geslacht: man	-0.23526	0.03507	-6.709	< .0001 ***
Leeftiid: ≤ 29	-0.17139	0.07850	-2.183	.02900 *
Leeftiid: 30-49	-0.13565	0.05767	-2.352	.01867 *
Leeftiid: 50-64	-0.11664	0.06075	-1.920	.05487 .
Regio: Ljouwert	0.15910	0.09638	1.651	.09880 .
Regio: NE-Fryslân	0.14061	0.09146	1.538	.12417
Regio: NW-Fryslân	0.52560	0.11137	4.719	< .0001 ***
Regio: Waadeilannen	-0.41699	0.28403	-1.468	.14207
Regio: SE-Fryslân	-0.19987	0.08533	-2.342	.01916 *
Stedskens: stêd	-0.09270	0.03910	-2.371	.01775 *
Oplieding: heech	0.39620	0.05760	6.878	< .0001 ***
Oplieding: midden	-0.32197	0.05626	-5.723	< .0001 ***
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.36739	0.07470	-4.918	< .0001 ***
FSkoalle: pear kear per jier	0.09942	0.11001	0.904	.36615
FSkoalle: elke moanne	-0.47668	0.13360	-3.568	< .0001 ***
FSkoalle: elke wike	-0.07376	0.08246	-0.895	.37105

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

De analyze lit sjen dat ferskate faktoaren ynfloed op de lêsfeardigens yn it Frysk hawwe: Frysk as earste taal (T1), (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, oplieding, en Frysk op skoalle (FSkoalle). Dat binne deselde faktoaren dy't de feardigens yn it ferstean en praten fan it Frysk beynfloedzje. Krekt as yn it gefal fan sprekfeardigens binne hjir ek signifikante ferskillen tusken de regio's, mar se bliuwe no ek signifikant nei de *post-hoc* ferliking (sjoch hjirûnder). Fan de faktoaren besteane Frysk T1, stedskens en geslacht wer út twa diminsjes (sjoch foargeande seksjes 4.2 en 4.3). Lykas foar ferstean en praten sjogge we dat dielnimmers mei Frysk T1 harsels in hegere skoare foar it lêzen taskriuwe as dejingen sûnder Frysk T1 (sjoch Tabel 27). Lêsfeardigens wurdt ek heger op it plattelân as de stêd en troch froulike as manlike respondinten ynskat.

De oare faktoaren dy't ynfloed op lêsfeardigens hawwe, besteane út mear as twa diminsjes. As earste sjogge we wer nei de ferskillen tusken taalgroepen. Respondinten dy't har ta de Frysktalige groep rekkenje, beoardielje harren lêsfeardigens folle heger as respondinten dy't har mei de Nederlânske taal identifisearje en respondinten dy't har ta beide taalgroepen rekkenje. Dêrfoar skatte de Nederlânsktalige respondinten harren lêsfeardigens leger yn as de respondinten dy't har ta beide groepen rekkenje en de respondinten dy't har mei in oare taalgroep identifisearje. De groep "Beide" skoart heger as de groep "Oars". Oer it algemien is de selsrapportearre lêsfeardigens dus it heechst foar respondinten dy't har (allinnich) mei it Frysk identifisearje en it leechst foar respondinten dy't har (allinnich) mei it Nederlânsk identifisearje.

De lêsfeardigens kin ek per leeftiid ferskille (sjoch Tabel 29). Respondinten jonger as 29 jier rapportearje in signifikant legere lêsfeardigens as respondinten fan 65 jier en âlder. De leeftiidskategory fan 65+ beoardielet syn lêsfeardigens ek signifikant heger as sawol respondinten tusken 30-49 as tusken 50-64 jier. De selsrapportearre lêsfeardigens is dus it heechst foar de âldste respondinten.

**Tabel 28.** Ferlikingen foar Frysk praten per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	1.726	0.1357	12.716 (2724)	<.0001
Frysk -	Beide	0.370	0.0873	4.235 (2724)	.0001
Frysk -	Oars	0.998	0.2344	4.256 (2724)	.0001
Nederlânsk -	Beide	-1.356	0.1142	-11.872 (2724)	<.0001
Nederlânsk -	Oars	-0.728	0.2337	-3.117 (2724)	.0111
Beide -	Oars	0.628	0.2254	2.786 (2724)	.0323

**Tabel 29.** Ferlikingen foar Frysk praten per leeftiidskategory

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
≤ 29 - 65+	-0.5951	0.1274	-4.672 (2724)	<.0001
30-49 - 65+	-0.5593	0.1014	-5.518 (2724)	<.0001
50-64 - 65+	-0.5403	0.1006	-5.372 (2724)	<.0001

Yn tsjinstelling ta de skoares foar Frysk ferstean en praten is der foar it Frysk lêzen wol in tal signifikante ferskillen tusken de regio's. Sa jouwe ynweners fan Ljouwert oan better Frysk te lêzen as ynweners fan Súdeast- (SE)

en Súdwest-Fryslân (SW). Boppedat skoart Noardeast-Fryslân (NE) leger as Noardwest-Fryslân (NW), mar heger as Súdeast- en Súdwest-Fryslân. Noardwest-Fryslân skoart better as Súdeast- en Súdwest-Fryslân.

Lykas de feardigens ferstean en praten ferskilt lêsfeardigens yn it Frysk op basis fan opliedingsnivo. Persoanen mei in hege oplieding rapportearje in signifikant hegere lêsfeardigens ferlike mei dejingen mei in lege oplieding en dejingen mei in middenoplieding. Tagelyk docht út de analyze bliken dat persoanen mei in lege oplieding signifikant leger skoare as dejingen mei in middenoplieding. Oer it algemien jildt: wat heger de oplieding, wat heger de selsrapportearre lêsfeardigens.

**Tabel 30.** Ferlikingen foar Frysk praten per regio

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert - SE-Fryslân	0.35897	0.110	3.278 (2724)	.0159
Ljouwert - SW-Fryslân	0.36754	0.116	3.174 (2724)	.0228
NE-Fryslân - NW-Fryslân	-0.38498	0.135	-2.852 (2724)	.0657
NE-Fryslân - SE-Fryslân	0.34049	0.104	3.271 (2724)	.0163
NE-Fryslân - SW-Fryslân	0.34906	0.108	3.224 (2724)	.0192
NW-Fryslân - SE-Fryslân	0.72547	0.131	5.536 (2724)	<.0001
NW-Fryslân - SW-Fryslân	0.73404	0.134	5.497 (2724)	<.0001



**Tabel 31.** Ferlikingen foar Frysk praten per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	0.718	0.1033	6.955 (2724)	<.0001
Heech -	Midden	0.470	0.0899	5.235 (2724)	<.0001
Leech -	Midden	-0.248	0.0873	-2.839 (2724)	.0137

Der binne ek signifikante ferskillen yn lêsfeardigens op basis fan (de frekwinsje fan) it Frysk op skoalle. Respondinten dy't noait Frysk op skoalle hân hawwe of dy't net witte oft se Frysk op skoalle oanbean krigen, skoare signifikant leger as dejingen dy't alle dagen, jierren of wiken Frysk op skoalle hiene. Fierder

docht bliken dat dejingen dy't alle dagen Frysk op skoalle hiene, harren lêsfeardigens signifikant heger ynskatte as dejingen dy't it Frysk alle moannen of wykliks oanbean krigen. Oer it generaal kin lykwols konstatearre wurde dat wat faker ien Frysk op skoalle krijt, wat heger hy/sy de eigen lêsfeardigens ynskat.

heger), it opliedingsnivo (heger oplat skoart heger, dêrnei midden) en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (faker Frysk korrelearret mei hegere lêsfeardigens). Yn tsjinstelling ta it Frysk ferstean en praten is der foar lêsfeardigens ek in ferskil tusken de regio's. Súdeast- en Súdwest-Fryslân skoare dêrby leger ferlike mei de oare regio's. Yn de seksje hjirnei sjogge we as lêste nei de selsrapportearre skriuweardigens yn it Frysk om te bepalen oft ek yn dat gefal deselde achtergrûnfariabelen gearhingje mei ferskillen yn de skoares.

**Tabel 32.** Ferlikingen foar Frysk praten per Frysk op skoalle

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Noait / wit ik net -	Pear keer per jier	-0.467	0.1254	-3.722 (2724)	.0020
Noait / wit ik net -	Elke wike	-0.294	0.0853	-3.441 (2724)	.0059
Noait / wit ik net -	Elke dei	-1.186	0.2469	-4.802 (2724)	<.0001
Pear keer per jier -	Elke moanne	0.576	0.1896	3.038 (2724)	.0240
Elke moanne -	Elke dei	-1.295	0.2863	-4.524 (2724)	.0001
Elke wike -	Elke dei	-0.892	0.2508	-3.557 (2724)	.0038

Yn dizze seksje hawwe we sjoen dat de Fryske lêsfeardigens mei deselde faktoaren as ferstean (4.2) en praten (4.3) gearhinget. Dy faktoaren binne: taalachtergrûn – sawol objektyf (Frysk T1 skoart heger) as subjektyf (selskeazen taalgroep,

dêr't Frysk it heechst by skoart, folge troch Beide, Oars en ta beslút Nederlânsk), it geslacht (froulju skoare heger), de leeftidskategory fan respondinten (de kategory 65+ skoart heger), de stedskens fan it wenplak (plattelân skoart

## 4.5 Skriuwen

Yn de foargeande seksjes is de selsrapportearre taalfeardigens yn it Frysk foar ferstean (4.2), praten (4.3) en lêzen (4.4) analysearre yn relaasje ta in tal achtergrûnfariabelen, nammentlik Frysk as earste taal (Frysk T1), oare taal as earste taal (Oars T1), (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en frekwinsje fan it Frysk op skoalle. Yn dizze seksje stiet de selsrapportearre Fryske skriuwfeardigens sintraal. Dêrfoar is op 'e nij in Generalized Additive Model (GAM) brûkt, mei deselde set achtergrûnfariabelen as yn de eardere analyzes. De resultaten fan it model binne werjûn yn Tabel 33. De 'intercept' jout de ferwachte gemiddelde skoare wer, wylst de koëffisjinten fan de oare foarsizzers sjen litte hokker skaaimerken gearhingje mei hegere of legere skoares op skriuwfeardigens yn it Frysk.

**Tabel 33.** Gearfetting fan it model foar Frysk skriuwen

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	0.69691	0.12457	5.594	< .0001 ***
Gjin Frysk T1	-0.48845	0.05009	-9.752	< .0001 ***
Oars T1	0.13531	0.08668	1.561	.11852
Taalgroep: Frysk	100.791	0.08706	11.578	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-140.089	0.09689	-14.458	< .0001 ***
Taalgroep: Beide	0.52457	0.07382	7.106	< .0001 ***
Geslacht: man	-0.26240	0.03474	-7.553	< .0001 ***
Leeftiid: ≤ 29	-0.02209	0.07669	-0.288	.77330
Leeftiid: 30-49	0.02744	0.05671	0.484	.62847
Leeftiid: 50-64	-0.13870	0.06049	-2.293	.02186 *
Regio: Ljouwert	0.14994	0.10133	1.480	.13895
Regio: NE-Fryslân	0.29473	0.09456	3.117	.00183 **
Regio: NW-Fryslân	0.34356	0.11325	3.034	.00242 **
Regio: Waadeilannen	-0.40596	0.32258	-1.258	.20821
Regio: SE-Fryslân	-0.27432	0.09024	-3.040	.00237 **
Stedskens: stêd	-0.08642	0.03877	-2.229	.02580 *
Oplieding: heech	0.27448	0.05727	4.793	< .0001 ***
Oplieding: midden	-0.34136	0.05566	-6.133	< .0001 ***
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.42490	0.07075	-6.006	< .0001 ***
FSkoalle: Pear kear per jier	-0.08691	0.10600	-0.820	.41230
FSkoalle: Elke moanne	-0.29082	0.13000	-2.237	.02528 *
FSkoalle: Elke wike	-0.00635	0.07825	-0.081	.93532

*Leginda:*

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

Ut de analyse docht bliken dat yn it gefal fan selsrapportearre skriuwfeardigens yn it Frysk meardere achtergrûnskaaimerken signifikant gearhingje mei de skoares. It giet om Frysk as earste taal (T1), (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (FSkoalle). Dy befiningen slute oan by de resultaten foar it Frysk lêzen, dêr't deselde faktoaren – ynklusyf regionale ferskillen – in rol by spylje. Foar Frysk T1, geslacht en stedskens (fariabelen mei twa kategoryen) jildt op 'e nij dat dielnimmers mei Frysk as earste taal, respondinten op it plattelân en froulju harsels hegere skriuwfeardigens taskriuwe.

Foar faktoaren mei mear as twa kategoryen, nammentlik taalgroep, leeftiid, regio en Frysk op skoalle, binne *post-hoc pairwise* ferlikingen mei *Bonferroni*-korreksje útfierd. De resultaten dêrfan binne te finen yn Tabel 34 oant en mei Tabel 38. De 'estimates' yn dy tabellen jouwe de rjochting en de grutte fan de ferskillen tusken de pearen wer. In positive wearde betsjut dêrby dat de earste groep heger skoart as de twadde groep.

Wat de taalgroep oanbelanget, binne der grutte ferskillen yn skriuwfeardigens yn it Frysk. Respondinten dy't har as Frysktalich beskôgje, beoardielje harren skriuwfeardigens heger as respondinten dy't har ta oare taalgroepen rekkenje. Respondinten dy't har Nederlânsk fiele jouwe harsels dêrfoaroer in legere beoardieling as dielnimmers dy't ta beide taalgroepen hearre. De dielnimmers yn de taalgroep Beide skatte harsels heger yn as de groep Oars. Oer it algemien sjogge we dus op 'e nij dat respondinten dy't har (allinnich) mei it Frysk identifisearje it heechst en respondinten dy't har (allinnich) mei it Nederlânsk identifisearje it leechst skoare.

**Tabel 34.** Ferlikingen foar Frysk praten per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	2.409	0.1378	17.477 (2725)	<.0001
Frysk -	Beide	0.483	0.0839	5.764 (2725)	<.0001
Frysk -	Oars	1.140	0.2323	4.906 (2725)	<.0001
Nederlânsk -	Beide	-1.925	0.1182	-16.294 (2725)	<.0001
Nederlânsk -	Oars	-1.269	0.2329	-5.449 (2725)	<.0001
Beide -	Oars	0.656	0.2246	2.921 (2725)	.0211

De kontrastanalyse wiist, lykas yn it gefal fan lêsefeardigens (seksje 4.4), op in pear signifikante ferskillen tusken de regio's. Respondinten út Ljouwert skoare signifikant heger yn skriuwefeardigens ferlike mei respondinten út Súdwest-Fryslân. Noardeast-Fryslân skoart signifikant better yn ferliking mei Súdeast-

Fryslân en Súdwest-Fryslân. Dêrneist skoart ek Noardwest-Fryslân signifikant better as sawol de Waadeilannen, Súdeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân. De regio Noardwest-Fryslân skoart dus oer it algemien it heechst en dat komt oerien mei de resultaten foar lêsefeardigens.

**Tabel 35.** Ferlikingen foar Frysk praten per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	SE-Fryslân	0.4243	0.110	3.864 (2725)	.0017
NE-Fryslân -	SE-Fryslân	0.5690	0.101	5.643 (2725)	<.0001
NE-Fryslân -	SW-Fryslân	0.4027	0.106	3.798 (2725)	.0022
NW-Fryslân -	SE-Fryslân	0.6179	0.128	4.837 (2725)	<.0001
NW-Fryslân -	SW-Fryslân	0.4515	0.132	3.431 (2725)	.0092

Yn it gefal fan leeftiid is te sjen dat it iennichste signifikante ferskil fûn wurdt tusken de leeftidskategoryen 50-64 en 65+. De

respondinten yn de âldste groep beoardielje harren skriuwefeardigens yn it Frysk wat heger as de respondinten tusken 50 en 64 jier.

**Tabel 36.** Ferlikingen foar Frysk praten per leeftiid

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
50-64 -	65+	-0.2720	0.1004	-2.710 (2725)	.0406

Krekt as yn it gefal fan ferstean, praten en lêzen waarden foar skriuwen ferskillen tusken opliedingsnivo's fûn, nammentlik dat leechoplate respondinten op 'e nij harren taalfeardigens it

leechst ynskatten. De ferskillen tusken de heech- en middenoplate respondinten binne statistysk net signifikant, oars as yn it gefal fan de oare feardichheden.



**Tabel 37.** Ferlikingen foar Frysk praten per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	0.616	0.1026	6.005 (2725)	<.0001
Leech -	Midden	-0.408	0.0860	-4.748 (2725)	<.0001

De frekwinsje fan it Frysk op skoalle is likegoed in wichtige foarsizzer foar de selsbeoardiele skriuwfeardigens yn it Frysk. Dejingen dy't wykliks Frysk ûnderwiis folgen, skoarden heger as respondinten yn de kategory noait/wit ik net. De respondinten dy't oanjoege alle dagen Frysk

op skoalle hân te hawwen, skoarden heger as alle oare groepen. Dy befiningen wize derop dat frekwinter ûnderwiis yn it Frysk mei in hegere selsbeoardieling fan de skriuwfeardigens yn it Frysk gearhinget.

**Tabel 38.** Ferlikingen foar Frysk praten per Frysk op skoalle

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Noait / wit ik net -	Elke wike	-0.4185	0.0834	-5.021 (2725)	<.0001
Noait / wit ik net -	Elke dei	-1.2339	0.2222	-5.553 (2725)	<.0001
Pear keer per jier -	Elke dei	-0.8959	0.2456	-3.648 (2725)	.0027
Elke moanne -	Elke dei	-1.0998	0.2645	-4.159 (2725)	.0003
Elke wike -	Elke dei	-0.8153	0.2264	-3.601 (2725)	.0032

Koartsein, de Fryske skriuwfeardigens hinget mei deselde faktoaren gear as it Frysk ferstean (4.2), praten (4.3), en lêzen (4.4), nammentlik: **taalachtergrûn** – sawol objektyf (Frysk T1 skoart heger) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk it heechst by skoart, folge troch Beide, Oars en ta beslút Nederlânsk), it **geslacht** (froulju skoare heger), de **leeftiidskategory**

fan respondinten (65+ skoart heger as 50-64), de **stedskens** fan it wenplak (plattelân skoart heger), it **opliedingsnivo** (leech oplaad skoart leger) en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (alle dagen skoart it heechst). Lykas yn it gefal fan Frysk lêzen is foar skriuwfeardigens in ferskil tusken de **regio's**. Súdeast- en Súdwest-Fryslân skoare dêrby leger as de oare regio's.

## 4.6 Konklúzje

Yn dit haadstik hawwe we de earste twa sintrale ûndersyksfragen beäntwurde:

1. Hokfoar (selsrapportearre) behearsking fan it Frysk hawwe ynwenners fan Fryslân op it mêd fan praten, ferstean, lêzen en skriuwen?
2. Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen korrelearje mei dy selsrapportearre behearsking?

De resultaten litte sjen dat de behearsking fan it Frysk sterk per feardigens fariearret. Fierwei de measte respondinten jouwe oan it Frysk goed oant tige goed ferstean te kinnen (90%), folge troch praten (64%), lêzen (61%) en skriuwen (19%). De persintaazjes foar praten en ferstean lykje stabyl te bliuwen. Foar lêzen en skriuwen binne de persintaazjes tanommen, sa as al út de foarige survey bliken die. Us útkomsten foar lêzen en skriuwen komme nammentlik oerien mei dy fan Klinkenberg e.o. (2018). Dat hâldt yn dat de lêse- en de skriuwfeardigens omheech gien binne sûnt 1995, hoewol't skriuwfeardigens noch altyd relatyf leech bliuwt.

Ut de analyzes docht bliken dat deselde achtergrûnskaaimerken konsekwint gearhingje mei hegere taalfeardigensskoares. Lykas

yn foargeande ûndersiken toane we ek oan dat de taalbehearsking op it Fryske plattelân heger is as yn stedske gebieten (Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter e.o., 1988; Kircher e.o., 2025). Fierder binne ek Frysk as earste taal, de selskeazen taalgroep (Frysk of sawol Frysk as Nederlânsk), froulik geslacht, âldere leeftiid, wenjen op it plattelân, in heger opliedingsnivo en hegere frekwinsje Frysk op skoalle korrelearre mei in hegere taalfeardigens. Der binne ek signifikante regionale ferskillen. Benammen ynwenners fan Súdeast- en Súdwest-Fryslân rapportearje dêrby in legere lê- en skriuweardigens ferlike mei de oare regio's.

Yn it haadstik hjirnei sjogge we nei de data foar taalhâlding om te sjen yn hoefier't de achtergrûnskaaimerken dêrmei korrelearje. De skoares foar Fryske taalfeardigens (ferstean, praten, lêzen en skriuwen) wurde dêrby ek meinommen as achtergrûnfariabele.



# 5. Taalhâlding

Undersyk hat geregeld oantoand dat it behâlden en refitalisearjen fan bedrige talen gearhinget mei taalhâlding (bgl. Sallabank, 2013). Wêr't in negative hâlding it fersterkjen fan de posysje fan in taal yn 'e wei stean kin, kinne positive attitudes dy fersterking just makliker meitsje (Bell, 2013). Dêrneist kin it erkennen fan de gelikense wearde fan talen troch de mienskip in positive ynfloed hawwe op it behâld fan in bedrige taal (O'Rourke & Hogan-Brun, 2013). It Frysk, as in minderheidstaal yn Nederlân, is mei ôfhinklik fan de hâlding fan ynwenners foar it fuortbestean fan de taal. Taalhâlding kin dêrom as in sintraal ûnderdiel fan de fitaliteit fan in taal sjoen wurde, sa as dat ek yn it fitaliteitsmodel fan Giles e.o. útsteld wurdt (sjoch seksje 1.1).

Der is yn it gefal fan it Frysk in soad ûndersyk dien nei de hâlding foar de taal oer, benammen yn de kontekst fan it ûnderwiis. Hoewol't it trijetalige ûnderwiissysteem yn Fryslân it gebrûk fan de Fryske taal by learlingen stimulearret (Gorter & Van der Meer, 2008), wurdt it brûken fan it Frysk yn it ûnderwiis gauris just net as tige geunstich beoardiele (Coret-Bergstra e.o., yn tarieding; Debreczeni e.o., 2023; Van Ruijven

& Ytsma, 2008). It Nederlânsk en it Ingelsk wurde dêrby as better sjoen foar de ûntjouwing fan learlingen (Arocena e.o., 2015). Lykwols, it foargeand ûndersyk hat ek oantoand dat taalfeardigens yn it Frysk in negative hâlding foar dy taal oer sterk ferminderje kin (Coret-Bergstra e.o., yn tarieding; Günther-van der Meij, 2018; Hilton & Gooskens, 2013; Jongbloed-Faber, 2021; Kircher e.o., 2022). Dêrmei wurdt it belang fan sterke taalfeardigens foar de fitaliteit fan it Frysk ûnderstreke.

Yn dit haadstik wurde de attitudes foar it Frysk oer yn kaart brocht op it mêd fan status en solidariteit (sjoch ek seksje 2.2) om antwurd te jaan op ûndersyksfragen 3 en 4 (sjoch ek seskje 2.1):

3. Hokfoar attitudes hawwe ynwenners fan Fryslân foar it Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?
4. Hokfoar demografyske fariabelen (ynklusyf behearsking) korrelearje mei attitudes foar it Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?

Foar dat doel binne 8 stellingen opsteld op basis fan earder ûndersyk (sjoch seksje 2.2), dêr't de attitudes fan ynwenners fan Fryslân yn relaasje ta ferskate sosjo-demografyske fariabelen mei ûndersocht wurde. Dat jout ynsjoch yn de faktoaren dy't ynfloed hawwe op it draachflak foar it Frysk. Yn dit haadstik jouwe we earst in algemien oersjoch fan de attitudes op it mêd fan solidariteit en status (seksje 5.1). Yn seksje 5.2 geane we djipper yn op de stellingen oangeande solidariteit en sjogge we nei achtergrûnfariabelen dy't dêr effekt op hawwe kinne. Ta beslút sjogge we op deselde wize nei de stellingen dy't relatearre binne oan status (seksje 5.3).

Krekt as by it foargeande haadstik binne der fisualisaasjes foar taalattitudes beskikber. Dy binne te besjen fia de monitor fan Planbureau Fryslân: [Fryske taal en identiteit: Persepsje Fryske taal \(2024d\)](#). As tafoeging hat PF ek in pear stellingen oer de Fryske taal en identiteit dy't net ûntwurpen binne foar dit rapport: [Identifikaasje as Fries en ferbûnens mei Fryslân \(2024b\)](#).

## 5.1 Attitudes

Om út te meitsjen oft de attitude-data gaadlik binne foar in faktoranalyse hawwe we in pear statistyske testen tapast (*Kaiser-Meyer-Olkin statistic* > 0.5, *Bartlett's test of Sphericity* hat in *p*-wearde lytser as 0.01, en de determinante skoare wie grutter as 0.00001). Ut de faktoranalyse (sjoch seksje 2.3.2) docht bliken dat der yndied twa faktoaren ûnderlizzend oan

de 8 stellingen binne, mar dat de ferdieling dêrfan justjes ferskilt fan de ferwachting: ien fan de items dy't oarspronklik bedoeld wie om status te mjitten, blik te hearren by de solidariteitsitems. It giet dêrby om it earste item fan fraach 14 út de fragelist: "It Frysk is net nuttich yn it hjoeddeiske Fryslân". Sjoch ek Tabel 39.

Sa as te sjen yn Tabel 39 hearre de earste fiif items by de solidariteitsdiminsje en de lêste trije items by de statusdiminsje. De ynterne konsistinsje fan de skalen is beoardiele mei help fan Cronbach's alpha, dy't in goeie ynterne konsistinsje oantoande ( $\alpha = 0.827$  foar solidariteit en  $\alpha = 0.809$  foar status).

Yn Tabel 40 wurdt earst werjûn wat de weage persintaazjes binne foar de antwurden per item. By de stellingen dy't by solidariteit hearre, falt as earste op dat de mearderheid fan de dielnimmers de Fryske taal sjocht as in wichtich middel foar yntegraasje yn de Fryske mienskip en tagong ta de lokale kultuer. De stelling "Troch it Frysk kinne minsken yn Fryslân folslein lid wurde fan de lokale mienskip" wurdt troch in soad respondinten posityf beoardiele, wat suggerearret dat de Fryske taal sjoen wurdt as in krúsjaal ûnderdiel foar sosjale ynklúzje yn de regio. Dat komt oerien mei de stelling "It Frysk behearskje makket it makliker om diel út te meitsjen fan de Fryske mienskip". In frij grutte mearderheid (41.3% + 32.8% = 64.1%) jout dêrby oan dat taalfeardigens de partisipaasje oan de Fryske maatskippij makliker makket. Dat wiist op in brede oertsjûging dat it behearskjen fan it Frysk sosjale foardielen hat. Itselde is te sjen by de reaksjes op de stelling "It Frysk behearskje lit minsken yn Fryslân oanslute by it Frysk erfgoed":

**Tabel 39.** Faktorladingen hearrend ta taalhâldingsitems

Item	Faktor 1 (Solidariteit)	Faktor 2 (Status)
1 Troch it Frysk kinne minsken yn Fryslân folslein lid wurde fan de lokale mienskip.	0.704	
2 It Frysk behearskje makket it makliker om diel út te meitsjen fan de Fryske mienskip.	0.771	
3 It Frysk behearskje jout minsken yn Fryslân tagong ta de lokale kultuer.	0.711	
4 It Frysk behearskje lit minsken yn Fryslân oanslute by it Frysk erfgoed.	0.709	
5 *It Frysk is net nuttich yn it hjoeddeiske Fryslân.	0.691	
6 It Frysk behearskje fergruttet de kânsen foar minsken yn Fryslân om in heger ynkommen te fertsjinjen.		0.849
7 It Frysk behearskje fergruttet de kânsen foar minsken om wurk te finen yn Fryslân.		0.779
8 It Frysk behearskje is wichtich om suksesfol te wêzen yn it wurksume libben yn Fryslân.		0.754

\*negatyf kodearre item yn de survey, wêrfan't de omkearde skoare brûkt wurdt foar de analyze

in mearderheid is it (foar in part) iens mei dy stelling (43.4% + 20.4% = 63.8%). Wat de negatyf formulearre stelling "It Frysk is net nuttich yn it hjoeddeiske Fryslân" oanbelanget, dêr is fierwei it grutste part (31.4% + 39.0% = 70.4%) it net mei iens. Wol jout in part fan de respondinten (11.6%) oan it (hielendal) iens mei dy stelling te wêzen.

De resultaten yn Tabel 40 suggerearje ek in mingde persepsje fan it Frysk yn relaasje ta status. Wat it idee oangiet dat it behearskjen fan it Frysk de kânsen op in heger ynkommen fergruttet, is der in fikse mjitte fan skepsis. In grutte groep respondinten is it dêrmei ûniens

(34.8%) of sels hielendal ûniens (13.3%). Inkeld mar in lyts persintaazje (6.1%) is it (hielendal) iens mei de stelling dat it Frysk behearskje direkt liede soe ta hegere ynkommens, wylst in fikse groep neutraal bliuwt (31.7%) of oanjout it net te witten (14.1%). As it giet om de kânsen om wurk te finen, is der justjes mear stipe foar it belang fan it Frysk: 30.3% fan de respondinten is it iens mei de stelling dat it behearskjen fan it Frysk helpe kin by it finen fan in baan, en nochris 8.4% is it dêr folslein mei iens. Dochs bliuwt ek hjir in part fan de dielnimmers negativer, mei 18.0% dy't it ûniens is en 6.2% dy't it dêr hielendal ûniens mei is.

Oangeande de stelling dat it Frysk essinsjeel is foar it sukses yn it wurksame libben, is de mieningsfoarming ferdield. Hoewol't 19.1% it iens is en 6.6% it folslein iens is mei dy stelling, bliuwt in grutter part skeptysk: 26.0% is it ûniens en 8.5% hielendal ûniens, wylst in substansjele groep (35.6%) neutraal bliuwt. Dy befiningen toane oan dat, hoewol't it Frysk troch guon as nuttich sjoen wurdt foar wurkgelegenheid, de mearderheid net leaut dat it behearskjen fan de taal in direkte ynfloed hat op it berikken fan profesjoneel sukses of hegere ynkommens.

**Tabel 40.** Weage persintaazjes antwurden (yn %)

Stelling	Hielendal ûniens	Uniens	Net iens en net ûniens	lens	Hielendal iens	Wit ik net
<b>Solidariteit</b>						
1. Troch it Frysk kinne minsken yn Fryslân folslein lid wurde fan de lokale mienskip.	4,8	16,0	29,9	30,6	15,8	2,9
2. It Frysk behearskje makket it makliker om diel út te meitsjen fan de Fryske mienskip.	3,2	7,2	14,6	41,3	32,8	0,9
3. It Frysk behearskje jout minsken yn Fryslân tagong ta de lokale kultuer.	3,1	8,8	21,6	45,3	18,5	2,6
4. It Frysk behearskje lit minsken yn Fryslân oanslute by it Frysk erfgoed.	3,3	6,3	21,9	43,4	20,4	4,7
5. *It Frysk is net nuttich yn it hjoeddeiske Fryslân.	31,4	39,0	16,8	6,6	5,0	1,2
<b>Status</b>						
6. It Frysk behearskje fergruttet de kânsen foar minsken yn Fryslân om in heger ynkommen te fertsjinjen.	13,3	34,8	31,7	3,5	2,6	14,1
7. It Frysk behearskje fergruttet de kânsen foar minsken om wurk te finen yn Fryslân.	6,2	18,0	31,0	30,3	8,4	6,0
8. It Frysk behearskje is wichtich om suksesfol te wêzen yn it wurksame libben yn Fryslân.	8,5	26,0	35,6	19,1	6,6	4,2

Yn de kommende seksjes wurdt fierder yngien op de achtergrûnfariabelen dy't ferskillen yn attitudeskoares op it mêd fan solidariteit (5.2) en status (5.3) ferklearje. It haadstik wurdt ôfsletten mei in koarte konklúzje (5.4).

## 5.2 Solidariteit

Foar alle fiif items dy't by de solidariteitsdiminsje hearre, binne de skoares per faktor middele ta in komposytskoare. Dêr hawwe we in Generalized Additive Model (GAM) analyse op útfierd om de relevante sosjo-demografyske achtergrûnfariabelen per faktor te identifisearjen. De achtergrûnfariabelen dy't we yn 'e analyse brûkt hawwe wiene Frysk as earste taal (Frysk T1), streektaal as earste taal (Streektaal T1), (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, oplieding, Frysk op skoalle (Fskoalle) en de skoares foar it ferstean, lêzen en skriuwen fan it Frysk (sjoch seksje 2.3 foar in útlis fan de faktoaren). Variabelen dy't net signifikant bydroegen oan it model, binne fuorthelle. In gearfetting fan de resultaten is werjûn yn Tabel 41. Lykas yn de foarige seksjes is de 'intercept' de trochsneed skoare en jouwe de oare skoares oan oft de achtergrûnskaaimerken ta hegere of legere skoares foar de attitudes liede.

**Tabel 41.** Gearfetting fan it model foar solidariteit

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
(Intercept)	0.064643	0.080669	0.801	.423006	
Gjin Frysk T1	-0.013840	0.024600	-0.563	.573762	
Streektaal T1	-0.020916	0.029223	-0.716	.474215	
Taalgroep: Frysk	0.353670	0.041584	8.505	< .0001	***
Taalgroep: Nederlânsk	-0.385803	0.046835	-8.238	< .0001	***
Taalgroep: Beide	0.107554	0.035005	3.073	.002144	**
Geslacht: man	0.080266	0.016597	4.836	< .0001	***
Leeftiid: ≤ 29	0.186671	0.036182	5.159	< .0001	***
Leeftiid: 30-49	0.070512	0.027277	2.585	.009789	**
Leeftiid: 50-64	-0.181479	0.028521	-6.363	< .0001	***
Regio: Ljouwert	-0.106709	0.045852	-2.327	.020025	*
Regio: NE-Fryslân	0.108366	0.043271	2.504	.012326	*
Regio: NW-Fryslân	-0.012459	0.052086	-0.239	.810972	
Regio: Waadeilannen	-0.099161	0.138234	-0.717	.473226	
Regio: SE-Fryslân	0.015306	0.040560	0.377	.705925	
Stedskens: stêd	0.025969	0.018349	1.415	.157102	
Oplieding: heech	0.041899	0.027117	1.545	.122437	
Oplieding: midden	-0.076710	0.026256	-2.922	.003511	**
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.027475	0.034093	-0.806	.420387	
FSkoalle: Pear keer per jier	-0.007016	0.050523	-0.139	.889567	
FSkoalle: Elke moanne	-0.147728	0.062842	-2.351	.018806	*
FSkoalle: Elke wike	0.060925	0.037611	1.620	.105377	
Ferstean: Hielendal net	0.719105	0.197912	3.633	< .0001	***
Ferstean: Min	-0.040283	0.150938	-0.267	.789580	
Ferstean: Net min & net goed	-0.456344	0.094865	-4.810	< .0001	***

Ferstean: Goed	-0.244995	0.072178	-3.394	< .0001	***
Lêzen: Hielendal net	-0.364960	0.098079	-3.721	< .0001	***
Lêzen: Min	0.053684	0.055125	0.974	.330214	
Lêzen: Net min & net goed	0.135219	0.040424	3.345	< .0001	***
Lêzen: Goed	0.045437	0.038696	1.174	.240420	
Skriuwen: Hielendal net	-0.212437	0.050626	-4.196	< .0001	***
Skriuwen: Min	-0.043933	0.035782	-1.228	.219627	
Skriuwen: Net min & net goed	-0.004523	0.033357	-0.136	.892150	
Skriuwen: Goed	0.076943	0.039392	1.953	.050889	.

Leginda: \*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

Yn it gefal fan de attitudes oangeande de solidariteit fan it Frysk hingje in tal achtergrûnskaaimerken mei de skoares gear, te witten (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, opliedingsnivo en de frekwinsje fan it Frysk op skoalle (FSkoalle). Foar geslacht, de iennichste binêre fariabele yn de rige (in fariabele dy't út twa diminsjes bestiet), jildt dat manlju in hegere gemiddelde skoare foar de solidariteitsitems hawwe, wat omkeard is oan de trend by taalfeardigens.

De oare fariabelen – nammentlik taalgroep, leeftiid, regio, opliedingsnivo, Frysk op skoalle en de feardichheden ferstean, lêzen en skriuwen – besteane út mear as twa diminsjes en binne, krekt as by de analyses fan taalfeardigens, neier ûndersocht mei *post-hoc pairwise* ferlikingen en mei tapassing fan in *Bonferroni*-korreksje. De útkomsten fan dy ferlikingen binne opnommen yn Tabel 42 oant en mei Tabel 48. Yn de tabellen jouwe de 'estimates' de rjochting en grutte fan de ferskillen tusken twa groepen wer: in positive wearde betsjut dat de earste groep in hegere skoare as de twadde hat.

De resultaten litte sjen dat de Fryske taalgroep signifikant positivere attitudes oangeande solidariteit hat ferlike mei de oare taalgroepen. Dielnimmers dy't har identifisearje as Nederlânsktalich hawwe negativere attitudes yn ferliking mei de groep twataligen en de taalgroep Oars. Dy resultaten binne yn oerienstimming mei de befiningen yn de foarige taalsurvey (Klinkenberg e.o., 2018): dêr kaam nei foarren dat de Nederlânske taalgroep it meast negatyf foar it Frysk oer stie, wylst de Fryske taalgroep it meast posityf wie. De twatalige groep siet dertuskenyn.

**Tabel 42.** Ferlikingen solidariteit per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	0.739	0.0682	10.844 (2713)	<.0001
Frysk -	Beide	0.246	0.0405	6.072 (2713)	<.0001
Frysk -	Oars	0.429	0.1071	4.006 (2713)	.0004
Nederlânsk -	Beide	-0.493	0.0587	-8.400 (2713)	<.0001
Nederlânsk -	Oars	-0.310	0.1074	-2.891 (2713)	.0232

By de solidariteitsdiminsje binne ek leeftiidsrelatearre ferskillen (Tabel 43). Sawol respondinten jonger as 29 jier as de groep fan 30-49 jier hawwe dêrby positivere attitudes yn

ferliking mei groepen fan 50-64 jier en 65 jier en âlder. In jongere leeftyd giet dus mank mei positivere attitudes op it mêd fan solidariteit.

Krekt as by taalfeardigens waarden yn it gefal fan attitudes oangeande solidariteit ferskillen tusken opliedingsnivo's fûn. Leechoplate respondinten hawwe nammentlik negativere attitudes as de middenoplate en de heechoplate dielnimmers. De ferskillen tusken de heech- en middenoplate respondinten binne statistysk net signifikant, oars as yn it gefal fan ferstean, praten en lêzen; 4.2-4.5).

**Tabel 43.** Ferlikingen solidariteit per leeftiid

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
≤ 29 -	50-64	0.368	0.0549	6.710 (2713)	<.0001
≤ 29 -	65+	0.262	0.0586	4.478 (2713)	<.0001
30-49 -	50-64	0.252	0.0438	5.760 (2713)	<.0001
30-49 -	65+	0.146	0.0476	3.070 (2713)	.0130

Wat de regio oanbelanget binne de attitudes oangeande de solidariteit yn de regio Ljouwert

heger as dy yn Noardeast-Fryslân, mar leger as yn Súdwest-Fryslân.

**Tabel 44.** Ferlikingen solidariteit per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	NE-Fryslân	0.21508	0.0569	-3.780 (2713)	.0024
Ljouwert -	SW-Fryslân	-0.20137	0.0544	-3.704 (2713)	.0032



**Tabel 45.** Ferlikingen solidariteit per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	0.11861	0.0485	2.447	.0434
Leech -	Midden	-0.11152	0.0406	-2.750	.0180

Neist de earder besprutsen achtergrûnfariabalen is ek de selsrapportearre taalfeardigens yn it Frysk meinommen as foarspellende faktor yn it model. Wat it ferstean oanbelanget docht bliken dat persoanen dy't oanjouwe gjin Frysk te ferstean, in positivere assosjaasje hawwe mei solidariteit oangeande it Frysk as dyjingen dy't harsels as gemiddeld feardich (net min en net goed) of goed ynskatten. Mar ek minsken dy't oanjouwe it Frysk gemiddeld (net min en net goed) of goed te ferstean, beoardielje de solidariteitswearde fan it Frysk heger as dyjingen dy't oanjouwe it Frysk hiel goed ferstean te kinnen. Ut de resultaten kin opmakke wurde

dat, yn de measte gefallen, minsken dy't it Frysk minder goed ferstean kinne, it Frysk faak as wichtiger ynskatten oangeande solidariteit as minsken dy't de taal better ferstean kinne. Mei oare wurden, der is in omkearde relaasje tusken it begryp fan de taal en de persepsje fan it belang derfan foar solidariteit: dejingen dy't minder fertroud binne mei it Frysk, lykje de wearde of it belang fan de taal heger yn te skatten foar sosjale koheezje as dyjingen dy't der mear mei fertroud binne. Foar guon respondinten liket it Frysk dus earder in identiteits- of solidariteitssymboal te wêzen as in funksjonele gebrûkstaal.

Wat opfalt by de diminsje lêzen, is dat de respondinten mei in selsrapportearre gebrek oan lêsfeardigens ("Hielendal net") signifikant negativere attitudes hiene as alle oare partisipanten. Dat betsjut dat minsken dy't oanjouwe dat se de taal net lêze kinne, it Frysk as minder wichtich ynskatten foar solidariteit as minsken dy't de taal wol lêze kinne.

**Tabel 46.** Ferlikingen solidariteit per taalfeardigens (ferstean)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Net min & net goed	1.1754	0.2602	4.518 (2713)	0.0001
Hielendal net -	Goed	0.9641	0.2482	3.885 (2713)	0.0010
Hiel goed -	Net min & net goed	-0.4789	0.1012	-4.730 (2713)	<.0001
Hiel goed -	Goed	-0.2675	0.0438	-6.106 (2713)	<.0001

**Tabel 47.** Ferlikingen solidariteit per taalfeardigens (lêzen)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Min	-0.41864	0.1287	-3.254 (2713)	.0115
Hielendal net -	Net min & net goed	-0.50018	0.1251	-3.998 (2713)	.0007
Hielendal net -	Goed	-0.41040	0.1271	-3.228 (2713)	.0126
Hielendal net	Hiel goed	-0.49558	0.1346	-3.682 (2713)	.0024

Wat de diminsje skriuwen (Tabel 48) oangiet is in ferlykber patroan op te meitsjen as by lêzen: de respondinten dy't oanjouwe it Frysk hielendal

net skriuwe te kinnen, hawwe signifikant negativere attitudes as alle oare partisipanten.

**Tabel 48.** Ferlikingen solidariteit per taalfeardigens (skriuwen)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Min	-0.1685	0.0567	-2.970 (2713)	.0301
Hielendal net -	Net min & net goed	-0.2079	0.0651	-3.192 (2713)	.0143
Hielendal net	Goed	-0.2894	0.0750	-3.859 (2713)	.0012
Hielendal net	Hiel goed	-0.3964	0.1047	-3.785 (2713)	.0016

Om gear te fetsjen sjogge we dat de hichte fan de solidariteitsskoares gearhinget mei de bekende achtergrûnfariabelen: (selskeazen) **taalgroep** (Friezen skoare it heechst, folge troch Beide en ta beslút Nederlânsk), geslacht (manlju skoare heger), **leeftiidskategory** fan de respondinten (jongere groepen skatte it Frysk positiver yn op it mêd fan solidariteit as âldere groepen), **regio** (Ljouwert sit tusken Noardeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân yn)

en **opliedingsnivo** (leechoplaat skoart leger as heechoplaat en middenoplaat). Yn it gefal fan it Frysk op skoalle is der in ferskil mei de gemiddelde skoare (foar 'elke moanne', lykas te sjen yn Tabel 41), mar gjin signifikant ferskil tusken de ferskate frekwinsjes neffens de *post-hoc* analyzes. Wat fierder wol mei de attitudes op it mêd fan solidariteit korrelearret, is **taalfeardigens** yn it Frysk. Foar ferstean is it sa dat dielnimmers dy't harsels as minder

feardich beoardielje, it Frysk heger op it mêd fan solidariteit ynskatte ferlike mei groepen respondinten dy't it Frysk better ferstean kinne. Foar lês- en skriuwfeardigens jildt dat allinnich respondinten dy't hielendal gjin Frysk lêze of skriuwe kinne, dy taal signifikant leger op solidariteit wurdearje as de respondinten dy't dat (justjes) better kinne. In opfallende útkomst út de resultaten yn it algemien is dat it opgroeien mei it Frysk, oftewol Frysk as earste taal (Frysk T1), net bydraacht oan it ferklearjen fan de ferskillen yn attitudes, mar de selskeazen taalgroep wol. Yn de folgjende seksje (5.3) besjogge we yn hoefier't de achtergrûnfariabelen gearhingje mei attitudes op it mêd fan status.

### 5.3 Status

Sa as earder neamd, binne 3 fan de taalhâldingsitems brûkt om it Frysk te beoardieljen op de status. Dat binne items 6-8 yn Tabel 39 (seksje 5.1). Foar de items dy't by status hearre is ek ien faktorskoare berekkene per dielnimmer, om dêrnei te sjen wêr't de ferskillen sitte yn relaasje ta achtergrûnfaktoaren. Ut de GAM-analyze kamen ferskate faktoaren nei foarren dy't in signifikante ynfloed útoefenje op de attitudes: (selskeazen) taalgroep, geslacht, leeftiid, regio, Frysk op skoalle en taalfeardigens op it mêd fan ferstean, praten en skriuwen – hoewol't de ferskillen op it mêd fan skriuwen en ek Frysk op skoalle allinnich sichtber binne yn ferliking mei de gemiddelde skoares en der dus gjin signifikante ferskillen yn de *post-hoc* analyses wiene. Lykas by solidariteit is der gjin effekt fan Frysk as earste taal (Frysk T1). Wat de binêre fariabele oanbelanget sjogge we dat manlike respondinten it Frysk ek op it mêd fan status in hegere skoare takenne as froulju.

**Tabel 49.** Gearfetting fan it model foar status

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
(Intercept)	1.638e-01	9.069e-02	1.806	.07101	.
Gjin Fries T1	-1.989e-02	2.859e-02	-0.696	.48664	
Streektaal T1	-5.512e-02	3.226e-02	-1.709	.08765	.
Taalgroep: Frysk	3.068e-01	4.911e-02	6.249	< .0001	***
Taalgroep: Nederlânsk	-2.987e-01	5.984e-02	-4.992	< .0001	***
Taalgroep: Beide	2.791e-02	4.231e-02	0.660	.50951	
Geslacht: man	4.101e-02	1.824e-02	2.248	.02466	*
Leeftiid: ≤ 29	-3.171e-03	3.994e-02	-0.079	.93672	
Leeftiid: 30-49	3.558e-02	2.998e-02	1.187	.23545	
Leeftiid: 50-64	-8.787e-02	3.147e-02	-2.792	.00527	**
Regio: Ljouwert	-8.611e-02	5.037e-02	-1.709	.08748	.
Regio: NE-Fryslân	1.180e-01	4.760e-02	2.479	.01323	*
Regio: NW-Fryslân	-1.905e-02	5.726e-02	-0.333	.73938	
Regio: Waadeilannen	-9.781e-02	1.520e-01	-0.644	.51986	
Regio: SE-Fryslân	8.246e-02	4.457e-02	1.850	.06445	.
Stedskens: stêd	1.025e-02	2.018e-02	0.508	.61171	
Oplieding: heech	-3.105e-02	2.976e-02	-1.043	.29682	
Oplieding: midden	-4.802e-02	2.883e-02	-1.665	.09598	.
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-2.210e-02	3.747e-02	-0.590	.55542	
FSkoalle: Pear keer per jier	1.986e-03	5.556e-02	0.036	.97148	
FSkoalle: Elke moanne	-1.390e-01	6.907e-02	-2.012	.04431	*
FSkoalle: Elke wike	5.978e-02	4.128e-02	1.448	.14773	
Ferstean: Hielendal net	6.462e-01	2.256e-01	2.864	.00421	**
Ferstean: Min	1.808e-01	1.679e-01	1.076	.28186	
Ferstean: Net min & net goed	-4.190e-01	1.057e-01	-3.964	< .0001	***
Ferstean: Goed	-2.476e-01	8.552e-02	-2.896	.00381	**

**Tabel 49.** Gearfetting fan it model foar status (ferfolch)

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
Praten: hielendal net	-2.936e-01	9.431e-02	-3.114	.00187	**
Praten: min	1.922e-03	6.813e-02	0.028	.97749	
Praten: Net min & net goed	1.340e-01	5.552e-02	2.414	.01582	*
Praten: goed	5.268e-02	5.680e-02	0.927	.35380	
Lêzen: Hielendal net	4.818e-06	1.091e-01	0.000	.99996	
Lêzen: Min	-2.193e-02	6.081e-02	-0.361	.71838	
Lêzen: Net min & net goed	-1.398e-02	4.487e-02	-0.311	.75548	
Lêzen: Goed	-3.561e-02	4.284e-02	-0.831	.40594	
Skriuwen: Hielendal net	-1.654e-01	5.686e-02	-2.908	.00366	**
Skriuwen: Min	-3.770e-02	3.969e-02	-0.950	.34224	
Skriuwen: Net min & net goed	7.350e-04	3.686e-02	0.020	.98409	
Skriuwen: Goed	6.771e-02	4.338e-02	1.561	.11865	

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

Wat de taalgroep oanbelanget bliek de Nederlânsktalige groep oer alle taalgroepen hinne gemiddeld it Frysk it minst wichtich te finen op it mêd fan status. Neist dit resultaat kaam ek nei foarren dat de Fryske taalgroep positivere attitudes hat op it mêd fan status as de twatalige groep. Der is dus wol in ferskil yn taalhâlding oangeande de status fan it Frysk, as ek it Nederlânsk as de eigen taal beskôge wurdt. Dizze resultaten binne oer it generaal wer yn oerienstimming mei dy fan Klinkenberg e.o. (2018), dêr't ek yn nei foarren kaam dat de Frysktaligen fan alle taalgroepen it meast posityf foar it Frysk oer stean. Ek wie de Nederlânske taalgroep it meast negatyf oer alle stellingen hinne en hong de twatalige groep tusken beide yn.

**Tabel 50.** Ferlikingen foar status per taalgroep

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk - Nederlânsk	0.606	0.0892	6.790 (2709)	<.0001
Frysk - Beide	0.279	0.0447	6.235 (2709)	<.0001
Frysk - Oars	0.343	0.1199	-4.056 (2709)	.0257
Nederlânsk - Beide	-0.327	0.0805	-4.056 (2709)	.0003



Lykas by solidariteit, wiene der twa ferskillen tusken de regio's fan Fryslân (sjoch Tabel 51). It docht nammentlik bliken dat minsken dy't yn Ljouwert wenje, legere attitudes sjen litte op it mêd fan status as minsken dy't yn Noardeast-

Fryslân of yn Súdeast-Fryslân wenje. Minsken dy't yn dy twa regio's wenje, tinke dus positiver oer it Frysk as it giet om status as minsken dy't yn Ljouwert wenje.

Foar it Frysk ferstean wurdt dúdlik dat minsken dy't oanjouwe it Frysk hielendal net te ferstean, hegere skoares hawwe foar attitudes op it mêd fan status as minsken dy't it Frysk gemiddeld, goed en hiel goed ferstean kinne. Minsken dy't it Frysk net ferstean kinne, hawwe dus wol in positive assosjaasje mei it Frysk as it giet om status.

**Tabel 51.** Ferlikingen foar status per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	Noardeast-Fryslân	-0.2041	0.0626	-3.258 (2709)	.0170
Ljouwert -	Súdeast-Fryslân	-0.1686	0.0568	-2.970 (2709)	.0450

Ut de leeftidsgroepen kaam mar ien signifikant ferskil nei foarren. De groep fan 65+ jier jout nammentlik positivere attitudes oan op it mêd fan status as de groep fan 50-64 jier. By dat ferskil soene we tinke kinne dat it hjir giet om

in ynteraksje tusken leeftiid en taalhâlding (wat heger de leeftiid, wat positiver de taalhâlding; omkeard as by solidariteit), mar om't dat ferskil tusken de oare leeftidsgroepen net signifikant is, kin dat hjir net sein wurde.

**Tabel 52.** Ferlikingen foar status per leeftidskategory

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
50-64	65+	-0.1433	0.0516	-2.777 (2709)	.0331

**Tabel 53.** Ferlikingen foar status per taalfeardigens (ferstean)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Net min & net goed	1.0652	0.2941	3.621 (2709)	.0030
Hielendal net -	Goed	0.8939	0.2870	3.114 (2709)	.0186

By de diminsje praten wie mar ien signifikant ferskil te finen tusken de nivo's. Sa kaam nei foarren dat minsken dy't hielendal net Frysk prate kinne, hegere attitudes hawwe oangeande

de status fan it Frysk as minsken dy't it Frysk gemiddeld prate kinne. Der is lykwols gjin signifikant ferskil yn ferliking mei de oare nivo's.

**Tabel 54.** Ferlikingen foar stauts per taalfeardigens (praten)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Net min & net goed	0.4277	0.1222	-3.499 (2709)	.0048

Koartsein, de attitudes oangeande status fan it Frysk hingje gear mei de (selskeazen) taalgroep: Frysktaligen skoare dúdlik positiver, Nederlânsktaligen negativer. Dêrneist toane ek geslacht (manlju skoare heger), leeftiid (65+ jier skoart heger as 50-64) en regio (Noardeast-Fryslân & Súdeast-Fryslân skoare heger as Ljouwert) signifikante korrelaasjes. Taalfeardigens hat likegoed in effekt op attitudes op it mêd fan status. Opfallend is dat de respondinten dy't sizze dat se it Frysk hielendal net ferstean kinne, in krekt wat hegere statusskoare oan it Frysk takenne as sawol dielnimmers dy't it Frysk nei eigen sizzen net min en net goed fersteane as dielnimmers dy't it Frysk goed ferstean kinne. Dat jildt oars ek foar respondinten dy't it Frysk hielendal net prate kinne: sy skriuwe in hegere wearde oan it Frysk op it mêd fan status ta as respondinten

dy't de taal justjes better prate kinne (net min en net goed). Dy befiningen komme oerien mei de attitudes foar solidariteit – ek dêr skatten dejingen dy't it Frysk net ferstean koene dy taal heger yn. Yn it gefal fan skriuwen en Frysk op skoalle wiene der ferskillen mei de gemiddelde skoares, mar gjin signifikante ferskillen neffens de *post-hoc* ferlikingen.

## 5.4 Konklúzje

Yn dit haadstik hawwe we de attitudes foar it Frysk oer yn kaart brocht op it mêd fan solidariteit en status om antwurd te jaan op ûndersyksfragen 3 en 4:

1. Hokfoar attitudes hawwe ynweners fan Fryslân foar it Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?
2. Hokfoar demografyske fariabelen (ynklusyf behearsking) korrelearje mei attitudes foar it Frysk oer wat status en solidariteit oangiet?

De resultaten litte sjen dat attitudes oangeande it Frysk – sawol op it mêd fan solidariteit as status – systematysk gearhingje mei ferskate achtergrûnskaaimerken. De **taalgroep** blykt dêrby de sterkste foarsizzer te wêzen: respondinten dy't harsels as Frysktalich oantsjutte hawwe dúdlik positivere attitudes foar it Frysk oer as dejingen dy't harsels ta de Nederlânsktalige groep rekkenje. **Geslacht** spilet ek in rol: manlju hawwe yn trochsneed positivere attitudes as froulju. Ek **leeftiid** is relevant. By solidariteit binne jongere leeftidsgroepen (respondinten ûnder 50 jier) positiver, wylst by status krekt de âldste groep respondinten (65+) justjes positiver tsjin it Frysk oansjocht as de respondinten tusken 50-64 jier. Wat **regio**



oanbelanget sjogge we dat ynwenners fan de regio's Noardeast- en Súdeast-Fryslân oer it algemien positiver foar it Frysk oer binne as bygelyks ynwenners fan Ljouwert. Foar oplieding sjogge we dat respondinten mei in middelber **opliedingsnivo** positivere attitudes hawwe as leechoplate dielnimmers. Wat **taalfeardigens** oanbelanget koene we sjen dat benammen it ûntbrekken fan lês- en skriuweardigens yn it Frysk gearhinget mei legere attitudes, wylst by ferstean en praten in omkeard effekt optreedt – respondinten dy't oanjouwe it Frysk (hast) net te behearskjen, kenne der krekt in hegere wearde oan ta. Dat suggerearret dat positive wurdearring foar it Frysk net perfoarst gearfalt mei aktive behearsking derfan, mar earder mei identiteit en persepsje.

Yn it haadstik hjirnei sjogge we nei de data foar taalgedrach om te sjen yn hoefier't de achtergrûnskaaimerken dêrmei korrelearje. De skoares foar Fryske taalfeardigens (ferstean, praten, lêzen en skriuwen) en attitudes wurde dêrby ek meinommen as achtergrûnfariabelen.



# 6. Taalgedrach

It tredde ûnderdiel dat we yn dizze survey ûndersykje, is it taalgedrach fan de ynwenners fan Fryslân. Lykas neamd yn haadstik 1 is it ien fan de pylders fan it taalfitaliteitsmodel (Giles e.o., 1977) en spesifyk fan demografy, dêr't it om de befolkingsgearstalling fan it taalgebiet giet. Dêrby is it wichtich om net allinnich nei de oantallen sprekkers te sjen, mar ek nei it taalgebrûk mei de partners en it trochjaan fan de taal oan de folgjende generaasje. Sawol yn ynternasjonaal ûndersyk as yn de Fryske kontekst is oantoand dat de frekwinsje fan it brûken fan in minderheidstaal thús fan grutte ynfloed is op de taalûntwikkeling fan bern (Gathercole & Thomas, 2009; Bosma e.o., 2017). It docht bliken dat bern dy't opgroei yn de kontekst fan in minderheids- en in mearderheidstaal allegear úteinlik floeiend de mearderheidstaal prate kinne, mar dat sawol de reseptive as de produktive wurdskat sterk beynfloede wurdt troch hoe faak oft de minderheidstaal thús sprutsen wurdt (Gathercole and Thomas, 2009; Hammer e.o., 2009). Lyksoartige befiningen binne dien oangeande it Frysk: hoefolle Frysk oft thús praat wurdt, draacht signifikant by oan de

taalfeardigens fan bern (Bosma e.o., 2017; Dijkstra, 2013; Dijkstra e.o., 2015; van Ruijven, 2006; Ytsma, 1995, 1999). Fierder is it sa dat, yn meartalige konteksten, de dominante taal gauris foarrang krijt yn publike en formele situaasjes. Sa is it ek yn Fryslân: hoewol't it Nederlânsk faak de foarkar krijt yn de iepenbiere romte, wurdt it Frysk faker brûkt yn persoanlike of sosjale ynteraksjes (Klinkenberg e.o., 2018). Dat hat ek gefolgen foar taalfeardigens. Dêrom wurdt yn dit haadstik it taalgebrûk fan ynwenners fan Fryslân yn ferskate domeinen op 'e nij yn kaart brocht en ûndersykje we yn dit haadstik hoe faak en yn hokker konteksten it Frysk praat, beharke, lêzen en skreaun wurdt om antwurd te jaan op de lêste ûndersyksfragen, nammentlik 5 en 6:

5. Wat binne de selsrapportearre taalgedrachspatroanen fan de ynwenners fan Fryslân wat domeinen en sprekkers oangiet?
6. Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen (ynkl. behearsking) en kognitive fariabelen (te witten attitudes) korrelearje mei it selsrapportearre gebrûk fan it Frysk?

Dit haadstik is ûnderferdielt yn fjouwer seksjes, elk rjochte op in spesifyk domein fan taalgebrûk. Earst besprekke we it taalgebrûk binnen de thússituaasje (6.2), dêr't we sjogge nei hoe faak oft it Frysk mei partner en mei bern praat wurdt. Dêrnei ûndersykje we it brûken fan it Frysk yn it deistich libben (6.3) troch te sjen nei de talen mei buorlju en mei freonen/kunde. De folgjende seksje (6.4) rjochtet him op taalgebrûk yn de profesjonele kontekst (op de wurkflier en yn it heger ûnderwiis). Ta beslút beneame we yn it koart it lêst - en skriuwgedrach yn it Frysk (6.5). Oars as by taalattitudes, dêr't ûnderskate stellingen groepearre wurde kinne, omdat se in abstrakt ûnderlizzend konsept lykas status of solidariteit mjitte, giet it by taalgebrûk om konkreet gedrach yn ûnderskate situaasjes. Der is hjir gjin dúdlik teoretysk konstrukt dat ferskate foarmen fan hâlden en dragen gearbringt, mar earder in samling spesifike taalkarren dy't ôfhinklik binne fan de kontekst. Dêrom wurdt taalgedrach net gearfoege yn ien skaal, mar analysearre as aparte stellingen. As lêste is it wichtich om op te merken dat dizze fragen net steld binne oan respondinten dy't hielendal gjin of min Frysk prate kinne. De analyzes slaan dus



allinnich op dielnimmers dy't de taal wol prate kinne.

Fisualisaasjes dy't by de data fan dit haadstik hearre (Frysk mei bekenden, Tinken en dwaan yn it Frysk en Frysk yn de media) binne dêrom te besjen fia de monitor fan Planbureau Fryslân: [Fryske taal en identiteit: Gebrûk Frysk \(2024a\)](#).

## 6.1 Taal thús

Om in ferliking mei de eardere ûndersiken nei it taalgedrach yn Fryslân meitsje te kinnen, jouwe we hjir earst (yn Tabel 55) de persintaazjes fan de thústalen troch de jierren hinne:

**Tabel 55.** Thústaal 1969 oant 2025 (yn %).

	1969	1984	1995	2018	2018 (Ynterview)**	2025***
Frysk	71	51	52	55	77	54
Nederlânsk	13	44	38	36	17	56
Streektaal*	16	11	10	9	6	6

\* Stedsk, Biltsk, Stellingwerfsk;

\*\* De survey publisearre yn 2018 (Klinkenberg e.o., 2018) bestie út in online-fragelist (ôfnommen 2015) en in ynterview (mei in subgroep fan Frysktalige respondinten dy't de fragelist ynfolle hiene; 2017);

\*\*\* Respondinten dy't in taal faak of altyd prate tsjin harren bern en/of partner (oare fraachstelling; dêrtroch komme de totale persintaazjes, oars as yn it gefal fan de foargeande surveys, kumulatyf boppe 100% út; sjoch ek hjirûnder).

Krekt as de resultaten fan de foarige survey (Klinkenberg e.o., 2018), litte ús útkomsten sjen dat it gebrûk fan it Frysk binnen de thússituaasje, nei de delgong tusken 1969 en 1984, stabyl bleaun is. It brûken fan streektalen liket dêrfoaroer hieltyd ôf te nimmen. It persintaazje Nederlânsk as thústaal liket hiel heech te wêzen ferlike mei de foarige taalsurveys. Dat komt lykwols (mei) troch in oare fraachstelling. Yn tsjinstelling ta de foarige edysje hawwe we net frege nei ien taal dy't it meast brûkt wurdt yn de thússituaasje. Yn stee dêrfan hawwe we frege om op in fiifpuntsskaal yn te foljen oft de talen noait, selden, soms, faak of altyd brûkt wurde mei partner en/of mei bern. Op dy manier hâlde we der rekken mei dat it taalgebrûk binnen in húshâlding kompleks wêze kin en dat respondinten mear as ien taal brûke kinne. Dêrom jouwe we harren de romte om dat per taal oan te jaan, yn stee fan harren kieze te litten. Dat jout in better byld fan de ûnderskate talen dy't brûkt wurde. Yn de kommende seksjes sjogge we dêrom nei it gebrûk fan it Frysk mei partner (6.1.1) en mei bern (6.1.2).

### 6.1.1 Frysk mei partner

Om te ûndersykjen hokker achtergrûnfariabelen mei it brûken fan it Frysk mei de partner gearhingje, is in Generalized Additive Model (GAM) brûkt mei "Frysk mei partner" as ôfhinklike fariabele. Yn dat model binne ferskate fariabelen opnommen as foarsizzers, nammentlik Frysk T1, (selskeazen) taalgroep, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo en skriuwfeardigens yn it Frysk (sjoch seksje 2.3 foar in útlis fan de faktoaren). Fariabelen dy't net bydroegen oan de ferklearjende krêft fan it model binne fuorthelle. It model is werjûn yn Tabel 56. By de binêre fariabelen, oftewol fariabelen dy't út twa diminsjes besteane, korrelearret it brûken fan it Frysk mei partner mei de fariabelen Frysk T1 en stedskens. Respondinten dy't mei it Frysk opgroeid binne, prate faker Frysk mei harren partner as de jingen dy't it Frysk net as ien fan harren earste talen opjûn hawwe (gjin Frysk T1). Wat stedskens oanbelanget prate dielnimmers dy't op it plattelân wenje, faker Frysk mei de partner ferlike mei respondinten út 'e stedsgebieten.

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

**Tabel 56.** Gearfetting fan it model foar Frysk mei partner

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	-1.79452	101.38712	-0.018	.985878
Gjin Frysk T1	-0.49012	0.05478	-8.947	< .0001 ***
Taalgroep: Frysk	1.84607	0.11666	15.824	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.01920	0.10908	-9.344	< .0001 ***
Taalgroep: beide	0.28300	0.08505	3.327	.000877 ***
Leeftiid: ≤ 29	-0.27438	0.12252	-2.239	.025126 *
Leeftiid: 30-49	-0.12944	0.07466	-1.734	.082953 .
Leeftiid: 50-64	0.15879	0.07616	2.085	.037088 *
Regio: Ljouwert	-0.62145	0.12395	-5.014	< .0001 ***
Regio: NE Fryslân	0.33874	0.11924	2.841	.004502 **
Regio: NW Fryslân	0.05210	0.14084	0.370	.711469
Regio: Waadeilannen	0.41843	0.37089	1.128	.259241
Regio: SE-Fryslân	-0.17438	0.10708	-1.628	.103422
Stedskens: stêd	-0.16488	0.04758	-3.465	.000530 ***
Oplieding: heech	-0.22852	0.06825	-3.348	.000814 ***
Oplieding: midden	0.12861	0.07053	1.824	.068217 .
Ferstean: Hielendal net	5.07259	101.39816	0.050	.960101
Ferstean: Min	-11.19220	405.54529	-0.028	.977983
Ferstean: Net min & net goed	1.34889	101.38739	0.013	.989385
Ferstean: goed	2.30206	101.38706	0.023	.981885
Lêzen: Hielendal net	0.59335	0.38000	1.561	.118413
Lêzen: Min	-0.13979	0.16656	-0.839	.401303
Lêzen: Net min & net goed	-0.14858	0.12553	-1.184	.236581
Lêzen: Goed	-0.19294	0.12291	-1.570	.116460
Skriuwen: Hielendal net	-0.64644	0.12808	-5.047	< .0001 ***
Skriuwen: Min	-0.52009	0.09662	-5.383	< .0001 ***
Skriuwen: Net min & net goed	-0.04705	0.09472	-0.497	.619388
Skriuwen: Goed	0.31209	0.11574	2.697	.007006 **

De resultaten op it mêd fan taalgroepen litte sjen dat der signifikante ferskillen binne yn hoe faak oft der Frysk praat wurdt mei de partner ôfhinklik fan de selskeazen taalgroep. Neat gjin niget dat respondinten dy't harsels as Frysktalich identifisearje, folle faker Frysk prate mei harren partner as respondinten dy't har as

Nederlânsktalich, twatalich of oars identifisearje. Dêrneist prate minsken dy't har as twatalich (Frysk-Nederlânsk) identifisearje faker Frysk mei harren partner as Nederlânsktaligen. It docht ek bliken dat twataligen faker Frysk mei harren partner prate as minsken yn 'e kategory Oars.

By de analyze fan de ferskillen per regio docht bliken dat ynwenners fan Ljouwert gemiddeld minder faak Frysk mei harren partner prate as ynwenners fan hast alle oare regio's. Dat ferskil is it grutst mei Noardeast-Fryslân, folge troch Noardwest-Fryslân, Súdwest-Fryslân en Súdeast-Fryslân. Dêrneist prate ynwenners fan Noardeast-Fryslân signifikant faker Frysk mei harren partner as ynwenners fan Súdeast-Fryslân. Dat befêstiget it patroan dat it brûken fan Frysk yn partnerrelaasjes bot gearhinget mei de regio. Frysk praten mei de partner komt dêrby it minst foar yn de stêd Ljouwert en it meast yn de noardeastlike regio fan de provinsje. Wat leeftiid oangiet, binne der ek inkelde signifikante ferskillen. Jongerein ûnder de 29 jier en minsken tusken de 30 en 49 jier prate minder faak Frysk mei de partner as 65-plussers. Dat patroan suggerearret dat âldere generaasjes faker Frysk brûke yn partnerrelaasjes as jongere generaasjes.

**Tabel 57.** Ferlikingen per taalgroep foar Frysk mei partner

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	2.8653	0.176	16.277 (2615)	< .0001
Frysk -	Beide	1.5631	0.130	12.053 (2615)	< .0001
Frysk -	Oars	2.9559	0.270	10.964 (2615)	< .0001
Nederlânsk -	Beide	-1.3022	0.131	-9.954 (2615)	< .0001
Beide -	Oars	1.3929	0.247	5.637 (2615)	< .0001

**Tabel 58.** Ferlikingen foar Frysk mei partner per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	Noardeast-Fryslân	-0.9602	0.155	-6.214 (2615)	< .0001
Ljouwert -	Noardwest-Fryslân	-0.6735	0.179	-3.759 (2615)	.0026
Ljouwert -	Súdeast-Fryslân	-0.4471	0.136	-3.294 (2615)	.0150
Ljouwert -	Súdwest-Fryslân	-0.6080	0.141	-4.310 (2615)	.0003
Noardeast-Fryslân -	Súdeast-Fryslân	0.5131	0.133	3.846 (2615)	.0018

**Tabel 59.** Ferlikingen foar Frysk mei partner per leeftiid

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
≤ 29 -	65+	-0.5194	0.181	-2873 (2615)	.0246
30-49 -	65+	-0.3745	0.117	-3.201 (2615)	.0083

Ek is der in signifikant ferskil yn hoe faak oft der Frysk mei de partner sprutsen wurdt op basis fan opliedingsnivo. Minsken mei in hegere

oplieding prate gemiddeld minder faak Frysk mei de partner as minsken mei in lege oplieding of mei in middelbere oplieding.

**Tabel 60.** Ferlikingen foar Frysk mei partner per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	-0.3571	0.126	-2.844 (2615)	.0135
Heech -	Midden	-0.3284	0.106	-3.085 (2615)	.0062

**Tabel 61.** Ferlikingen foar Frysk mei partner per taalfeardigens (skriuwen)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Net min & net goed	-0.599	0.158	-3.798 (2615)	.0015
Hielendal net -	Goed	-0.959	0.192	-5.000 (2615)	< .0001
Hielendal net -	Hiel goed	-1.548	0.318	-4.865 (2615)	< .0001
Min -	Net min & net goed	-0.473	0.119	-3.960 (2615)	.0008
Min -	Goed	-0.832	0.156	-5.325 (2615)	< .0001
Min -	Hiel goed	-1.422	0.298	-4.768 (2615)	< .0001
Net min & net goed -	Hiel goed	-0.949	0.290	-3.269 (2615)	.0109

Fan alle diminsjes fan taalfeardigens is allinnich (in hegere) skriuwfeardigens signifikant relatearre oan it frekwinte brûken fan it Frysk yn partnerrelaasjes. Respondinten dy't nei eigen sizzen better Frysk skriuwe kinne, jouwe signifikant faker oan Frysk te praten mei harren partner as respondinten mei in legere skriuwfeardigens. De grutste ferskillen trede op tusken de uterste kategoryen op de feardigensskaal. Sa brûke persoanen dy't harren skriuwfeardigens as 'hiel goed' beoardielje, folle faker Frysk yn petearen mei harren partner as dejingen dy't 'hielendal net', 'min' of 'net min en net goed' yn it Frysk skriuwe kinne.


As lêste blykt út de GAM analyze dat der in korrelaasje is tusken de hichte fan de skoares foar attitudes (status) en hoe faak oft der Frysk mei de partner sprutsen wurdt. Hoewol't in tanimmen yn skoare ynearsten gearhinget mei it faker Frysk praten mei de partner, flakket it effekt ôf foar de gemiddelde skoares en liket der sels in lichte delgong yn te treden by de hegere skoares. Dat hâldt yn dat minsken mei in legere taalhâldingskoare (status) it minst faak Frysk prate, mar dat der amper ferskil sit tusken de hegere en gemiddelde skoares. Omdat attiudes gjin kategory foarmje, mar earder in trochrinnende skoare represintearje, is it effekt dêrfan net yn in tabel opnommen,

mar werjûn yn in grafyk (Ofbylding 1). Dêr is te sjen dat de swarte line stadichoan omheech giet: dat betsjut dat as respondinten it Frysk heger ynskatte op it mêd fan status, se ek faker sizze dat se Frysk tsjin harren partner prate. De grize baan om de swarte line hinne jout oan hoe wis oft we binne fan dat effekt: as dy smel is, binne we der wis fan; as dy breed is, is der mear ûnwissens. Mar ek mei dy ûnwissens liket der dúdlik in posityf ferbân te wêzen tusken in lege statusbeoardieling en it brûken fan it Frysk mei de partner.

Oer it algemien korrelearret it brûken fan it Frysk mei partner mei de taalachtergrûn, sawol objektyf (faker foar Frysk T1) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk it heechst skoart, folge troch Beide), regio (faker yn Noardeast-Fryslân, minst faak yn Ljouwert), leeftiidskategory (faker foar 65+ as foar de groepen ûnder de 50) en taafeardigens (skriuwen: faker yn it gefal fan hegere skriuwfeardigens). As lêste is der in dúdlik ferbân tusken de taalhâlding (status) en it brûken fan it Frysk mei de partner.

In hegere statusskoare giet mank mei in tanimming yn it brûken fan it Frysk yn partnerrelaasjes, al flakket dat effekt ôf om de gemiddelde skoares hinne en is der sels sprake fan in lichte delgong by de heechste statusskoares. Yn de seksje hjirnei ûndersykje we yn hoefier't ferlykbere patroanen sichtber binne yn it brûken fan it Frysk mei bern.

#### Ofbylding 1.



### 6.1.2 Frysk mei bern

As twadde fraach oangeande de talen thús hawwe we sjoen nei hoe faak oft der Frysk praat wurdt tsjin bern. Dêrby wiene der effekten fan Frysk T1, regio, stedskens, taalgroep, leeftiid, oplieding, Frysk lêzen, Frysk skriuwen en taalhâlding (status). De fariabelen dy't gjin bydrage oan it model leveren, binne op 'e nij fuorthelle. Oars as by Frysk mei partner ferdwûnen de ferskillen tusken regio's yn de *post-hoc* ferlikingen. Wat de binêre fariabelen oanbelanget, sjogge we oars deselde resultaten: respondinten mei Frysk as earste taal (Frysk T1) prate faker Frysk mei harren bern as minsken dy't net Frysktalich grutbrocht binne en op it plattelân wurdt faker Frysk mei bern praat as yn 'e stêden.

*Leginda:*

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$

**Tabel 62.** Gearfetting fan it model foar Frysk mei bern

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	-4.15001	153.12820	-0.027	.978379
Gjin Frysk T1	-0.82410	0.05772	-14.277	< .0001 ***
Taalgroep: Frysk	2.20125	0.12949	17.000	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.41364	0.12221	-11.568	< .0001 ***
Taalgroep: beide	0.61511	0.09459	6.503	< .0001 ***
Leeftiid: ≤ 29	0.33404	0.28281	1.181	.237550
Leeftiid: 30-49	0.26380	0.12129	2.175	.029636 *
Leeftiid: 50-64	-0.13664	0.11816	-1.156	.247496
Regio: Ljouwert	-0.07831	0.15062	-0.520	.603153
Regio: NE-Fryslân	0.44037	0.14635	3.009	.002622 **
Regio: NW-Fryslân	0.22558	0.16346	1.380	.167587
Regio: Waadeilannen	-0.69990	0.48043	-1.457	.145167
Regio: SE-Fryslân	0.08483	0.12854	0.660	.509271
Stedskens: stêd	-0.34070	0.05330	-6.392	< .0001 ***
Oplieding: heech	-0.28583	0.07892	-3.622	< .0001 ***
Oplieding: midden	0.09927	0.07648	1.298	.194306
Ferstean: Hielendal net	-7.04065	540.27209	-0.013	.989603
Ferstean: Min	-6.34539	326.68880	-0.019	.984503
Ferstean: Net min & net goed	4.22044	153.12837	0.028	.978012
Ferstean: goed	4.40483	153.12811	0.029	.977052
Lêzen: Hielendal net	-1.57579	0.64282	-2.451	.014230 *
Lêzen: Min	0.28483	0.23640	1.205	.228248
Lêzen: Net min & net goed	0.38584	0.18579	2.077	.037820 *
Lêzen: Goed	0.40409	0.18234	2.216	.026683 *
Skriuwen: Hielendal net	-1.01759	0.14847	-6.854	< .0001 ***
Skriuwen: Min	-0.56685	0.11411	-4.968	< .0001 ***
Skriuwen: Net min & net goed	-0.11481	0.11180	-1.027	.304439
Skriuwen: Goed	0.48926	0.13867	3.528	< .0001 ***



As earste bliken der signifikante ferskillen te wêzen tusken de taalgroepen yn hoe faak oft se Frysk prate tsjin harren bern (Tabel 63). De Fryske taalgroep brûkte it Frysk it faakst en die dat signifikant faker as de Nederlânsktalige

groep, de twatalige groep en de oarstalige groep. De twatalige groep praat ek signifikant faker Frysk tsjin de bern as de Nederlânsktalige groep en de groep Oars. Dy resultaten komme oerien mei it taalgebrûk mei de partner.

Wat oplieding oanbelanget, prate heechoplate respondinten minder faak Frysk tsjin harren bern yn ferliking mei de leechoplate en middenoplate dielnimmers. Dat komt oerien mei de útkomsten foar Frysk mei de partner: ek dêr jouwe respondinten mei in hege oplieding oan minder faak Frysk te praten.

**Tabel 63.** Ferlikingen foar Frysk mei bern per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	3.6149	0.194	18.658 (2349)	< .0001
Frysk -	Beide	1.5861	0.145	10.912 (2349)	< .0001
Frysk -	Oars	3.6040	0.303	11.895 (2349)	< .0001
Nederlânsk -	Beide	-2.0288	0.143	-14.157 (2349)	< .0001
Beide -	Oars	2.0178	0.278	7.248 (2349)	< .0001

Leeftiid hat ek ynfloed op it gebrûk fan it Frysk yn it grutbringen fan bern (Tabel 64). Respondinten fan 30-49 jier prate signifikant mear Frysk tsjin harren bern as âldere groepen fan 50 - 64 jier en fan 65+. Dat kin derop wize dat ûnder jongere âlden it Frysk noch altyd in prominente rol spilet yn de taaloerdracht. De groep fan 50-64 jier praat lykwols wer signifikant mear Frysk tsjin de bern as de âldere groep fan 65+ jier, wylst de lêste groep wol faker Frysk tsjin de partner bliek te praten as de dielnimmers ûnder de 50 jier.

**Tabel 64.** Ferlikingen foar Frysk mei bern per leeftiid

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
30-49 -	50-64	0.4004	0.128	3.120 (2349)	.0110
30-49 -	65+	0.7250	0.131	5.526 (2349)	< .0001
50-64 -	65+	0.3246	0.123	2.649 (2349)	.0487

**Tabel 65.** Ferlikingen foar Frysk mei bern per oplieding


Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	-0.3851	0.140	-2.754 (2349)	.178
Heech -	Midden	-0.4724	0.126	-3.758 (2349)	.0005

Lykas by it brûken fan it Frysk mei de partner is der ek in sterke korrelaasje tusken de Fryske skriuwfeardigens en it brûken fan Frysk mei de bern. Hjir is te sjen dat minsken dy't it Frysk net, min of Net min & net goed skriuwe kinne, signifikant minder faak Frysk prate mei harren bern. De ferskillen binne hjir net allinnich sichtber tusken de utersten fan de skaal, mar ek tusken de legere nivo's ûnderinoar.

As lêste wolle we beneame dat der in korrelaasje wie mei de hichte fan de attitudes en hoefolle Frysk oft der sprutsen wurdt tsjin de bern. Wat heger de Fryske taal beoardiele waard op status, wat mear Frysk tsjin de bern sprutsen waard. Mei oare wurden, âlden dy't it Frysk as in weardefolle taal beskôgje op it gebiet fan ekonomyske kânsen en maatskiplike foarútgong, sille it faker aktyf brûke yn it grutbringen fan bern.

**Tabel 66.** Ferlikingen foar Frysk mei bern per taalfeardigens (skriuwen)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Min	-0.451	0.156	-2.885 (2349)	.0395
Hielendal net -	Net min & net goed	-0.903	0.173	-5.206 (2349)	< .0001
Hielendal net -	Goed	-1.507	0.218	-6.914 (2349)	< .0001
Hielendal net -	Hiel goed	-2.228	0.404	-5.520 (2349)	< .0001
Min -	Net min & net goed	-0.452	0.129	-3.496 (2349)	.0048
Min -	Goed	-1.056	0.179	-5.902 (2349)	< .0001
Min -	Hiel goed	-1.777	0.383	-4.641 (2349)	< .0001
Net min / net goed -	Goed	-0.604	0.169	-3.571 (2349)	.0036
Net min / net goed -	Hiel goed	-1.325	0.376	-3.519 (2349)	.0044



In wichtige ferfolchfraach is fansels hoefolle fan de bern ek Frysk weromprate nei harren âlden. Hoewol't resint ûndersyk oantoant dat der in reedlik stabyl persintaazje Friezen is dat de taal trochjout oan de folgjende generaasje (Buurke, 2025; Driessen, 2012; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Hilton e.o., 2020; Klinkenberg e.o., 2018), waarden der yn it foargeande rapport soargen neamd oer hoefolle Frysk oft de bern echt oernimme fan de âlden (Klinkenberg e.o., 2018). Dêrom is yn dizze edysje fan de

survey ek wer de fraach opnommen hoe faak oft âlden ynskutte dat harren bern Frysk weromprate. Ut de resultaten blykt dat in frij grut part fan de bern it Frysk aktyf brûkt, mar dat der tagelyk grutte ferskillen binne yn de mjitte dêr't dat yn bart. Yn totaal jout 38,0% fan de respondinten oan dat harren bern altyd Frysk weromprate, wylst 32,9% oanjout dat dit noait it gefal is.

## 6.2 Taal yn it deistich libben

De frekwinsje en kontekst fan it gebrûk fan it Frysk kinne net allinnich it taalgedrach beynfloedzje, mar ek de hâlding foar de taal oer fersterkje of ferswakje. Wannear't it Frysk regelmjittich brûkt wurdt yn sosjale kontakten, kin dat bydrage oan de fitaliteit fan de taal. Dêrfoaroer kin in ôfname yn it gebrûk fan it Frysk yn ynformele fermiddens derop wize dat de taal ûnder druk stiet yn it deistich libben. Dêrom ûndersykje we hoe faak oft it Frysk sprutsen wurdt yn it deistich libben, spesifyk yn ynteraksjes mei buorlju, freonen en kunde, en yn ferskate sosjale situaasjes.

**Tabel 67.** Frysk werom (yn %)

Kategory	Noait	Selden	Soms	Faak	Altyd
Totaal	32,9	10,2	10,3	8,5	38,0

Ut de analyzes fan taalgebrûk thús (mei partner en mei bern) docht bliken dat hoe faak oft it Frysk binnen de thússituaasje brûkt wurdt, gearhinget mei in tal fariabelen, te witten taalachtergrûn, sawol objektyf (faker foar Frysk T1) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk it heechst skoart, folge troch Beide), regio (minder yn Ljouwert en mear yn Noardeast-Fryslân foar Frysk mei partner, mar gjin ferskil yn de ferlikingen foar Frysk mei bern), stedskens (faker Frysk op it plattelân), leeftiidskategory (faker foar 65+ by Frysk mei partner, mar faker foar dielnimmers tusken de 30-49, folge troch de groep tusken 50-64 by Frysk mei bern),

opliedingsnivo (minder faak foar heger oplaait), en taalfeardigens (skriuwen: faker Frysk mei partner en bern by in hegere skriuwfeardigens). As lêste is der in dúdlik, hoewol net altyd lineêr, ferbân tusken taalhâlding (status) en it brûken fan it Frysk mei de partner en de bern: wat positiver respondinten oer it Frysk tinke, wat faker se it brûke, al flakket it effekt ôf by hegere statusskoares foar taalgebrûk mei partner. Yn de seksje hjirnei besjogge we yn hoefier't deselde patroanen te finen binne foar it brûken fan it Frysk yn it deistich libben.

As earste besprekke we de talen dy't sprutsen wurde mei buorlju en mei freonen/kunde. Mei de buorlju dy't se it meast sprekke, praat 53,8% fan de respondinten faak of altyd Frysk. Dochs brûkt goed in kwart (27,5%) noait Frysk yn gesprekken mei buorlju. Dat suggerearret dat it taalgebrûk yn de wenomjouwing sterk ôfhinklik is fan de gearstalling fan de buert en mooglik ek fan de taalachtergrûn fan de bewenners. Yn kontakten mei freonen en kunde wurdt it Frysk justjes faker brûkt as mei buorlju. Dêr jout 58,3% oan faak of altyd Frysk te praten. It persintaazje respondinten dat noait Frysk brûkt yn dy kontekst is mei 21,0% leger as by buorlju. Dat wiist derop dat it Frysk in wichtige rol spilet yn ynformele sosjale netwurken en dat taalkar

by freonen minder ôfhinklik is fan eksterne faktoaren lykas de wenomjouwing. Ek hawwe we sjoen nei de ferskillen per achtergrûnfariabele. Dêrby binne de data foar talen mei buorlju en talen mei freonen/kunde apart analysearre.

### 6.2.1 Frysk mei buorlju

As earste ûnderdiel fan it brûken fan it Frysk yn it deistich libben hawwe we sjoen hoe faak oft de respondinten Frysk prate mei harren buorlju. Lykas yn de foargeande seksjes is dêr Generalized Additive Model (GAM) foar brûkt, mei "Frysk mei buorlju" as ôfhinklike variabele. Yn it model binne Frysk T1, taalgroep, geslacht, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo, Frysk op skoalle, en Frysk lêzen en skriuwen opnommen as variabelen. Oare achtergrûnfariabelen – variabelen dy't net bydroegen oan de ferklearjende krêft fan it model – binne fuorthelle.

As earste is der in wichtich ferskil tusken de dielnimmers mei Frysk as earste taal en sûnder Frysk T1. Fan hûs út Frysktaligen prate nammentlik folle faker Frysk mei buorlju. Ek blykt dat minsken op it plattelân oer it algemien gâns faker Frysk prate as steders wat oanslút by eardere befiningen oer it ferskil yn taalgebrûk tusken stêd en plattelân. Alle oare variabelen (mei mear as twa diminsjes) wurde hjirûnder apart besprutsen.

**Tabel 68.** Gearfetting fan it model foar Frysk mei buorlju

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
(Intercept)	-0.63144	0.20925	-3.018	.002547	**
Gjin Frysk T1	-0.44724	0.05155	-8.675	< .0001	***
Geslacht: man	0.03467	0.04001	0.867	.386104	
Taalgroep: Frysk	1.58738	0.09519	16.675	< .0001	***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.16413	0.11622	-10.017	< .0001	***
Taalgroep: beide	0.75883	0.07984	9.505	< .0001	***
Leeftiid: ≤ 29	-0.45375	0.08981	-5.053	< .0001	***
Leeftiid: 30-49	-0.17024	0.06612	-2.575	.010032	*
Leeftiid: 50-64	0.19916	0.06778	2.938	.003298	**
Regio: Ljouwert	-0.12496	0.18732	-0.667	.504697	
Regio: NE-Fryslân	1.57981	0.18364	8.603	< .0001	***
Regio: NW-Fryslân	0.46959	0.19308	2.432	.015010	*
Regio: Waadeilannen	-3.15292	0.82129	-3.839	.000124	***
Regio: SE-Fryslân	0.43178	0.17835	2.421	.015478	*
Stedskens: stêd	-0.46253	0.04231	-10.931	< .0001	***
Oplieding: heech	0.02464	0.06489	0.380	.704155	
Oplieding: midden	-0.14675	0.06423	-2.285	.022322	*
FSkoalle: Noait/Wit ik net	-0.04513	0.08088	-0.558	.576871	
FSkoalle: pear kear per jier	0.07563	0.12106	0.625	.532119	
FSkoalle: elke moanne	0.02959	0.15148	0.195	.845110	
FSkoalle: elke wike	0.15622	0.08874	1.760	.078333	
Lêzen: Hielendal net	-0.59702	0.35698	-1.672	.094444	.
Lêzen: Min	-0.16913	0.16486	-1.026	.304917	
Lêzen: Net min & net goed	0.49190	0.11814	4.164	< .0001	***
Lêzen: Goed	0.17037	0.11365	1.499	.133867	
Skriuwen: Hielendal net	-0.52279	0.12508	-4.179	< .0001	***
Skriuwen: Min	-0.55714	0.08537	-6.526	< .0001	***
Skriuwen: Net min & net goed	-0.08800	0.07984	-1.102	.270381	
Skriuwen: Goed	0.16304	0.09407	1.733	.083070	.

As earste sjogge we sterke ferskillen tusken taalgroepen. It ferskil tusken Frysktaligen en de oare taalgroepen is grut, mei as logyske ynterpretaasje dat Frysktaligen folle faker Frysk prate mei harren buorlju as minsken dy't har

identifisearje as Nederlânsktalich, twatalich of oarstalich. Dejingen dy't harsels as sawol Frysktalich as Nederlânsktalich beskôgje, prate ek mear Frysk mei harren buorlju as de leden fan de taalgroep Nederlânsk of Oars.

By it sjen nei it taalgebrûk per regio (Tabel 70) komt nei foarren dat it Frysk gâns faker sprutsen wurdt yn Noardeast-Fryslân as yn oare regio's, wat befêstiget dat it Frysk yn dy regio in sterkere posysje hat. Dêrneist prate minsken op de Waadeilannen minder faak Frysk as yn Noardwest-Fryslân en Ljouwert. It docht ek bliken dat de respondinten út Ljouwert minder faak Frysk mei de buorlju prate as ynwenners fan de oare regio's, útsein de Waadeilannen.

**Tabel 69.** Ferlikingen foar Frysk mei buorlju per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	2.7515	0.1648	16.701 (2535)	< .0001
Frysk -	Beide	0.8286	0.0963	8.603 (2535)	< .0001
Frysk -	Oars	2.7695	0.2417	11.457 (2535)	< .0001
Nederlânsk -	Beide	-1.9230	0.1440	-13.351 (2535)	< .0001
Beide -	Oars	1.9409	0.2326	8.346 (2535)	< .0001

**Tabel 70.** Ferlikingen foar Frysk mei buorlju per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	Noardeast-Fryslân	-1.7048	0.138	-12.341 (2535)	< .0001
Ljouwert -	Noardwest-Fryslân	-0.5946	0.156	-3.823 (2535)	< .0001
Ljouwert -	Waadeilannen	3.0280	0.990	3.059 (2535)	.0337
Ljouwert -	Súdeast-Fryslân	-0.5567	0.125	-4.465 (2535)	.0001
Ljouwert -	Súdwest-Fryslân	-0.9217	0.130	-7.104 (2535)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Noardwest-Fryslân	1.1102	0.147	7.576 (2535)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Waadeilannen	4.7327	0.989	4.786 (2535)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Súdeast-Fryslân	1.1480	0.118	9.720 (2535)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Súdwest-Fryslân	0.7831	0.123	6.369 (2535)	< .0001
Noardwest-Fryslân -	Waadeilannen	3.6225	0.992	3.654 (2535)	.0040
Waadeilannen -	Súdeast-Fryslân	-3.5847	0.987	-3.631 (2535)	.0043
Súdeast-Fryslân -	Súdwest-Fryslân	-0.3649	0.111	-3.294 (2535)	.0150

Wat leeftiid oangiet (yllustrearre yn Tabel 71), docht bliken út de resultaten dat jongere respondinten (≤ 29 en 30-49 jier) minder faak Frysk brûke yn ferliking mei âldere

leeftiidsgroepen (50-64 en 65+ jier). Dat patroan suggerearret in delgong yn it gebrûk fan it Frysk mei buorlju by jongere generaasjes.

Fierder wie der ek in signifikant ferskil tusken de opliedingsnivo's. Minsken mei in middelbere oplieding prate faker Frysk mei de buorlju as minsken mei in lege oplieding. Dat kin derop wize dat it gebrûk fan it Frysk sterker ferankere is yn bepaalde sosjaalekonomyske groepen.

**Tabel 71.** Ferlikingen foar Frysk mei bern per leeftiid

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
≤ 29 - 50-64	-0.653	0.134	-4.884 (2535)	< .0001
≤ 29 - 65+	-0.879	0.144	-6.100 (2535)	< .0001
30-49 - 50-64	-0.369	0.104	-3.551 (2535)	.0023
30-49 - 65+	-0.595	0.114	-5.215 (2535)	< .0001

**Tabel 72.** Ferlikingen foar Frysk mei buorlju per oplieding

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Leech - Midden	-0.2689	0.0995	-2.702 (2535)	.0208

**Tabel 73.** Ferlikingen foar Frysk mei buorlju per taalfeardigens (lêzen)

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Min - Net min & net goed	-0.661	0.189	-3.499 (2535)	.0048
Net min / net goed - Goed	0.3215	0.108	2.970 (2535)	.0301
Net min / net goed - Hiel goed	0.3880	0.142	2.724 (2535)	.0649


**Tabel 74.** Ferlikingen foar Frysk mei buorlju per taalfeardigens (skriuwen)

Ferlikingen	Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net - Goed	-0.6858	0.180	-3.818 (2535)	.0014
Hielendal net - Hiel goed	-1.5277	0.267	-5.730 (2535)	< .0001
Min - Net min & net goed	-0.4691	0.106	-4.418 (2535)	.0001
Min - Goed	-0.7202	0.133	-5.402 (2535)	< .0001
Min - Hiel goed	-1.5620	0.239	-6.542 (2535)	< .0001
Net min & net goed - Hiel goed	-1.0929	0.228	-4.788 (2535)	< .0001
Goed - Hiel goed	-0.8418	0.224	-3.758 (2535)	.0018

Lykas by it brûken fan Frysk mei partner en bern blykt der in gearhing te wêzen tusken de lêsen- en skriuwfeardigens (Tabel 73 en 74, respektyflik) en it brûken fan it Frysk mei buorlju. Benammen skriuwfeardigens hat in dúdlik effekt: der wurdt mear Frysk mei de buorlju brûkt neigeraden dat de skriuwfeardigens heger ynskat wurdt.

As lêste wolle we neame dat der by de talen mei de buorlju sprake is fan in korrelaasje tusken de hichte fan de taalhâldingsskoare (status) en it gebrûk fan it Frysk, lykas by hoefolle Frysk oft tsjin bern en partner sprutsen wurdt. Hjir jildt ek dat wat heger de taalhâlding (status) is foar it Frysk oer, wat mear de taal brûkt wurdt mei de buorlju. Wol is der in (lichte) delgong yn de korrelaasje foar de hegere attitudeskoores, sterker as de delgong dy't te sjen wie by it brûken fan it Frysk mei de partner. Oer it generaal befêstigje de útkomsten op 'e nij dat in negative hâlding foar it Frysk oer gearhinget mei in minder frekwint gebrûk fan de taal yn sosjale ynteraksjes.





Koartsein, it brûken fan it Frysk mei buorlju korrelearret – lykas de talen thús – mei de **taalachtergrûn**, sawol objektyf (faker foar Frysk T1) as subjektyf (selskeazen **taalgroep**, dêr't Frysk it heechst skoart, folge troch Beide), selskeazen taalgroep (Frysk it faakst, folge troch Beide), **leeftiidskategory** (faker foar 50+ as foar <50: krekt as by Frysk mei partner, mar oars as by Frysk mei bern), **regio** (Noard-Fryslân it meast, Ljouwert it minst faak), **stedskens** (faker yn plattelânske gebieten), **opliedingsnivo** (faker foar middelber as leechoplate respondinten, mar, oars as by Frysk mei partner en bern, gjin ferskil mei heechoplate respondinten) en **taalfeardigens** benammen yn it skriuwen fan it Frysk (wêrby't in hegere taalfeardigens mank giet

mei faker Frysk praten mei de buorlju). Fierder sjogge we, krekt as by Frysk mei partner en bern, in ferbân tusken **taalhâlding** (status) en it brûken fan it Frysk mei buorlju: positivere statutsskoares korrelearje mei frekwinter gebrûk fan it Frysk mei buorlju, mei in ôfflakking foar de hegere skoares. Yn de seksje hjirnei besjogge we yn hoefier't ferlykbere patroanen sichtber binne yn it brûken fan it Frysk mei freonen en/of kunde.

### 6.2.2 Frysk mei freonen/kunde

Om it brûken fan it Frysk mei freonen of kunde te ûndersykjen, hawwe we op 'e nij in Generalized Additive Model (GAM) tapast, diskear mei "Frysk mei freonen/kunde"

as ôfhinklike fariabele. Opnommen yn it model binne Frysk T1, geslacht, (selskeazen) taalgroep, leeftiidskategory, regio, stedskens, opliedingsnivo, taalfeardigens yn it Frysk ferstean, lêzen en skriuwen, en taalhâlding oangeande status fan it Frysk. Variabelen dy't net bydroegen oan de ferklearjende krêft fan it model binne fuorthelle. Dizze fraach is allinnich steld oan respondinten dy't it Frysk "net min en net goed", "goed", of "hiel goed" prate kinne. Dat betsjut dat dielnimmers dy't oanjoggen dat se gjin of min Frysk prate, net meinommen binne yn 'e analyse.

As earste is der voor de binaire variabelen in wichtich ferskil tusken de dielnimmers mei Frysk as earste taal en sûnder, wêrby't der troch Frysktaligen folle faker Frysk mei buorlju sprutsen wurdt. It docht ek bliken dat manlju wat faker Frysk mei freonen en/of kunde prate en dat respondinten op it plattelân oer it algemien gâns faker Frysk prate as stedsjers - wat oanslút by eardere befiningen oer it ferskil yn taalgebrûk tusken stêd en plattelân. Alle oare fariabelen mei mear as twa diminsjes wurde hjirûnder apart besprutsen.

**Tabel 75.** Gearfetting fan it model foar Frysk mei freonen/kunde

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde	
(Intercept)	-2.341e+03	1.952e-01	-11991.119	< .0001	***
Gjin Frysk T1	-7.636e-01	4.770e-02	-16.008	< .0001	***
Geslacht: man	1.054e-01	3.628e-02	2.904	.003681	**
Taalgroep: Frysk	2.033e+00	9.018e-02	22.539	< .0001	***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.809e+00	9.189e-02	-19.682	< .0001	***
Taalgroep: beide	8.995e-01	7.181e-02	12.526	< .0001	***
Leeftiid: ≤ 29	-9.637e-02	8.159e-02	-1.181	.237523	
Leeftiid: 30-49	-2.094e-01	5.977e-02	-3.502	< .0001	***
Leeftiid: 50-64	1.943e-01	6.124e-02	3.173	.001511	**
Regio: Ljouwert	-3.181e-01	1.075e-01	-2.958	.003096	**
Regio: NE Fryslân	7.209e-01	9.974e-02	7.228	< .0001	***
Regio: NW Fryslân	6.636e-02	1.163e-01	0.570	.568403	
Regio: Waadeilannen	-4.672e-01	3.389e-01	-1.379	.168044	
Regio: SE-Fryslân	-1.415e-01	9.281e-02	-1.524	.127432	
Stedskens: stêd	-1.884e-01	3.916e-02	-4.810	< .0001	***
Oplieding: heech	-2.331e-01	5.757e-02	-4.050	< .0001	***
Oplieding: midden	8.170e-02	5.694e-02	1.435	.151380	
Ferstean: Min	2.342e+03	4.532e-01	5168.211	< .0001	***
Ferstean: Net min & net goed	2.341e+03	2.363e-01	9907.243	< .0001	***
Ferstean: goed	2.342e+03	1.726e-01	13570.826	< .0001	***
Lêzen: Hielendal net	-4.024e-01	3.306e-01	-1.217	.223446	
Lêzen: Min	3.840e-01	1.339e-01	2.868	.004125	**
Lêzen: Net min & net goed	6.995e-02	1.078e-01	0.649	.516438	
Lêzen: Goed	7.614e-02	1.046e-01	0.728	.466768	
Skriuwen: Hielendal net	-8.930e-01	1.054e-01	-8.474	< .0001	***
Skriuwen: Min	-3.561e-01	7.854e-02	-4.533	< .0001	***
Skriuwen: Net min & net goed	-1.872e-01	7.469e-02	-2.506	.012201	*
Skriuwen: Goed	4.800e-01	9.062e-02	5.297	< .0001	***

Wannear't we sjogge nei it effekt fan de selskeazen taalgroep (ek yn Tabel 76), is de frij foar de hân lizzende befining dat minsken dy't har identifisearje as Frysktalich, oanmerklik faker Frysk mei freonen en kunde prate as Nederlânsktaligen, twataligen en oarstaligen. Nederlânsktaligen prate op harren beurt minder Frysk as twataligen en justjes minder as oarstaligen. Dat ferskil mei oarstaligen kin ferklearre wurde, trochdat de groep bestiet út in grut tal dielnimmers dy't har identifisearret mei it Stedsfrysk, wat sy sjogge as in oare taalgroep as it Frysk.

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$



**Tabel 76.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	3.841	0.1394	27.559 (3192)	< .0001
Frysk -	Beide	1.133	0.0942	12.033 (3192)	< .0001
Frysk -	Oars	3.156	0.2242	14.079 (3192)	< .0001
Nederlânsk -	Beide	-2.708	0.1123	-24.115 (3192)	< .0001
Nederlânsk -	Oars	-0.685	0.2185	-3.134 (3192)	.0104
Beide -	Oars	2.023	0.2125	9.519 (3192)	< .0001

Ek hjir binne dúdlik regionale ferskillen sichtber. Ynwenners fan Ljouwert prate minder Frysk mei freonen en kunde as dy fan Noardeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân. It Frysk wurdt it meast brûkt mei freonen en kunde yn Noardeast-Fryslân,

dat ek signifikant heger skoart as Noardwest-Fryslân, Súdeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân. Dat komt oerien mei de regio's dêr't it Frysk it meast praat wurdt mei de buorlju.

**Tabel 77.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per regio

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	Noardeast-Fryslân	-1.0390	0.127	-8.198 (3192)	< .0001
Ljouwert -	Súdwest-Fryslân	-0.4577	0.119	-3.838 (3192)	.0019
Noardeast-Fryslân -	Noardwest-Fryslân	0.6545	0.135	4.835 (3192)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Súdeast-Fryslân	0.8623	0.106	8.123 (3192)	< .0001
Noardeast-Fryslân -	Súdwest-Fryslân	0.5813	0.110	5.279 (3192)	< .0001

**Tabel 78.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per leeftiidskategory

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
30-49 -	50-64	0.4037	0.0933	-4.328 (3192)	.0001
30-49 -	65+	-0.3208	0.0984	-3.259 (3192)	.0068

Ut de resultaten docht ek bliken dat leeftiid in rol spilet (Tabel 78). De groep fan 30-49 jier praat signifikant minder Frysk as de groep fan 50-64 jier en yn justjes mindere mjitte as de 65-plussers. Dat kin derop wize dat jongere folwoeksenen yn ynformele sosjale konteksten faker foar it Nederlânsk of in oare taal kieze, hoewol't de ferskillen mei de groep ûnder de 29 jier en de âldere groepen net signifikant wiene.

Fierder is der in ferskil tusken opliedingsnivo's: minsken mei in hege oplieding prate minder Frysk mei freonen en kunde as minsken mei in lege oplieding of in gemiddelde oplieding. Dat befêstiget it bredere patroan dat it gebrûk fan it Frysk sterker ferankere is binnen de sosjaalekonomyske groepen mei in legere of gemiddelde oplieding.

**Tabel 79.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	-0.3148	0.1036	-3.038 (3192)	.0072
Heech -	Midden	-0.3846	0.0902	-4.264 (3192)	.0001

Wat de taalfeardigens op it mêd fan ferstean oanbelanget, is der in opgeande line yn de gearhing mei it praten fan it Frysk tsjin freonen en/of kunde. Respondinten dy't better Frysk ferstean kinne, dogge dat nammentlik faker.

It leechste nivo taalfeardigens (hielendal net) is net meinommen yn dizze ferlikingen. De ferskillen mei it ien-nei-leechste nivo bliken net signifikant.

**Tabel 80.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per taalfeardigens (ferstean)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Net min & net goed -	Goed	-0.866	0.2591	-3.340 (3192)	.0084
Net min & net goed -	Hiel goed	-1.130	0.2635	-4.290 (3192)	.0002
Goed -	Hiel goed	-0.264	0.0910	-2.910 (3192)	.0368

Yn it gefal fan lêsfeardigens yn it Frysk is der mar ien signifikant ferskil (sjoch Tabel 81): respondinten mei in minimale lêsfeardigens ("Min") blike faker Frysk mei harren freonen en/

of kunde te praten as respondinten dy't harren lêsfeardigens as "Hiel goed" beskôgje.

**Tabel 81.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per taalfeardigens (lêzen)

Nog		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Min -	Hiel goed	0.5117	0.1817	2.816 (3192)	.0490


Foar de taalfeardigens op it mêd fan skriuwen docht bliken dat respondinten dy't it Frysk goed of hiel goed skriuwe kinne, faker Frysk mei harren freonen en/of kunde prate as de oare trije groepen. Ek de groep dy't oanjout it Frysk net min en net goed skriuwe te kinnen, praat faker Frysk as de groep dy't rapportearre totaal gjin skriuwfeardigens te hawwen. Nijsgjirrich is it ferskil tusken de twa leechste groepen: respondinten dy't oanjouwe min Frysk te skriuwen, prate just minder faak Frysk mei harren freonen/kunde as dielnimmers dy't it hielendal net skriuwe kinne.

**Tabel 82.** Ferlikingen foar Frysk mei freonen/kunde per taalfeardigens (skriuwen)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Min	0.537	0.1137	-4.724 (3192)	< .0001
Hielendal net -	Net min & net goed	-0.706	0.1324	-5.329 (3192)	< .0001
Hielendal net -	Goed	-1.373	0.1582	-8.677 (3192)	< .0001
Hielendal net -	Hiel goed	-1.849	0.2451	-7.544 (3192)	< .0001
Min -	Goed	-0.836	0.1285	-6.504 (3192)	< .0001
Min -	Hiel goed	-1.312	0.2271	-5.778 (3192)	< .0001
Net min & net goed -	Goed	-0.667	0.1155	-5.778 (3192)	< .0001
Net min & net goed -	Hiel goed	-1.143	0.2172	-5.264 (3192)	< .0001

As lêste beneame we dat ek hjir in korrelaasje is mei de taalhâldingskoare (status). Lykas yn de foarige twa senario's jildt, dat wat heger de taalhâldingskoare (status) is foar it Frysk oer, wat mear't de taal brûkt wurdt mei freonen/kunde. Yn dit fefal is der lykwols in ôfnimmend effekt foar de hegere skoares. Dat betsjut dat der wol in effekt is fan legere skoares (en dus negative/neutrale attitudes), mar gjin werklik ferskil tusken de gemiddelde en hegere skoares. Dat effekt is fisualisearre yn ôfbylding 2:

**Ofbylding 2.**



Om gear te fetsjen lit de analyze sjen dat it brûken fan it Frysk mei freonen en/of kunde gearhinget mei de **taalachtergrûn**, sawol objektyf (faker foar Frysk T1) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk heger skoart as alle oare groepen), **geslacht** (faker foar manlju), **leeftiidskategory** (30-49 jier minder faak as de âldere groepen), **stedskens** (faker op it plattelân), **regio** (benammen faak yn Noardeast-Fryslân, net in soad yn Ljouwert), **oplieding** (minder faak foar heechoplate respondinten).

Dêrneist binne **taalfeardigens** en **taalhâlding** wichtige foarsizzers: wat better ien Frysk ferstiet en skriuwt, en wat positiver ien foar de status fan it Frysk oer stiet, wat faker ien de taal brûkt yn sosjale ynteraksje. In opfallend detail is dat de respondinten dy't sizze dat se it Frysk 'min' skriuwe kinne, it krekt minder faak mei freonen en/of kunde prate as respondinten dy't oanjouwe it hielendal net skriuwe te kinnen.

### 6.2.3 Frysk as easte taalkar

As ôfsluting sjogge we koart nei de talen dy't men as earste brûke soe yn ûnderskate sosjale situaasjes. De situaasjes omfetsje in spesifyk Frysk senario (in Frysk doarp), in stedsk senario (Ljouwert), in ûnbekend senario (de telefoan opnimme) en inkelde oare prosessen (telle, dreame en neitinke). Dy befiningen binne oer alle talige achtergrûnen besjoen, dus ynklusyf dielnimmers mei gjin of lege taalfeardigens yn it Frysk. Dat komt trochdat de fokus hjir leit op it brûken fan ûnderskate talen en net allinnich op it Frysk.

**Tabel 83.** Earste taalkar foar ûnderskate situaasjes

	Frysk	Nederlânsk	Streektaal	Oars
Yn in Frysk doarp nei it paad freegje	61,8	36,5	1,2	0,5
In ûnbekende oansprekke yn Ljouwert	23,3	73,2	2,5	1,0
De telefoan opnimme	35,0	62,3	0,7	2,0
Telle	46,3	50,0	1,6	2,1
Dreame	45,4	48,7	2,1	3,8
Neitinke	50,4	42,7	2,5	4,4

Tabel 83 illustrearret in dúdlike twataligens yn Fryslân, wêrby't it Frysk en it Nederlânsk ôfwikseljend de foarkar hawwe, ôfhinklik fan de kontekst. Yn oerwaagjend Fryske situaasjes, lykas it freegjen nei it paad yn in Frysk doarp, is der in sterke foarkar foar it gebrûk fan it Frysk (61,8%). By kontaktmomenten mei ûnbekenden, lykas it oansprekken fan in ûnbekende yn Ljouwert (73,2%) of it opnimmen fan de telefoan (62,3%), wurdt it Nederlânsk dúdlik de dominante taal.

Dat toant oant dat it gebrûk fan de taal sterk bûn is oan de ferwachtingen fan de omjouwing. Wêr't de ferwachting fan in Frysk doarp is dat men Frysk praat, is dat foar it stedske gebiet Ljouwert of it ûnbekende fan in telefoanpetear net sa. Foar kognitive prosessen lykas telle, dreame en neitinke is der in hast gelikense ferdieling tusken it Frysk en it Nederlânsk. Streektalen en oare talen spylje oer it algemien in marzjinale rol, mei in beheind gebrûk yn alle ûndersochte situaasjes.

### 6.3 Taal op it wurk

Yn dizze seksje litte we sjen hoe faak oft it Frysk op it wurk brûkt wurdt. It brûken fan Frysk yn dy kontekst is fan ynfloed op sawol de sichtberens as de funksjonele status fan de taal. Wannear't it Frysk in aktive rol spilet yn profesjonele omjouwingen, kin dat bydrage oan de normalisaasje en ynstitúsjonele ferankering dêrfan. Dêrfoar kin in beheinde oanwêzigens fan it Frysk yn dat domein derop wize dat de taal benammen ta ynformele situaasjes beheind bliuwt. Dat kin gefolgen hawwe foar de status en takomstbestindigens dêrfan.

Der moat opmurken wurde dat de fragen foar de hjoeddeistige arbeidssituaasje filtere binne: it brûken fan it Frysk op it wurk is allinnich frege oan wurkjenden. Dat wol sizze dat de leeftiidskategory 65+ allinnich minsken omfettet dy't harren arbeidssituaasje omskriuwe as yn leantsjinst of as selsstannige mei/

**Tabel 84.** Talen op it wurk (yn %)

Op it wurk	Noait	Selden	Soms	Faak	Altyd
Frysk	20,2	11,2	18,8	38,4	11,3
Nederlânsk	1,1	2,0	14,1	51,6	31,2
Streektaal	44,9	19,3	24,3	9,8	1,7
Ingelsk	36,4	24,3	28,6	9,3	1,4
Oars	81,5	7,8	6,5	2,7	1,4

sûnder persoanen. Wurkleaze of pensjonearre dielnimmers binne dus net meinaam yn de analyze. Ek is der yn dit rapport in ferskil mei foarige taalsurveys: yn stee fan de spesifike fraach "watfoar taal prate jo met kollega's" krigen dielnimmers allinnich de fraach hoe faak oft se op harren wurk Frysk brûkten. Dat kin dus sawol mei kollega's as mei klanten, leveransiers of oare relaasjes wêze.

It brûken fan it Frysk op it wurk fariearret sterk. Op de wurkflier praat 49,7% fan de respondinten faak of altyd Frysk, wylst 20,2% oanjout de taal noait te brûken. In lytsere groep brûkt it soms (18,8%) of selden (11,2%). Op skoalle is it Frysk minder gongber: mar 22,0% fan de respondinten jout oan it wykliks of deistich te praten, wylst 38,7% it noait of hast noait brûkt. Dêrneist wurdt it troch 24,6% mar in pear kear yn it jier praat en troch 14,7% alle moannen.

Yn de seksje hjirnei zoome we yn op it brûken fan it Frysk op de wurkflier en hokker achtergrûnfariabelen dêrmei gearhingje.

#### 6.3.1 Frysk op it wurk

As lêste stap yn ús analyze hawwe we in model tapast om de ynfloed fan achtergrûnfariabelen op it brûken fan it Frysk op de wurkflier te ûndersykjen. Yn dat model binne wer Frysk T1, (selskeazen) taalgroep, regio, stedskens, geslacht, leeftiidskategory, opliedingsnivo, taalfeardigens yn it ferstean, lêzen en skriuwen fan it Frysk, en taalhâlding (status) meinommen. Oare achtergrûnfariabelen dy't gjin effekt op de ferklearjende krêft fan it model hiene, binne fuorthelle. Krekt as yn it gefal fan de foargeande fragen oangeande it brûken fan it Frysk, is dizze fraach net steld oan respondinten dy't oanjoege it Frysk hielendal net of min te praten.

Foar de fariabelen mei twa diminsjes docht bliken dat dielnimmers mei Frysk as earste taal (T1) faker Frysk op it wurk brûke as dielnimmers dy't net Frysktalich grutbrocht binne, en ynweners fan stêden minder faak as minsken út plattelânsgebieten. Alle oare fariabelen wurde werjûn yn Tabel 86 oant en mei Tabel 91.



**Tabel 85.** Gearfetting fan it model foar Frysk op it wurk

Predictor	Estimate	Std. Error	z-wearde	p-wearde
(Intercept)	-4.71363	235.27550	-0.020	.984016
Gjin Frysk T1	-0.42376	0.06092	-6.956	< .0001 ***
Geslacht: man	-0.02874	0.04447	-0.646	.518115
Taalgroep: Frysk	1.48269	0.11075	13.388	< .0001 ***
Taalgroep: Nederlânsk	-1.38036	0.11269	-12.249	< .0001 ***
Taalgroep: beide	0.67748	0.08865	7.642	< .0001 ***
Leeftiid: ≤ 29	0.07457	0.11528	0.647	.517745
Leeftiid: 30-49	-0.15606	0.07965	-1.959	.050091 .
Leeftiid: 50-64	0.03279	0.08199	0.400	.689241
Regio: Ljouwert	-0.04708	0.13030	-0.361	.717844
Regio: NE Fryslân	0.46694	0.12015	3.886	< .0001 ***
Regio: NW Fryslân	0.18857	0.14784	1.276	.202124
Regio: Waadeilannen	-0.61867	0.41227	-1.501	.133451
Regio: SE-Fryslân	-0.26695	0.11526	-2.316	.020561 *
Stedskens: stêd	-0.11359	0.04966	-2.287	.022174 *
Oplieding: heech	-0.32267	0.06876	-4.693	< .0001 ***
Oplieding: midden	0.34158	0.07506	4.551	< .0001 ***
Ferstean: Hielendal net	-7.46215	879.93776	-0.008	.993234
Ferstean: Min	-7.86381	408.33377	-0.019	.984635
Ferstean: Net min & net goed	4.53634	235.27553	0.019	.984617
Ferstean: goed	5.14952	235.27544	0.022	.982538
Lêzen: Hielendal net	-1.60932	0.53009	-3.036	.002398 **
Lêzen: Min	0.76224	0.18332	4.158	< .0001 ***
Lêzen: Net min & net goed	0.24138	0.15681	1.539	.123728
Lêzen: Goed	0.34769	0.15419	2.255	.024135 *
Skriuwen: Hielendal net	-0.48768	0.13246	-3.682	< .0001 ***
Skriuwen: Min	-0.18799	0.09677	-1.943	.052068 .
Skriuwen: Net min & net goed	-0.13572	0.09183	-1.478	.139422
Skriuwen: Goed	0.05525	0.11136	0.496	.619832

De regio stedskens beynfloedet signifikant hoe faak oft it Frysk op de wurkflier brûkt wurdt. Dielnimmers út Noardeast-Fryslân en Noardwest-Fryslân prate faker Frysk op it wurk as dielnimmers út Súdeast-Fryslân, wylst yn Súdeast-Fryslân it gebrûk just heger leit as yn Ljouwert en yn Súdwest-Fryslân.

Leginda:

\*\*\*  $p < .001$ , \*\*  $p < .01$ , \*  $p < .05$ , .  $p < .10$



**Tabel 86.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per regio en stedskens

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Ljouwert -	Súdeast-Fryslân	-0.5140	0.152	-3.377 (1683)	.0112
Noardeast-Fryslân -	Súdeast-Fryslân	0.7339	0.130	5.630 (1683)	< .0001
Noardwest-Fryslân -	Súdeast-Fryslân	0.4555	0.167	2.722 (1683)	.0984
Súdeast-Fryslân -	Súdwest-Fryslân	-0.5411	0.127	-4.287 (1683)	.0003

Ek de selskeazen taalgroep hat in signifikante ynfloed op it brûken fan it Frysk op de wurkflier. It is net ferrassend dat Frysktaligen folle faker Frysk op it wurk prate as Nederlânsktaligen. Sy jouwe ek oan dat se it Frysk faker brûke as twataligen en sprekkers dy't har mei in oare taalgroep identifisearje. Fierder brûke twataligen

faker Frysk op it wurk as Nederlânsktaligen en sprekkers fan in oare taal. Dy resultaten befêstigje dat de mjitte dêr't ien him/har as Frysktalich yn identifisearret, sterk gearhinget mei it brûken fan it Frysk yn in profesjonele kontekst.

**Tabel 87.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per taalgroep

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Frysk -	Nederlânsk	2.863	0.170	16.839 (1683)	< .0001
Frysk -	Beide	0.805	0.118	6.837 (1683)	< .0001
Frysk -	Oars	2.263	0.276	8.194 (1683)	< .0001
Nederlânsk -	Beide	-2.058	0.136	-15.106 (1683)	< .0001
Beide -	Oars	1.457	0.263	5.549 (1683)	< .0001

**Tabel 88.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per oplieding

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Heech -	Leech	-0.664	0.131	-5.078 (1683)	< .0001
Heech -	Midden	-0.304	0.105	-2.890 (1683)	.0117
Leech -	Midden	0.360	0.117	3.073 (1683)	.0065

It brûken fan it Frysk op de wurkflier ferskilt ek sterk per opliedingsnivo. Heechoplate lju prate minder faak Frysk op it wurk as minsken mei in legere oplieding. Ek brûke heechoplate minsken minder faak Frysk as minsken mei in middelber opliedingsnivo, al is dat ferskil lytser. Dêrfoaroer prate leechoplate lju krekt signifikant faker Frysk op it wurk as minsken mei in gemiddelde oplieding. Dy resultaten suggerearje dat it brûken fan it Frysk yn profesjonele konteksten sterker ferankere is yn groepen mei in leger opliedingsnivo.

Wat de taalfeardigens oanbelanget blike sawol it Frysk ferstean (Tabel 89) as Frysk lêzen (Tabel 90) in rol te spyljen yn it brûken fan it Frysk op de wurkflier. Respondinten dy't oanjouwe it Frysk goed of hiel goed ferstean te kinnen, brûke faker Frysk op it wurk as dejingen dy't it nei eigen sizzen net min en net goed ferstean kinne. Wat it lêzen oanbelanget is it sa dat respondinten dy't it Frysk hielendal net lêze kinne, minder faak Frysk op it wurk prate as dielnimmers dy't it min lêze en dejingen dy't it goed lêze kinne. Respondinten dy't it Frysk net min en net goed lêze kinne, prate ek faker Frysk op it wurk as minsken dy't harren lêsfeardigens as min ynskatte. De algemiene tendins is dat in hegere lêsfeardigens mank giet mei frekwinter gebrûk fan it Frysk op it wurk, hoewol't der gjin signifikante ferskillen mei it heechste lêsfeardigensnivo binne.

**Tabel 89.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per taalfeardigens (ferstean)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Net min / net goed -	Goed	-1.104	0.306	-3.605 (1683)	.0032
Net min / net goed -	Hiel goed	-0.491	0.116	-4.215 (1683)	.0003

**Tabel 90.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per taalfeardigens (lêze)

Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Min	-2.3716	0.669	-3.547 (1683)	.0040
Hielendal net -	Goed	-1.9570	0.669	-2.927 (1683)	.0347
Min -	Net min & net goed	0.5209	0.181	2.885 (1683)	.0396

Yn it gefal fan Frysk op de wurkflier is der ek in korrelaasje mei de skriuwfeardigens. Dêrby

jouwe dielnimmers mei it heechste nivo oan om faker Frysk te brûken as de trije leechste nivo's.

**Tabel 91.** Ferlikingen foar Frysk op it wurk per taalfeardigens (skriuwe)


Ferlikingen		Estimate	Std. Error	t-wearde (df)	p-wearde
Hielendal net -	Hiel goed	-1.2438	0.295	-4.214 (1683)	.0003
Min -	Hiel goed	-0.9441	0.270	-3.494 (1683)	.0049
Net min & net goed -	Hiel goed	-0.8919	0.255	-3.499 (1683)	.0048

As lêste beneame we dat ek de attitudes (status) sterk korrelearje mei hoe faak oft it Frysk praat wurdt op de wurkflier. Dêrby jildt dat de hegere skoares foar attitudes oerienkomme mei mear gebrûk fan it Frysk.

Foar Frysk op de wurkflier sjogge we ferlykbere patroanen as yn it gefal fan it brûken fan it

Frysk mei famylje, freonen/kunde en buorlju. Krekt as by de sosjale konteksten hinget it Frysk op it wurk nammentlik sterk gear mei de **taalachtergrûn**, sawol objektyf (faker foar Frysk T1) as subjektyf (selskeazen taalgroep, dêr't Frysk heger skoart as alle oare groepen). Ek **regio** en **stedskens** spylje in rol: it Frysk wurdt faker op it wurk brûkt yn Noardeast- en

Noardwest-Fryslân, en op it plattelân, ferlykber mei de befiningen by it brûken fan it Frysk yn de sosjale konteksten. Wat **oplieding** oanbelanget sjogge we dat leechoplate respondinten it Frysk faker brûke as heechoplate dielnimmers. Dat slút ek oan by de eardere resultaten dy't sjen lieten dat respondinten mei in lege en middelbere oplieding faker Frysk prate as heechoplate dielnimmers. **Taalfeardigens** hinget ek gear mei de frekwinsje fan it Frysk op it wurk: in hegere feardigens yn it ferstean, lêzen en skriuwen fan it Frysk korrelearret mei frekwinter gebrûk derfan yn profesjonele konteksten. Ta beslút is **taalhâlding** fan belang: in positive attitude foar de status fan it Frysk oer hinget dúdlik gear mei in hegere frekwinsje fan it Frysk op it wurk, konsistent mei de útkomsten foar de sosjale konteksten.



## 6.4 Frysk op tradisjonele en sosjale media

De oanwêzigens fan in taal yn de media is fan grut belang foar de fitaliteit. Yn moderne tiden jildt dat net allinnich foar tradisjonele media lykas krante, radio en telefyzje, mar grif ek foar sosjale media. Sosjale media kinne nammentlik bydrage oan taalbehâld en taalfitaliteit trochdat se firtuele azemromtes biede dêr't sprekkers fan minderheidstalen harren taal frij, sûnder sosjale druk, yn brûke kinne (Belmar Viernes & Glas, 2019; Cunliffe, 2018). Earder ûndersyk lit sjen dat it brûken fan Frysk op sosjale media sterk gearhinget mei taalfeardigens en (positive) taalhâlding, benammen wat solidariteit oanbelanget (Jongbloed-Faber e.o., 2016). Krekt as yn de foargeande taalsurvey hawwe we dêrom fragen taheakke oer it lêsen en skriuwendrach yn it Frysk yn ûnderskate

foarmen fan mediagebrûk. Yn dizze seksje biede we in koart oersjoch fan it selsrapportearre gebrûk fan it Frysk yn sawol tradisjonele as sosjale media (Tabel 92 en 95, respektyflik om dêrnei te sjen nei de prosintuele ferskillen tusken regio's, stedskens en leeftiidskategoryen (Tabel 93 en 94 foar tradisjonele media; Tabel 95 en 96 foar sosjale media).

Omdat der yn it gefal fan mediagebrûk in soad ferskate opsjes binne, hawwe we, krekt as by Klinkenberg e.o. (2018), foar in analyze op basis fan persintaazjes keazen. Yn dizze seksje wurdt it tradisjonele en sosjale mediagebrûk per leeftiid, regio, stedskens en opliedingsnivo behannele. Wol sil der in ûndersykspaper folgje wêryn't we fierder yngeane op de effekten fan de achtergrûnfariabelen op it Fryske lêsen- en skriuwendrach.

It gebrûk fan it Frysk fariearret net hiel sterk per type medium, lykas te sjen is yn Tabel 92. Kranten, nijswebsites, telefyzje en radio litte in mingd byld sjen: in grut part fan de respondinten lêst soms of faak Frysk op dy media, mar it persintaazje dat it altyd docht bliuwt leech. De logyske ynterpretaasje dêrfan is dat der mar in lytse groep minsken is dy't allinnich Omrop Fryslân folget; oare media binne (suver) altyd Nederlânsktalich. Dêrfoar wurde boeken (50,8%), tydskriften (58,5%) en podcasts (68,2%) troch de mearderheid noait yn it Frysk lêzen/beharre.

Yn Tabel 93 is te sjen dat it brûken fan Frysktalige media sterk per regio en tusken stêd en plattelân fariearret. Om romte yn de tabel te besparjen binne de mediafoarmen yn dizze tabel ôfkoarte werjûn: boeken (B), kranten (Kr), tydskriften (TS), nijswebsites (NW), telefyzje (TF), radio (R) en podcasts (Pod). Oer it algemien kieze ynwenners fan it plattelân dúdlik faker foar Frysktalige media, benammen yn it gefal fan radio, telefyzje en nijswebsites. Wat de regio oanbelanget is it oanpart respondinten dat geregeld Frysktalige media brûkt, it heechst yn Noardwest-Fryslân, mei útsjitters by radio (35,0%) en telefyzje (28,9%). Ljouwert en (oare) stedske gebieten bliuwe dúdlik achter, mei de leechste persintaazjes foar frijwol alle mediafoarmen. Der wurdt net faak keazen foar

**Tabel 92.** Frysk lêsgedrach yn de media (yn %)

Media	Noait	Selden	Soms	Faak	Altyd
Boeken	50,8	23,6	20,0	5,3	0,3
Kranten	34,6	21,3	32,2	9,7	2,3
Tydskriften	58,5	23,4	15,6	1,7	0,8
Nijswebsites	26,5	19,9	34,7	16,1	2,8
Telefyzje	15,7	24,5	40,5	17,0	2,3
Radio	23,1	21,6	32,8	17,3	5,2
Podcasts	68,2	19,4	10,8	1,1	0,4

Frysktalige boeken, tydskriften en podcasts. Dat jildt foar alle regio's mei mar in lyts persintaazje frekwinte brûkers. Oer it generaal litte de

útkomsten sjen dat it Frysk yn mediakonsumpsje sterker op it plattelân fertsjintwurdige is en dy wize dan ek op in kleau tusken stêd en plattelân.

mediafoarmen. Heechoplate respondinten kieze it minst faak foar Frysktalige media, mei de leechste persintaazjes foar radio (14,9%), telefyzje (12,3%) en nijswebsites (16,1%). Itselde patroan is te sjen foar boeken en tydskriften. It liket der dus op dat it Frysk as mediataal sterker ferankere is by minsken mei in legere oplieding.

**Tabel 93.** Tradisjonele media per regio en stedskens (% Faak en Altyd)

	B	Kr	TS	NW	TF	R	Pod
<b>Regio</b>							
Ljouwert	4,4	10,3	2,7	15,3	14,9	18,7	1,5
NE-Fryslân	9,6	13,8	3,8	22,3	22,8	23,7	2,6
NW-Fryslân	8,1	15,1	2,6	17,9	28,9	35,0	1,3
Waadeilannen	-	2,9	-	2,1	19,7	19,8	2,7
SE-Fryslân	3,2	9,2	1,2	14,7	15,1	16,7	0,6
SW-Fryslân	5,1	13,4	2,6	20,5	20,2	25,7	1,8
<b>Stedskens</b>							
Stêd	3,6	9,5	1,6	14,5	13,4	17,6	1,3
Plattelân	6,9	13,4	2,9	21,6	23,0	25,5	1,7

**Tabel 94.** Tradisjonele media per opliedingsnivo (% Faak en Altyd)

	B	Kr	TS	NW	TF	R	Pod
Leech	8,8	13,3	3,5	18,8	25,0	31,4	1,0
Midden	4,8	12,5	2,3	20,4	19,3	21,0	1,8
Heech	3,8	9,5	1,4	16,1	12,3	14,9	1,4

Yn Tabel 94 wurdt de gearhing werjûn tusken it brûken fan Frysktalige tradisjonele media en it opliedingsnivo fan de respondinten. Respondinten mei in lege oplieding hawwe faker

in foarkar foar Frysktalige media, benammen yn it gefal fan radio (31,4%) en telefyzje (25,0%). Neigeraden dat it opliedingsnivo omheech giet, sakket de foarkar foar it Frysk foar suver alle

It brûken fan it Frysk op sosjale media fariearret sterk per platfoarm. E-mail wurdt it minst yn it Frysk brûkt, mei 57,0% fan de respondinten dat oanjout it noait te dwaan en mar 0,8% dat it altyd docht. Berjochtetsjinsten, lykas WhatsApp, fertoane in mingder byld: 23,8% brûkt faak Frysk en 3,7% altyd, wylst 39,5% it noait docht. Op Facebook en Instagram wurdt it Frysk wat minder frekwint brûkt, mei in mearderheid dy't oanjout it noait of selden te brûken. X (Twitter) en TikTok wurde it minst faak yn it Frysk brûkt, mei respekttyflik 71,0% fan de brûkers dy't it noait docht. Snapchat springt derút mei relatyf in soad gebrûk fan it Frysk: 19,1% brûkt it faak en 4,7% altyd. Dy resultaten suggerearje dat it Frysk benammen yn ynformele, persoanlike kommunikaasje brûkt wurdt en minder faak yn publike, iepen sosjale media. De beheinde oanwêzigens fan it Frysk yn guon sosjale media kin wize op in foarkar foar it Nederlânsk of Ingelsk yn formele en bredere digitale kommunikaasje.



**Tabel 95.** Frysk taalgebrûk op de sosjale media (yn %)

Sosjale Media	Noait	Selden	Soms	Faak	Altyd
E-mail	57,0	18,3	16,5	7,3	0,8
Berjochtetsjinsten	39,5	13,0	20,1	23,8	3,7
Facebook	48,2	17,3	21,4	11,2	2,0
X (Twitter)	71,0	14,8	9,0	3,6	1,6
Instagram	56,4	16,1	18,4	7,7	1,7
Snapchat	39,1	17,0	20,2	19,1	4,7
TikTok	71,0	15,4	7,1	5,2	1,3

**Tabel 96.** Sosjale media per regio & stedskens (% Faak & Altyd)

	Em	Berj	FB	X	IG	Snap	TT
<b>Regio</b>							
Ljouwert	6,0	17,7	7,4	1,5	2,1	8,5	0,8
NE-Fryslân	12,8	46,8	27,2	10,6	21,1	52,5	20,7
NW-Fryslân	15,4	31,8	18,2	8,7	18,7	20,2	18,0
Waadeilannen	-	-	-	-	-	-	-
SE-Fryslân	4,1	17,9	6,7	3,3	3,2	9,4	-
SW-Fryslân	8,2	29,0	11,1	4,2	7,3	21,1	6,3
<b>Stedskens</b>							
Stêd	3,6	15,8	5,1	1,4	3,8	12,9	1,8
Plattelân	11,2	35,1	18,2	8,1	13,2	29,9	10,2

As de resultaten per regio útsplitst wurde, sjogge we dat it brûken fan it Frysk op sosjale media bot ferskilt tusken gebieten. Dy ferskillen binne werjûn yn Tabel 96, mei de folgjende ôfkoartingen foar de sosjale media: E-mail (Em), berjochtetsjinsten (Berj), Facebook (FB), X

(foarhinne: Twitter) as simpelwei X, Instagram (IG), Snapchat (Snap) en TikTok (TT). Benammen yn Noardeast-Fryslân is it Frysk opfallend oanwêzich op platfoarms as Snapchat (52,5%), Berjochten (46,8%) en Facebook (27,2%). Ek yn Noardwest-Fryslân lizze de persintaazjes relatyf

heech, mei bygelyks 31,8% foar Berjochten en 18,2% foar sawol Facebook as TikTok. Yn stedsgebieten bliuwt it brûken fan it Frysk op sosjale media dúdlik achter. Sa brûkt mar 5,1% fan de respondinten út stedske gebieten frekwint (faak of altyd) Frysk op Facebook. Foar X en TikTok binne de persintaazjes noch leger, nammentlik 1,4% en 1,8% respektiflik. Op it plattelân is it gebrûk fan it Frysk op hast elk platfoarm heger. Dy resultaten litte sjen dat it Frysk as kommunikaasje taal op sosjale media foaral op it plattelân libbet en yn guon regio's, benammen Noardeast-Fryslân, wylst it gebrûk yn mear stedske omjouwingen beheind bliuwt. Uteinlik sjogge we dat it gebrûk fan it Frysk op sosjale media oer it algemien heger is by leech- en middelberoplate minsken as by heechoplate minsken (Tabel 97). Benammen op platfoarms lykas Snapchat (28,3%) en Facebook (15,1%) jouwe middelberoplate minsken it meast oan dat se it Frysk faak of altyd brûke. By heechoplate minsken leit it gebrûk fan it Frysk op hast alle platfoarms leger, benammen op X (1,9%) en TikTok (4,2%). Allinnich by berjochtetsjinsten binne de ferskillen tusken de groepen minder dúdlik. Dy sifers wize derop dat it gebrûk fan it Frysk op sosjale media gearhinget mei it opliedingsnivo, dêr't leech- en middelberoplate minsken de taal faker brûke yn digitale kommunikaasje.

**Tabel 97.** Sosjale media per opliedingsnivo (% Faak en Altyd)

	Em	Berj	FB	X	IG	Snap	TT
Opliedingsnivo							
Leech	9,9	24,7	14,1	3,9	6,1	10,9	-
Midden	7,6	29,4	15,1	7,7	11,9	28,3	8,9
Heech	7,4	26,9	8,1	1,9	5,9	20,2	4,2

Koartsein, yn dizze seksje seagen we dat guon tradisjonele media, lykas radio, telefyzje en krante, relatyf faker yn it Frysk konsumearre wurde as bygelyks boeken of podcasts. Dat mediagebrûk is boppedat dúdlik heger op it Fryske plattelân as yn stedsgebieten. It brûken fan it Frysk op sosjale media fertoant likegoed ferskillen, ôfhinklik fan platfoarm, regio, stedskens en opliedingsnivo. Benammen op ynformele kommunikaasjekanal, sa as berjochttsjinsten en Snapchat, is it Frysk relatyf sichtber, mei hegere gebrûksifers yn lanlike regio's as Noardeast- en Noardwest-Fryslân. Yn stedsgebieten en ûnder minsken mei in hege oplieding wurdt it Frysk dêrfoar minder faak brûkt.

### 6.5 Konklúzje

Yn dit haadstik beseagen we it taalgedrach fan de ynweners fan Fryslân om antwurd te jaan op ûndersyksfragen 5 en 6:

5. Wat binne de selsrapportearre taalgedrachspatroanen fan de ynweners fan Fryslân wat domeinen en sprekkers oangiet?
6. Hokfoar sosjo-demografyske fariabelen (ynkl. behearsking) en kognitive fariabelen (te witten attitudes) korrelearje mei it selsrapportearre gebrûk fan it Frysk?

Wy sjogge hjir, krekt as by Buurke (2025), in reedlik stabile situaasje fan it Frysk as thústaal. Dêr moatte we lykwols by opmerke dat yn dit ûndersyk gebrûk makke is fan in mearkarfraach, dêr't respondinten sawol it Frysk as it Nederlânsk as thústaal by oanjaan koene. Alle húshâldens dêr't Frysk praat wurdt – al of

net njonken in oare taal – wurde as Frysktalich klassifisearre. Dat is yn oerienstimming mei eardere stúdzjes, lykas Pietersen (1969) en Klinkenberg e.o. (2018). Op basis fan dy definysje komt it oanpart Frysktalige húshâldens út op 54% (sjoch haadstik 6.1, Tabel 55). De mooglikheid foar respondinten om mear as ien thústaal te beneamen, liedt der lykwols ta dat it tal húshâldens dêr't it Nederlânsk yn neamd wurdt, relatyf heech is. Dat jout de yndruk dat it oanpart Nederlânsk as thústaal tanommen is, al kinne hjir gjin hurde konklúzjes oer in werklike ferskowing lutsen wurde. Wat dizze sifers foaral beklamje, is de sterk twatalige situaasje yn de provinsje, yn oerienstimming mei de befiningen fan Klinkenberg e.o. (2018).

Ferskate achtergrûnskaaimerken beynfloedzje it brûken fan it Frysk yn ferskate sosjale konteksten, bygelyks **taalachtergrûn**. Respondinten dy't Frysk as earste taal (Frysk T1) leard hawwe, brûke dy taal nammentlik signifikant faker binnen partnerrelaasjes as respondinten sûnder Frysk as memmetaal. By it taalgebrûk mei bern binne dy ferskillen lykwols net signifikant. Dêrneist hinget de selskeazen taalgroep gear mei in hegere frekwinsje fan it Frysk yn kommunikaasje mei partner, bern, freonen en/of kunde, buorlju en op it wurk. In oare fariabele dy't mei it taalgedrach gearhinget, is **leeftiid**. Respondinten âlder as 50 jier brûke it



Frysk faker mei buorlju as jongere respondinten, in patroan dat ek sichtber is by it taalgebrûk mei partner, mar net by bern. **Regio** en **stedskens** spylje ek in rol. Wat regio oenbelanget is it Frysk benammen sterk ferankere yn Noardeast-Fryslân. Op it plattelân wurdt it Frysk faker brûkt as yn 'e stêden, sawol yn sosjale as profesjonele kontekst. Dat befêstiget de sterkere ferankering fan it Frysk yn lanlike gebieten (sjoch ek Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984). Wy sjogge ek

in ferskil yn **oplieding**: leechoplate respondinten brûke it Frysk faker op it wurk as heechoplate dielnimmers. Lykwols, respondinten mei in middelbere oplieding brûke it Frysk faker yn sosjale konteksten. **Taalfeardigens** hinget ek mei taalgedrach gear: respondinten dy't better Frysk ferstean kinne, brûke dy taal faker mei freonen en/of kunde en op it wurk. Wat it meast opfalt is lykwols skriuweardigens. In hegere feardigens yn it skriuwen fan it Frysk hinget

nammentlik gear mei in frekwinter gebrûk fan dy taal yn sosjale en profesjonele konteksten yn it algemien. Ta beslút sjogge we ek in effekt fan **taalhâlding**. Respondinten dy't it Frysk in hegere status takenne brûke it faker mei harren partner, bern en buorlju.

Ta beslút hawwe we yn haadstik 6 in koarte gearfetting jûn fan it brûken fan it Frysk yn tradisjonele en sosjale media. It gebrûk fan it Frysk yn tradisjonele media komt dêrby benammen del op it lêzen fan kranten en nijswebsites, en it beharkjen fan radiofragminten. By sosjale media wurdt it Frysk foaral brûkt foar ynterpersoanlike kommunikaasje en minder foar publike, iepen sosjale media. Dizze earste ferkenning fan it Frysk binnen tradisjonele en sosjale media sil ferfolge wurde mei in ferdjipjend ûndersyk yn in aparte publikaasje.

Yn de haadstikken 4, 5 en 6 hawwe we besocht om antwurden te jaan op alle ûndersyksfragen, te witten de hjoeddeistige steat fan it Frysk oangeande taalfeardigens (haadstik 4), taalhâlding (haadstik 5) en taalgedrach (haadstik 6). Yn it haadstik hjirnei ferfolge we mei in gearfetting, konklúzjes en beliedsoanbefellingen.



## 7. Gearfetting, konklúzjes en oanbefellingen

Dit rapport foarmet in fuortsetting fan eardere mjittingen nei de fitaliteit fan it Frysk, mei as doel ynsicht te krijen yn de aktuele posysje fan de taal binnen de Fryske maatskippij en dêrmei hânfetten te bieden foar effektyf taalbelied. Lykas yn de eardere surveys oer de Fryske taal (Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018) en de fluchhifkingen fan de Provinsje Fryslân (2007; 2011; 2015; 2020), hawwe we sjoen nei de hjoeddeistige steat fan it Frysk op it mêd fan taalachtergrûn, taalbehearsking, taalhâlding en taalgedrach.

It taalfitaliteitsmodel fan Giles e.o. (1977) biedt in ramtwurk om de taalfitaliteit fan it Frysk te analysearjen oan 'e hân fan trije komponinten: de status fan in taal, de demografy en de (mjitte fan) ynstitúsjonele stipe. Dêrby is de status fan in taal ûnder te ferdielen yn taalstatus en taalhâlding. By taalstatus giet it om de offisjele posysje fan in taal en it ekonomyske en sosjale prestiizje derfan, wylst taalhâlding, oftewol attitudes, ferwiist nei opfettingen om de taal hinne. Under demografy falt befolkingsgearstalling fan it taalgebiet, ynklusyf

taalachtergrûn en taalgedrach yn ferskate regio's en (sosjale) konteksten, benammen mei partner en mei bern. Ynstitúsjonele stipe, it tredde ûnderdiel fan it model, is tige wichtich mei it each op legitimiteit en kontinuïteit fan in taal, dêr't offisjele domeinen as ûnderwiis in belangrike posysje yn ynnimme. Regelmjittich ûndersyk nei dy diminsjes is fan grut belang om ûntwikkelingen yn taalgebrûk en -behâld te monitoaren en effektyf taalbelied formulearje te kinnen. Yn neifolging fan Klinkenberg e.o. (2018) rjochtet dit ûndersyk him op inkelde aspekten binnen it fitaliteitsmodel: de selsrapportearre taalfeardigens yn it Frysk (demografy), taalhâlding foar de Fryske taal oer op it gebiet fan status en solidariteit (status) en it taalgebrûk en -gedrach yn ûnderskate sosjale konteksten (demografy). Dit rapport slút by it fitaliteitsmodel model oan troch yn trije kearnhaadstikken – taalbehearsking (haadstik 4), taalhâlding (te witten status en solidariteit fan it Frysk: haadstik 5) en taalgedrach (oftewol it brûken fan it Frysk thús, yn it deistich libben, en op de wurkflier: haadstik 6) – elk fan dy aspekten systematysk te ûndersykjen en te sjen yn hoefier't sosjaal-demografyske faktoaren, lykas leeftiid, oplieding

en regio, dêrmei gearhingje. Om dy aspekten yn kaart te bringen, waard in wiidweidige fragelist ûntwikkele, basearre op eardere taalsurveys en ûndersyk nei minderheidstalen yn Fryslân en yn ferlykbere meartalige konteksten (sjoch ek haadstik 2 foar de ûndersyksfragen en opset). Dizze survey is yn gearwurking mei Planbureau Fryslân (PF) útset ûnder 3684 respondinten, ferspraat oer hiel Fryslân. De data binne weage om sa represintatyf mooglik te wêzen (sjoch seksje 2.2.3).

De resultaten fan dy fragelist foarmen de basis foar de analyzes en befiningen yn dit rapport. Yn de folgjende seksjes wurde de wichtichste konklúzjes út dit ûndersyk gearfette en besprutsen, mei omtinken foar de ymplikaasjes foar it Fryske taalbelied en mooglike oanbefellingen foar takomstich belied. As earste sjogge we yn seksje 7.1 nei de befiningen oangeande taalbehearsking; dêrnei yn 7.2 nei de resultaten op it mêd fan attitudes en yn 7.3 nei it taalgebrûk en -gedrach. Ta beslút wurde de beliedsoanbefellingen besprutsen yn seksje 7.4.

## 7.1 Taalbehearsking

Yn haadstik 4 hawwe we sjoen nei de selsrapportearre taalbehearsking fan it Frysk, nammentlik hoe goed oft de respondinten oanjouwe dat se it Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe kinne. Wy ferliken de algemiene resultaten foar de fjouwer feardichheden mei de útkomsten fan de foarige taalsosjologyske surveys yn Fryslân (1969 - 2018) om dêrnei nei in tal faktoaren te sjen dy't ynfloed op taalbehearsking hawwe kinne: de taal dêr't de respondinten mei opgroeiden (Frysk as earste taal of net), regio en stedskens, leeftiid, taalgroep (dêr't ien him/har mei identifisearret), oplieding en (frekwinsje fan) it Frysk ûnderwiis op skoalle.

De útkomsten fan de ferliking mei de foarige taalsurveys suggerearje dat de behearsking fan it Frysk noch altyd stabyl is. Mei de ferskillen dy't fariearje tusken 1% en 5%, lykje de resultaten fan de foarlizzende taalsurvey op de resultaten fan de foargeande edysje (Klinkenberg e.o., 2018). Krekt as yn 2018 waard by de ferliking sjoen nei it persintaazje respondinten dat syn taalfeardigens as goed of hiel goed ynskatten (de twa heechste nivo's). Neffens de foarlizzende taalsurvey (2025) is dat **90%** foar Frysk ferstean, **64%** foar Frysk praten, **61%** Frysk lêzen en **19%** Frysk skriuwen.

Ferskate achtergrûnskaaimerken kinne ynfloed op taalbehearsking hawwe. De resultaten fan de analyzes wize derop dat hegere taalfeardigensskoares konsistint gearhingje mei in tal fariabelen, te witten Frysk as earste taal, selskeazen taalgroep (Frysk of twa talen: Frysk en Nederlânsk), froulik geslacht, hegere leeftiid, wenjen op it plattelân, in heger opliedingsnivo en in hegere frekwinsje fan it Frysk op skoalle. Yn it gefal fan lêse- en skriuwfeardigens is der ek in signifikant ferskil tusken de regio's. De ynwenners fan Súdeast- en Súdwest-Fryslân kinne nammentlik (nei eigen sizzen) minder goed Frysk lêze en skriuwe ferlike mei respondinten dy't yn oare regio's fan Fryslân wenje.

## 7.2 Attitudes

Attitudes foar it Frysk oer binne it sintrale ûnderwerp fan haadstik 5. De 8 fragen dy't dêroer gean, binne yndield yn twa diminsjes: solidariteit en status. Ut de analyse docht bliken dat der grutte ferskillen tusken de twa diminsjes binne. Wylst de respondinten in hege wearde oan it Frysk hechtsje yn it gefal fan solidariteit, is dat foar status hiel oars. It Frysk skoart heech op solidariteit: it gemiddelde persintaazje positive mieningen is **63.7%** (opsjes 'lens' en 'Hielendal iens'). It persintaazje respondinten dat dêr oars oer tinkt, is **12.9%** (opsjes 'Uniens' en 'Hielendal ûniens'), wylst **23,4%** dêr gjin miening oer hat

(opsjes 'Net iens en net ûniens' en 'Wit ik net'). By statusrelatearre saken wurdt it belang fan it Frysk folle leger ynskat, mei mar **23,5%** positive mieningen ('lens' en 'Hielendal iens'). Dat betsjut oars net dat de measten dêr negatyf oer tinke. De measte respondinten witte nammentlik net goed oft it (behearskjen fan it) Frysk, neist de sosjale foardielen, ek karriêremooglikheden fergrutsje kin. De gemiddelde skoare foar 'Net iens en net ûniens' en 'Wit ik net' oangeande de statusdiminsje is nammentlik **40,9%**. Der binne oars ek in soad respondinten dy't net leauwe yn it belang fan it Frysk foar statusrelatearre saken: **35.6%** foar 'Uniens' en 'Hielendal ûniens'. Fansels binne der ferskillen tusken de fragen, mar oer it generaal kinne we dus sizze dat de respondinten posityf oer it Frysk binne as it oankomt op solidariteit, wylst it belang fan it Frysk yn it gefal fan status twivels opropt. Belied en bewustwurding moatte dus foaral dêrop ynspylje.

Krekt as yn it gefal fan taalfeardigens spylje achtergrûnfaktoaren in signifikante rol by taalattitudes. In bysûndere útkomst is dat Frysk as earste taal gjin foarsizzer is fan (de hichte fan) de attitudeskoares. Wat wol meispilet is de selskeazen taalgroep: respondinten dy't harsels as Frysktalich oantsjutte, hawwe dúdlik positivere attitudes foar it Frysk oer as dejingen

dy't harsels ta de Nederlânsktalige groep rekkenje. Ek geslacht spilet in rol: hoewol't froulju in hegere taalfeardigens rapportearje, hawwe manlju yn trochsneed wat positivere attitudes. Fierder blykt leeftiid relevant te wêzen: respondinten ûnder de 50 binne positiver op de diminsje solidariteit, wylst de âldste groep (65+) wat positiver is as de respondinten tusken 50 en 64 jier wat de status oanbelanget. Der binne ek ferskillen tusken de regio's: ynwenners fan Noardeast- en Súdeast-Fryslân binne oer it algemien positiver as bygelyks ynwenners fan Ljouwert. Wat opliedingsnivo oanbelanget sjogge we dat respondinten mei in middelbere oplieding positivere attitudes foar it Frysk oer hawwe as respondinten mei in lege oplieding.

Taalfeardigens blykt ta beslút in kompleks ferbân te hawwen mei hâlding: respondinten dy't oanjouwe it Frysk hielendal net ferstean of prate te kinnen, kenne it Frysk krekt in hegere status ta as dejingen dy't it Frysk net min en net goed of goed behearskje. Dat patroan jildt ek foar de diminsje solidariteit: ek dêr docht bliken dat respondinten sûnder Fryske taalfeardigens it Frysk krekt heger wurdearje. Taalhâlding liket dêrmei minder rjochte op feitlik taalgebrûk, mar sterker ferbûn mei de symboalyske wearden en identiteitsbetsjutting dy't men oan it Frysk hechtet.

### 7.3 Taalgedrach

It sintrale ûnderwerp fan haadstik 6 wie it taalgebrûk en -gedrach fan dielnimmers, ferdield oer fjouwer ûnderskate domeinen: talen thús, Frysk yn it deistich libben, taalgebrûk op it wurk en op skoalle en (in koart oersjoch fan) it Frysk lê- en skriuwigedrach. De befiningen yn dit haadstik falle ûnder de kategory demografy yn it fitaliteitsmodel fan Giles e.o. (1977).

Lykas eardere taalsurveys (cf. Pietersen, 1969; Gorter e.o., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg e.o., 2018), litte we op 'e nij sjen dat it Frysk in soad thús brûkt wurdt. Frysktalige respondinten prate thús prinsipiël Frysk, benammen mei harren bern (47.6%) en wat minder faak mei harren partner (44.1%). De resultaten litte ek sjen dat in grut part fan de bern Frysk aktyf werompraat, al kin dat sterk fariearje. Goed in tredde (38,0%) praat altyd Frysk werom, wylst 32,9% dat noait docht. It brûken fan it Frysk yn de sosjale omjouwing fariearret per kontekst. Mei buorlju praat 50,8% fan de respondinten faak of altyd Frysk, wylst 27,5% dat noait docht. Dat tsjut derop dat it taalgebrûk yn de wenomjouwing sterk ôfhinget fan de buert en de taalachtergrûn fan de bewenners. Yn petearen mei freonen en kunde wurdt Frysk wat faker brûkt: 58,3% praat faak of altyd Frysk, wylst 21,0% dat noait docht.

Dat suggerearret dat Frysk in wichtige rol spilet yn ynformele sosjale netwurken en dat taalkar by freonen minder beynfloede wurdt troch eksterne faktoaren lykas de wenomjouwing.

It brûken fan it Frysk yn sosjale en profesjonele konteksten hinget gear mei ferskate achtergrûnskaaimerken. De befiningen yn haadstik 6 litte sjen dat it frekwinte gebrûk fan it Frysk gearhinget mei Frysk as earste taal en Frysk as selskeazen taalgroep, leeftiid (respondinten boppe de 50 brûke it Frysk faker mei partner en buorlju as jongere dielnimmers), regio en stedskens (mei in sterkere oanwêzigens fan it Frysk yn Noardeast-Fryslân en op it plattelân), en mei it opliedingsnivo (leechoplate respondinten brûke it Frysk faker op it wurk, wylst respondinten mei in middelbere oplieding it krekt faker yn sosjale konteksten brûke). De útkomsten litte fierder sjen dat in hegere lê- en skriuwfeardigens yn it Frysk mank giet mei frekwinter gebrûk fan dy taal, benammen yn kommunikaasje mei buorlju en op it wurk. Ta beslút blykt taalhôlding in rol te spyljen. Respondinten dy't it Frysk in hegere status takenne, brûke de taal nammentlik faker op it wurk, mar ek mei harren partner, bern en buorlju.

## 7.4 Beliedsoanbefellingen

Op basis fan it ûndersyk nei taalbehearsking, taalhâlding en taalgebrûk/-gedrach oangeande it Frysk, wurde de ûndersteande beliedsadvizen formulearre. Dy oanbefellingen biede hânfetten foar in gearhingjend taalbelied dat him rjochtet op it fersterkjen fan de posysje en fitaliteit fan it Frysk, sawol binnen húshâldingen en it ûnderwiis as yn it publike domein, oerheden en profesjonele konteksten.

**Fersterkje lêsfeardigens Frysk ûnder jongerein troch praktykrjochte inisjativen en oanfoljend ûndersyk.** Jongere generaasjes beoardielje harsels signifikant leger op lêsfeardigens. Yn stee fan allinnich te fokusjen op mear lêstiid of it brûken fan Fryske lesmaterialen, is it oan te rieden om yn te setten op mear ferbining tusken belied en praktyk. Inisjativen as *Lês No* litte sjen dat aksjes dy't op 'e praktyk rjochte binne, jongerein aktivearje en motivearje kinne. Oanfoljend praktykûndersyk nei de effektiviteit fan sokke programma's, yn kombinaasje mei eigentiidske en oantreklike Fryske content, kin in duorsumere bydrage leverje oan it fersterkjen fan lêsfeardigens yn it Frysk.

**Ynvestearje yn Frysk skriuwûnderwiis.** Hoewol't de lêsfeardigens yn it Frysk liket ta te

nimmen, bliuwt de skriuwfeardigens achter. Dêrom is it oan te rieden om ek binnen it fuortset ûnderwiis (benammen boppebou en eksamenklassen, en it heger beropsûnderwiis) doelbewust omtinken te jaan oan Frysk skriuwen fia konkreet útwurke skriuwprojekten en yntegrearre skriuwûnderwiisprogramma's dy't oanslute by de belibblingswrâld fan jongerein en begjinnende skriuwers.

**Fersterkje sichtberens Frysk yn profesjonele, akademyske en stedske konteksten.** Op basis fan de útkomsten dat it Frysk benammen sterk op de solidariteitsdiminsje beoardiele wurdt, mar swakker op de statusdiminsje soe de oanbefelling wêze om benammen dêrop yn te setten. Om it brûken fan it Frysk te stimulearjen, is it dêrom wichtich om de taal sichtberder en fanselssprekkender te meitsjen yn domeinen dêr't de statusdiminsje swier weaget – lykas it heger ûnderwiis, de wurkflier en de stedsomjouwing. Tink oan Frysktalige eveneminten, publikaasjes en kommunikaasjefoarmen dy't de taal fanselssprekkend ûnderdiel meitsje fan it deistich funksjonearjen yn heger oplate fermiddens. Tagelyk bliuwt it gebrûk fan it Frysk yn stêden achter, wylst de attitudes foar de taal oer relatyf posityf binne. Ynvestearringen yn sichtberens (lykas de resinte ynvestearring

yn Frysktalige ferkearsbuorden), kulturele uteringen (lykas konserten, literatuer, keunst) en gemeentlike kommunikaasje kinne de positive hâlding fersterkje. Ek it kreëarjen fan romten wêryn't it Frysk op in fanselssprekkende en tagonklike wize ûnderdiel fan de publike romte útmakket, draacht by oan de normalisearring fan it taalgebrûk. Foaral ûnder jongerein is sprake fan in groeiende solidariteit mei it Frysk – belied soe mei klam op dat gefoel ynspylje moatte.

**Set it besteande belied oangeande Frysktalich grutbringen troch en fersterkje wêr mooglik.** It hjoeddeiske belied om âlden aktyf te stypjen en te ynformearjen moat fuortset wurde. Dy stipe is al sichtber yn it hjoeddeiske belied, mei doelrjochte stipe fan âlden (bygelyks troch it Taalkado). De ynspanningen binne weardefol en slute oan by it brede besef dat it trochjaan fan it Frysk oan de folgjende generaasjes wichtich is foar de taalfitaliteit. Tink by dy fuortsetting oan it útwreidzjen fan besteande gearwurking mei konsultaasjeburo's en berne-opfangynstellingen, it ûntwikkeljen fan tagonklike materialen yn it Frysk en it struktureel ferankerjen fan taalkarpetearen yn it kontakt mei jonge âlden.

**Fersterkje de posysje fan it Frysk binnen oerheden.** Oerheidsynstellingen kinne bydrage

oan de status en it maatskiplik oansjen fan it Frysk troch bewust in Frysktalige útstrieling oan te nimmen. Dat kin troch it Frysk faker yn kommunikaasje en tsjinstferliening te brûken, mar ek troch it taatgebrûk yntern te stimulearjen. Oerheidsynstellingen kinne konkrete doelen stelle om it Frysk standert ta te passen yn harren kommunikaasje, bygelyks troch twatalige websites, formulieren en offisjele dokuminten te ymplementearjen. It doel fan dat sichtber oerheidsgebrûk fan de Fryske taal is om it gefoel fan erkenning ûnder boargers te fersterkjen en dêrmei in positive ynfloed út te oefenjen op taalattitudes en -gedrach.

**Untwikkelje belied dat ynspilet op taalidentiteit.** Ut dit ûndersyk docht bliken dat de selskeazen taalgroep sterk korrelearret mei taatgebrûk. Taalbelied moat dêrom romte biede foar identifikaasje mei it Frysk, ek by nijkommers, húshâldingen dêr't mear as ien taal brûkt wurdt, of twadde-taalsprekkers. Troch it Frysk net allinnich as memmetaal mar as kultuertaal te posisjonearjen, wurdt de ynstap breder en ynklusiver.



# 8. De takomst

## 8.1 Monitoaren Planbureau Fryslân

Yn dit ûndersyk is nau gearwurke mei kollega's fan Planbureau Fryslân. Planbureau Fryslân bestiet sûnt 2015, earder ûnder de namme Fries Sociaal Planbureau. By Planbureau Fryslân wurdt ûnôfhinklik ûndersyk dien nei aktuele beliedsfraachstikken yn de provinsje Fryslân. Harren misje is dan ek om it belied en de bestjoerskrêft fan Fryslân te fersterkjen en by te dragen oan it maatskiplik debat oer de takomst fan Fryslân. Ien fan harren kearnaktiviteiten is dat Planbureau Fryslân ferskate monitoaren byhâldt oer tema's dy't wichtich binne foar de Fryske mienskip en de provinsje Fryslân as gehiel. Der binne op it stuit 13 monitoaren, te witten: sûnens, berikberens, ynkommen, befolking, feiligens, regionale brede wolfeart, ûnderwiis, wurk, wenjen, wolwêzen, frije tiid, natuer en lânskip, en sosjale gearhing.

Dy monitoaren jouwe op tagonklike wize in sa aktueel mooglik byld fan Fryslân en syn ynwenners yn sifers dy't û.o. fia de sifers fan it CBS (Centraal Bureau voor de Statistiek) en it eigen Panel Fryslân sammele wurde. It giet dêrby om sawol kearnsifers as de belibbing

fan de ynwenners sels. Per tema wurde yndikatoaren fêststeld dy't om de likernôch twa jier binnen Panel Fryslân útfrege wurde. Omdat de monitoaren in werheljend karakter hawwe, jouwe se ynsjoch en biede se ferliking oer regio's en gemeenten oer meardere jierren.

## 8.2 Taalmonitor

Binnen it ympulsprojekt "Taalsurvey" is oer en wer ferkend oft en hoe't de Fryske Akademy en Planbureau Fryslân en ek oare maatskiplike partners út it Fryske taalnetwurk wei, lykas de Afûk, yn de takomst gearwurkje kinne binnen in nije monitor, in Taalmonitor.

Fia fêste yndikatoaren dy't û.o. binnen de pilot fan dit ympulsprojekt identifisearre wurde, sil fan no ôf alle twa oant fjouwer jier ynformaasje ophelle wurde oer taalhâlding en taalgedrach. Taalbelied en feroaring fan taalbelied hat nammentlik ynearsten ynfloed op dy beide eleminten. Troch feroaringen yn taalhâlding en -gedrach feroaret úteinlik taalbehearsking, al bart dat folle stadiger. Dêrom is it better om dy beide eleminten oer in langere perioade út te freegjen. Twa oant fjouwer jier is nammentlik in te koart

tiidsbestek om feroaringen te identifisearjen binnen taalbehearsking.

Yn oerlis mei maatskiplike partners, lykas de Afûk, wurde oanfoljende yndikatoaren oanwiisd dy't ek yn de Taalmonitor oan bod komme kinne. Besocht wurdt om safolle mooglik by de aktualiteit oan te sluten. Data dy't foar de Taalmonitor sammele wurde, sille benammen mei beskriuwend statystyk en byhearrende analyzes op in tagonklike manier publisearre wurde. Foardiel is dat in rapport al rillegau nei it sammeljen fan de data publisearre wurde kin. De earste Taalmonitor, basearre op de data dy't binnen dit ympulsprojekt sammele binne, sil tagelyk mei dit ûndersyksrapport útkomme. De earstfolgjende útfraach foar de Taalmonitor hat ein 2025 plak.

## 8.3 Grutskalige taalsurvey fia Panel Fryslân

Neist de taalmonitor wurdt elke acht jier in grutskalige taalsurvey útfierd yn gearwurking mei Planbureau Fryslân. Dat tiidsbestek liket lang genôch om betsjuttingsfolle feroaringen yn taalbehearsking en -gebrûk oanwize te kinnen.

Der wurdt by takomstige grutskalige taalsurveys safolle mooglik fêsthouden oan de fragen út de eardere edysjes fan de Fryske taalsurvey om útspraken oer de tiid hinne dwaan te kinnen, mar fansels wurde wêr't dat nedich is wol oanpassingen dien om de fragelist by de tiid te hâlden. Tink dêrby oan nije domeinen dêr't it Frysk yn brûkt wurdt of ûntwikkelingen yn de Fryske mienskip, en ek oan ynternasjonale wittenskiplike ûntwikkelingen binnen taalsurvey-ûndersyk. De data út dy grutskalige taalsurveys sille yngeand analysearre wurde mei djipgeande statistyske modellen lykas brûkt yn dit ympulsprojekt.



# Notes

---